

Jierferslach 2016



Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• Dit wie it jier 2016		4
• Ferslach algemien		
- oantekens foarjiersgearkomste KF Easterein 23 maart 2016		5
- oantekens neijiersgearkomste KF Easterein 16 novimber 2016		13
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Op nei it keatsjier 2017, wêrby we 2016 wer efter ús litte	Technyske kommisje	19
* <i>It Wallball-libben fan Roelie & Corrie</i>	Roelie en Corrie Kroondijk	20
* <i>Keatser fan it jier</i>	Redmer Wiersma	21
- Foar de lêste kear...	Fjilden- en materialekommisje	22
- Mei syn allen wer in boppeslach makke!	Wedstriidkommisje	22
- Fan'e PR-kommisje...	PR-kommisje	23
- In pear feroarings by de jongerein	Jongereinkommisje	24
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	26
* <i>Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach fan 2016</i>		28
* <i>Eksploitaasjerekken 2016</i>		30
* <i>Ferklearring kaskommisje 2016</i>		30
* <i>Taljochting op de eksploitaasjerekken 2016</i>		31
- 3e kear keatskamp yn Easterein, tema 2016: FINZENIS	Keatskampkommisje	32
• 12e Jong-Feintepartij		34
- Klasseminten Jong-Feinte		38
• Wedstriidferslaggen		39
- Ledewedstriden		39
- Wedstriden federaasje		46
- Wedstriden KNKB		47
- Bysûndere aktiviteiten		48
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule		49
- Nederlânske kampioenskippen		51
- KNKB Klasseminten		53
• Keatsmominten út 2016		54

Kolofon

Foto omslach: De yntroduksje fan'e nije KF Easterein maskotte: Rikkert de Kikkert!

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Wilma Sjaarda, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Anke Marije Pompstra en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes

Haad bestjoer

Dirk-Yde Sjaarda
Mattie Dijkstra
Wilma Sjaarda
René Rijpma
Danny Roos
Marten Faber
Christian Hoekstra
Faktuere

Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein
Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein
Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein
't Kleaster 8, 8734 HB Easterein
Stittenserleane 21, 8734 HC Easterein
Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein
Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein

06-54385633
06-48715808
0515-851878
06-30918435
06-36036611
06-24816080
06-12740783

Foarsitter
Fise-Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Jongerein saken
Technyske saken
Fjilden en materialen
Databasear

Jongerein kommisje

Danny Roos
Hans Kooistra
Joke Wiersma
Annette Kroondijk
Liesbeth Bootsma
Klaas Sixma
Fetsje Terpstra

Stittenserleane 21, 8734 HC Easterein
Hofsleane 9, 8734 HM Easterein
Smidslân 7, 8734 HJ Easterein
Koaifinne 3, 8734 HK Easterein
Populiereleane 3, 8734 HS Easterein
It Risplân 4, 8734 HT Easterein
Hofsleane 8, 8734 HN Easterein

06-36036611
06-83591959
0515-332784
0515-332112
0515-331358
0515-332963
0515-331874

Foarsitter
Skriuwer
Kontakt teamlieders
Kompetytsje saken
Alg./Fasilitaire saken
Alg./Fasilitaire saken
Opjefte jongerein

Technyske kommisje

Marten Faber
Judy Bergsma
Bauke Dijkstra
Jelte de Boer
Marije Hiemstra
Robert Sijbesma
Fakatuere
Partoerbegelieders jongerein en senioaren

Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein
Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein
Griene Leane 17, 8734 GP Easterein
Skilplein 3, 8734 GW Easterein
Vrijburg 18, 8734 GK Easterein
Eeskwert 29, 8734 HA Easterein

06-24816080
06-11070135
06-44057088
06-55177033
06-30151578
06-18319873

Foarsitter
Skriuwer/TK koördinator
Trainers koördinator
TK koördinator
TK koördinator
TK koördinator
TK lid manlju senioaren



PR kommissje	Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Foarsitter
	Jetske Sieperda	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-51951466	Skriuwer
	Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM Easterein	0515-332973	Foarmjouwing
	Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein	0515-532609	Kleanbelied
	Anke Marije Pompstra	Skries 35, 8731 DG Wommels	0515-857300	Redaksjelid
	Greet Jorritsma	Fabrykswei 9, 8734 HV Easterein	0515-331900	Redaksjelid
Finansjele- en stipe kommissje	Tjeerd Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Foarsitter
	Klaas Pompstra	De Singel 14, 8734 HR Easterein	0515-331789	Skriuwer/stipe-adm.
	René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB Easterein	06-30918435	Kontakt HB
	Tymen Dijkstra	Skrok 8, 8734 HG Easterein	0515-333030	Stiperskontakt
	Anco Elgersma	Roordastrjitte 6, 8771 RV Nijlân	0515-851324	Stiperskontakt
	Hendrik Okkema	It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-332223	Stiperskontakt
Wedstriid kommissje	Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Foarsitter
	Anny Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	0515-331536	Skriuwer
	Tjerk Politiek	Stittenserleane 19, 8734 HC Easterein	06-46080290	Wedstriidsekretariaat
	Wiepkje Hiemstra	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	0515-333880	Opjeffe
	Jelle de Boer	Skrok 11, 8734 HG Easterein	0515-331302	Wedstriidsaken
Fjilden- en materiale kommissje	Christian Hoekstra	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-20168708	Foarsitter
	Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Fjilden jongerein
Web redaksje	Klaas Pompstra	De Singel 14, 8734 HR Easterein	0515-331789	Webmaster
	Anke Marije Pompstra	Skries 35, 8731 DG Wommels	0515-857300	Redaksjelid
Keatskamp kommissje	Imke van der Leest	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein	06-49942283	
	Marije Hiemstra	Vrijburg 18, 8734 GK Easterein	06-30151578	
	Bauke Dijkstra	Griene Leane 17, 8734 GP Easterein	06-44057088	
	Sieta Tessemaker	De Ljits 10, 8734 HL Easterein	06-20122296	

Dit wie it jier 2016

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein oer it jier 2016. Mei dit prachtige boekwurk hoopje wy jim wer in moai oersjoch te jaan mei alles wat der ôfrûne jier bard is mei keatsend Easterein.

As we sa werom sjogge hat 2016 wer in moai en slagge keatsseizoen west. Sa waarden Corrie en Roelie Kroondijk respektivelik 1e en 2e op it NK One Wall by de jeugd oant en mei 13 jier. Der waarden prizen pakt op de NK senioaren manlju (4e priis) en froulju (3e priis). By de froulju wie dat sels in primeur, want noch nea earder yn ús bestean foelen we dêr yn de prizen. Dan waard der ek noch in prachtige 2e priis wûn by de NK pupillen jonges yn Wommels. Fierders wûn Jan Schurer in moaie 3e priis op de manlju's PC en wie Bauke Dijkstra winner fan it jierklassemint by de manlju 1e klasse.

En net te ferjitten alle prizen dy't wûn binne troch Easteiner manlju by 50+. In kategory mei sa stadichoan de measte KNKB-keatsers fan ús keatsferiening. Sy besoargje ús technyske kommisje de nedige 'hoofdbrekens' as it giet om it selektearjen fan de ôfdielingspartoeren, mar dat is fansels in lúkseprobleem.

De 12e edysje fan de Jong-Feintepartij waard ek wer in tige slagge dei. De 'Sulveren Leest' wie in proai foar Seisbierrum-Pitersbierrum. Yn de finale waard it partoer fan Jelsum-Koarnjum-Britsum ferslein.

Wy binne tige wiis dat wy jim wer sa'n moai neislachwurk oanbiede meie. Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jim in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje jim ek kommand seizoen wer op de keatsfjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda,

Foarsitter Keatsferiening Easterein

Keatskamp 2016!!



Oantekens foarjersgearthomste KF Easterein 23 maart 2016

Oanwêzich: Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Marten Faber, Wilma Sjaarda, Hans Kooistra, Christian Hoekstra en 34 leden

Ôfwêzich mei berjocht: Jan Hiemstra, Harm Auke Dijkstra, Vera de Vries, Ype Tiemersma, Abe Jan Stegenga, Liesbeth Bootsma, Tineke Dijkstra, Carin Ypma, Fetsje Terpstra, Hendrik Okkema, Elske van der Meulen, Anny Sjaarda, Martine Tiemersma, Tymen Dijkstra, Anke Marije Pompstra, Sietske Okkema, Klaas Pompstra

Wurklist

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijersgearthomste op 11 novimber 2015
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2015
 - begrutting 2016
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2015
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Oftredend: Hans Kooistra, jongereinkommisje
 - Foardracht: Danny Roos
 - Tuskentiids ôftredend: Elske van der Meulen, databehear
 - Foardracht: fakatuere
 - Foardracht fakatuere ponghâlder: René Rijpma
9. Stikken KNKB gearthomste op 31 maart 2016
10. Punten fanút it bestjoer, ûnder oare:
 - meidielings fanút de foarjersgearthomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatuere: stân fan saken
 - beliedsplan
11. Wedstriidaginda 2016
12. Huldiging 2e priiswinners Jong-Feintepartij 2015
13. Omfreegjen
14. Sluting

1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet om 20.10 oere de gearthomste:
"Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús foarjersgearthomste binne. In spesjaal wolkom foar ús eareleden: Hans Kooistra, Tjeerd Dijkstra. Ek in spesjaal wolkom foar Wilco Overal en Marlous van Tuinen fan de Skoalleseize en Gerrit Bergsma fan GEKE, de Griene Energij Koöperaasje Easterein. Sy sille letter dizze gearthomste efkes oan it wurd komme. Us ôfskiednimmend haadbestjoerslid, Elske van der Meulen, is fannejûn spiti-

gernôch ôfwêzich yn ferbân mei har op it ein rinnende swangerskip".

Nei dizze wurden neamt Dirk-Yde de ôfmeldings op en ferfolget syn foarwurd: "We steane alwer oan it begjin fan in nij keatsseizoen. In seizoen wat ús hooplik wer in soad keatswille opleverje sil. Wy binne as bestjoer alwer drok dwaande mei de tariedings en sjogge mei in protte nocht foarút op it seizoen. Ynkoarten geane de keatstrainingen wer fan start en begjin macaie sille we alwer foar de tredde kear it keatskamp organisearje. De keatskampkommisje is ferline wike op de legere skoalle west om de ôftraap te jaan. Sy binne alwer in skoff dwaande om der ek dizze kear wer in grut feest fan te meitsjen. Letter mear hjir, want Marije en Imke binne hjir om der mear oer te fertellen.

It giet dus hast wer oan mei it nije seizoen! Wy ha as haadbestjoer wer ús bêst dien om in oantreklik keatsprogramma gear te stallen. Benammen de ledewedstriden ha yn it winterskoff ús oandacht hân. Wy sjogge in weromrin yn dielname en binne sadwaande fan doel om dizze wedstriden fan nije ympulzen te foarsjen. Letter yn dizze gearthomste sille wy jim de wedstriidaginda fan dit jier sjen litte. Mar wy stean iepen foar nije ideeën, dus mochten jim suggestjes hawwe, lit it ús dan witte.

Wêr't wy op dit stuit ek drok mei dwaande binne is de opset fan ús webside en it gearstallen fan in redaksje om de side fan nijsberjochten te foarsjen. Wy konstatare dat de side op dit stuit noch te min besocht wurdt en noch te min brûkt wurdt troch it bestjoer en de ferskate kommisjes. Yn de hjoeddeiske wrâld fan digitaal wurkjen moatte en wolle we op syk nei mooglikheden hoe oft de webside ús as keatsferiening ûndersteune kin. In goed foarbyld dêrfan binne de digitale opjefteformulieren foar de trainingen dy't in pear wiken lyn online kaam binne. Dêrneist is der sûnt koarten in eveneminten-aginda op de thússide pleatst en sille we letter dit jier starte mei in digitale nijsbrief.

Foar in sit yn ús webredaksje binne der yntusken in oantal minsken benadere, mar mochten jim no earen ha om in sit te nimmen yn dizze redaksje, dan heare we dat fansels graach. No ha ik earst genôch sein en sille we los mei de gearthomste. Ik wol eltsenien in noflikke gearthomste tawinskje." Applaus folget nei Dirk-Yde syn foarwurd.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Der komme inkele punten by by punt 10; 'punten fanút bestjoer'.

Ynkommen stikken:

- Der bin gjin ynkommen stikken foar dizze gearthomste.

3. Ferslach fan de neijersgearkomste fan 11 novimber 2015

- Elts lid hat de oantekens fan de neijersgearkomste al ta-stjoerd krigen. Dirk-Yde freget de oanwêzigen off hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne → gjin fragen. Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

4. Finansjeel ferslach

- Dirk-Yde jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2015 en nimt de begrutting fan 2016 troch. "Klaas Pompstra koe der jûn spitigernôch net bywêze troch fakânsjeprikelen, dus fandêr dat ik mei jim de finânsjes efkes trochnimme sil. Ofrûne jier ha wy it dwaan moatten sûnder ponghâlder yn it bestjoer. Gelokkich ha we Klaas ree fûn om ús út de brân te helpen hy hat de boekhâlding dien en ik ha de deistige betellingen foar myn rekken naam. Ik hoopje dat hjir letter yn de gearkomste feroaring yn komt en dat we in nije ponghâlder yn ús bestjoer begroetsje meie."

Rekken 2015

Opbringsten	Begrutting 2015	Rekken 2015	Rekken 2014
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.600	2.125	2.267
Sponsorjilden	12.975	12.239	13.990
Kontribúsje en trainingsjilden	10.600	10.073	9.942
Aksjes	5.850	5.393	4.877
Subsydzje Gemeente	900	589	854
Subsydzjes en bydragen	0	130	7.530
Ferskate opbringsten	1.750	5.017	2.659
Totaal opbringsten	34.675	35.566	42.118
Utjeften	Begrutting 2015	Rekken 2015	Rekken 2014
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	9.056	8.661	11.452
Kosten wedstriden	2.805	2.596	4.446
Ferieningskosten	7.769	10.179	11.043
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.140	2.414	2.769
KNKB en Federaasje	4.695	4.683	4.825
Aksjes	2.300	1.984	1.793
Materiaal	5.910	5.359	4.948
Totaal uitgaven	34.675	35.876	41.276
Resultaat	0	-310	842

Organisaasje 2015


Opbringsten	Begrutting 2015	Rekken 2015	Rekken 2014
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	0	0	0
Sponsorjilden	3.575	3.739	3.585
Kontribúsje en trainingsjilden	10.600	10.073	9.942
Aksjes	4.100	3.503	3.427
Subsydzje Gemeente	900	589	854
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	1.500	4.001	2.097
Totaal opbringsten	20.675	21.904	19.905

Utjeften	Begrutting 2015	Rekken 2015	Rekken 2014
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	200	731	214
Kosten wedstriden	600	392	470
Ferieningskosten	5.930	8.478	7.439
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.540	1.671	1.862
KNKB en Federaasje	4.695	4.683	4.825
Aksjes	2.200	1.934	1.726
Materiaal	5.510	5.329	4.842
Totaal uitgaven	20.675	23.217	21.377
Resultaat	0	-1.313	-1.472

Wedstriden 2015

Opbringsten	Begrutting 2015	Rekken 2015	Rekken 2014
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.600	2.125	1.934
Sponsorjilden	9.400	8.500	8.055
Kontribúsje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	1.750	1.890	1.449
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	130	2.314
Ferskate opbringsten	250	1.016	43
Totaal opbringsten	14.000	13.661	13.795

Utjeften	Begrutting 2015	Rekken 2015	Rekken 2014
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	8.856	7.930	7.610
Kosten wedstriden	2.205	2.204	1.950
Ferieningskosten	1.839	1.700	1.839
Hier sporthal, fjilden, materialen	600	743	517
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	100	50	66
Materiaal	400	30	105
Totaal uitgaven	14.000	12.658	12.090
Resultaat	0	1.003	1.705



Begrutting 2016

Categorie	Organisaasje	Wedstriden	Totaal
	Euro	Euro	Euro
Inleg wedstriden		2.655	2.655
Sponsorjilden	3.525	6.800	12.325
Contributies/trainingen	10.350		10.350
Akties	4.000	2.000	6.000
Subsidies/bjdragen	800		800
Diversen	1.650	900	2.550
Totaal opbringsten	20.325	14.355	34.680

Categorie	Organisaasje	Wedstriden	Totaal
	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	205	9.840	10.045
Kosten wedstriden, kaatsclinics	485	2.130	2.615
Vereningskosten	6.385	1.500	7.885
Huur sporthal, velden en materialen	1.715	780	2.495
KNKB en Federaasje	3.995		3.995
Akties	1.980	75	2.055
Materiaal	6.020	30	6.050
Totaal uitgaven	20.785	14.355	35.140
Resultaat	-460		-460

Kontribúsje en bydragen 2016

	2014	2015	2016	Ferskil
Kontribúsje senioren	32,50	33,00	33,50	0,50
Kontribúsje jongerein	24,50	25,00	25,25	0,25
Jongerein Sealtraining	12,50	12,50	12,50	
Fjildtraining	17,50	17,50	17,50	
Beide	25,00	25,00	25,00	
Yn's wedstriden -senioren	3,00	3,00	3,00	
-jongerein: fed. Snits	1,50	1,50	2,00	0,50
KNKB	3,00	3,00	3,00	

Dirk-Yde:

- "Ferskowing realisasaasje wedstriden ta oan sjen fan 2014 → dit hat benammen te krijen mei de jubileumedyse fan de Jong-Feintepartij en it lustrum yn 2014;
- Hegere ferieningskosten € 3.500 (ta oan sjen fan begrutting) troch: webside kosten, FB Oranjewoudcup winst, kursuskosten trainers, reservearring keatskamp;
- Hegere ferskate opbringsten € 2.200 (ta oan sjen fan begrutting) troch: FB Oranjewoudcup winst.
- Wat ek opnaam is yn de ferieningskosten is in **kasferskil fan € 108**. Dat is in útjefte, dêr't we gjin bontsjie of oare ferklearing foar ha. Dat is tige spitich fansels, mar it betsjut gelokkich net dat der fraudearre is. Nei sa'n 'tuskenjier' sûnder ponghâlder set dat ús allinnich mar op skerp rjochting de takomst en sille we ús prosedueres oanhelje moatte;
- It netto-resultaat is hast € 2.300 yn de plus, mar wy dogge oan € 2.600 reservearrings foar klean en it keatskamp.

Begrutting 2016

- We begrutsje in negatyf resultaat, dat sit yn de post 'materiaal';
- We binne in finansjeel sône feriening en it is goed steld mei de kontinuïteit.

Finansjele aksjes

- Hartstikke moadi resultaat fan de koeke-aksje troch persoanlike benadering en hegere ferkeapprizen;
- Poiesz-bestel-@pp is yn it libben roppen om safolle mooglik munten te sammeljen foar de Poiesz jeugdaksje;
- Nije opset donateurskip/âld-feinte klup. Mear hjiroer folget yn de rin fan dit jier en we hoopje foar de Jong-Feintepartij.

Aksjes 2016

- Foarjier:
 - 9e Molkwarder koeke aksje fan 29-2-2016 o/m 4-3-2016:
 - Opbringst: **€ 4.188** (2015: € 2.944) – begrutting: € 3.000
 - Resultaat: **€ 1.973** (2015: € 1.032) – begrutting: € 1.020
 - (begrutting op âlde ferkeapprizen, nije prizen 2,50 / 3 foar 6,00)
- Yn it keatsseizoen
 - Ferlottings tidens wedstriden (Jong-Feintepartij, pearkekeatsen)
 - Poiesz Jeugd Sponsor Aksje
 - Flessebonaksje Jumbo (jongerein)

Hulp by boppesteande aksjes is fansels altyd wolkom! Dirk-Yde betanket benammen Klaas Pompstra foar de hulp it ôfrûne jier. "As bestjoer ha we leard om goed de 'vinger oan de pols' te hâlden oangeande de finansjes en dit sil ek seker barre." Dirk-Yde wurdt betanke foar syn útlis mei applaus.

- Karin Sjaarda: "In begrutting wurdt dochs altyd makke om op 0 euro út te kommen?"

- Dirk-Yde: "Dat kloppet, dat wolle we ek graach, mar yn dit gefal fine we dat dit kinne moat omdat it om in spesjale ferrassing giet dêr't ik no net oer yn detail trede mei en kin...."

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Anco Elgersma docht ferslach fan de kaskontrôle: "Kas kloppe hielendal, seach der allegearre kreas út, sit struktuer yn. Alles slút perfekt oan. We ha gjin ûnfolsleinichheden fêststelle kinnen. Mei René ha we in goede ponghâlder yn hús helle. Ut namme fan Klaas noch tank oan it haadbestjoer foar de goede gearwurking it ôfrûne jier." Applaus folget hjirop.

Anco sil in checklist meitsje foar de kaskommisje, sadwaande kin in net ûnderlein finansjeel persoan ek de kaskontrôle útfiere.

Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliend. Anco Elgersma en Imke van der Leest wurde betanke, Anco syn sit fan 2 jier sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Wiepkje Hiemstra.

6. Presintaasje jierferslach 2015

- Wilma kriget it wurd: "De driuwende krêften fan de PR komisje oangeande it jierferslach, Rika en Froukje, ha wer harren stjonkende bêst dien om in, al sis ik it sels..., prachtich jierferslach te meitsjen. Elts jier is it wer in race tsjin de klok om alles op tiid by drukkerij van der Eems te krijen. Rika hat alle stikken fan de kreative stavering foarsjoen en dêrnei giet Froukje mei de lay out oan de gong. Dit kost in protte tiid! Lokkich bliuwt Froukje altyd laitsjen en skynber rêstich ;-).

Sa as jim wend binne stean alle wedstriidferslaggen der yn, ynklusyf wiidweidich omtinken foar de Jong-Feintepartij mei in moaie 2e priis foar de Eastereiner mannen. Sa as de foarkant al sjen lit fansels ek oandacht foar de winners fan de 'Friesland Bank Oranjewoud cup'. Sa neam ik in pear bysûnderheden út it ôfrûne jier. Ik winskje jimme in soad lêsnocht ta."

- Wilma ropt hjirnei Rika Okkema nei foarren, sy ferlit de PR komisje: "Mei dochs wol wat pine yn ús hert nimme we ôfskied fan dy. Do hiest de haadredaksje foar sawol it jierferslach as it programmaboekje yn hannen. Mar ek oare saken wiene dy nea te folle;
 - flyerje foar de Jong-Feintepartij op de NK's en yn it doarp;
 - rûnbringen fan de programmaboekjes en krystkaarten;
 - tegearre mei Akke Jikke de katering foar de ledegearkomsten regelje;
 - de bestjoerswein foar de Jong-Feintepartij oanklaaije en wer opromje;
 - de ferlotting tidens de Jong-Feintepartij mei organisearje

En sa kin ik noch wol langer trochgean. Dit hast allegear altyd mei in protte nocht, wille én sekuerens dien; nergens miste in dakje of streepke op in letter, der stie gjin flater mear yn de tekst. Soms seachst troch de beammen it bosk net mear en leist it spul efkes oan de kant of lietst ús 7e kommisjelid, dyn man Hindrik, der efkes nei sjen. Rika, tank foar dyn ynset, humor en foaral gesellichheid!

Lokkich ha we yn Greet Jorritsma in topopfolgster fûn dêr't we tige wiis mei binne. Ek Greet wit alles fan de Fryske stavering en hat der in protte sin yn. Greet, wolkom yn de PR kommisje!" Beide froulju krije applaus út de seal.

- Wilma biedt Rika in bosk blommen oan út namme fan it haadbestjoer. Fan de PR kommisje krijt se in lekkere geureset fan Rituals. It jierferslach wurdt útdield oan alle oanwêzigen.



7. Skoff

- Fan 20.55 oere - 21.13 oere skoff.

8. Bestjoersferkiezing

- Oftredend: Hans Kooistra, jongereinkommisje
Foardracht: Danny Roos
- Tuskontiids oftredend: Elske van der Meulen, databehear
Foardracht: fakatuere
Foardracht fakatuere ponghâlder: René Rijpma

- Omdat Elske der net is kin Mattie har speech net persoanlik oan Elske fertelle, ûndersteand wie Mattie har ferhaal: "Elske, do hast dyn taak derop sitten as behearster fan de leden. Doesto by ús kaamst yn it HB wisten we noch net sa goed wa Elske van der Meulen wie. Ja, dat frommeske wat yn it hûs fan Rienk van der Valk wennet oan de van Eysingaleane. We wiene bliid datst de taak op dy nimme woest en sa koest ek noch moai wat minsken kinnen leare yn Easterein. It spultsje keatsen koest wol, mar wat der allegearre mear bart as je yn bestjoer komme wie al wat nijs. Der komt earst in protte op je ôf, of net? No hawwe wy fansels in moaie organisaasje om ús hinne mei in protte belutsen minsken. Sadwaande hast dy der knap trochhinne slein de ôfrûne jierren. Bist in beskieden frommeske en altyd wat op 'e eftergrûn (wat blykt oan de foto's dy't we net fan dy fine koeenen) mar wol tige belutsen. It ledebestân byhâlde klinkt reedlik simpel mar it skynt dat der hiel wat hannelings barre moatte foar dat it systeem sa wurket dat de list kloppet per kategory, de rekkens sa útdraaid wurde kinne, de frijwilligersbryfkes sa út de printer rûchelje en de mail ferstjoerd wurde kin nei de leden. Dat dat net altyd slagget hat ek wol te krijen mei dat de adressen noch wolris feroarje en dat it net altyd trochjûn wurdt op it goeie adres. Elske, tige tank foar dyn ynset de ôfrûne jierren by ús yn it haadbestjoer. We winskje dy in protte lok mei dyn man en berntsjes yn Easterein en sjogge dy fêst noch wolris op de keatsfjilden." It ôfskiedskado, in keatsbal mei har namme der op, sil ynkoarten by Elske brocht wurde.

- Hjirnei ropt Mattie Hans nei foarren: "Hans, ja oer beskiedenheid hoege we it by dy net te hawwen. Do stiest by it haadbestjoer bekind as de man die eins krekt wat te let op de gearkomste komt en mei in protte kabaal de doar ynfjocht. Altyd in goed sin en al moast wolris goed neifinke yn de gearkomste (dan bist efkes in skofke stil) hast ek altyd wol wer goeie ynbring.

Hast ek al in hiele skiednis binnen de keatsferiening. Nea te beroerd om de hannen út de mouwen te stekken. Trainen jaan, fjilden lizze, yn it bestjoer en kommisjes plak nimme en gean sa mar fierder. Bist net foar neat al earelid fan de KF. Dat dyn hert by de keatsferiening leit hast wer sjen litten doe 't de jongereinkommisje in foarsitter nedich hie. Do bist wer yn it haadbestjoer stapt en hast dyn paadsje mear dan skjinn makke. Tiid om sels te keatsen makkest ek noch. Sels in krâns oan de muorre bart noch wolris, en as dat bart sil de hiele wrâld dat ek witte.

Mei Klaas Sixma en jim harem ha jim de jongereinkommisje delsetten as in goed geoljede masjine. Ik tink dat Danny sa ek yn in 'gespreid' bedsje komt no't hy dyn taak oernimme sil as foarsitter fan de jongereinkommisje en lid fan it haadbestjoer. Ik wit net oft Danny der no ek al sa oer tinkt mar dat moat efkes tiid ha. Do bliuwst noch

as sekretaris ferbûn oan de jongereinkommisje, sa hoege we net hielendal ôfskied te nimmen. Hans, ek dy wol ik, út namme fan ús allegear, tige tank sizze foar dyn ynset yn al die jierren datst foar de keatsferiening Easterein yn aksje west bist." Applaus foar Hans. Mattie biedt ek Hans in keatsbal mei syn namme der op oan út namme fan it haadbestjoer.

Opfolger Danny Roos wurdt mei applaus wolkom hjitten. Hjirmei is Danny oannommen as foarsitter fan de jongereinkommisje.

- Dirk-Yde: "René Rijpma ha we ree fûn om it ponghâlderskip op him te nimmen. Hy is al drok dwaande mei Klaas Pompstra om ynwurke te wurden." Applaus folget ek foar René en hy is hjirmei oannaam as ponghâlder.

9. Stikken KNKB gearkomste op 31 maart 2016

2 hammerstikken foar de AV op 31 maart:

Wedstridstramyn:

- Manlju f.f. en t.i.l. haadklasse/1e klas beperkt
 - Sneon en snein, 10 partoeren, oanfang 11 oere (of it moat wêze dat de organisearjende feriening foar oanfang fan it seizoen oanjûn hat dat de oanfang 12 oere is)
 - Moandei o/m freed, 8 partoeren, oanfang 15.30 oere
- Manlju f.f. en t.i.l. 1e klas ûnbepert
 - Oanfang 10 oere
- Manlju f.f. en t.i.l. 2e klas ûnbepert
 - Oanfang 11 oere
- Froulju f.f. en t.i.l. haadklasse/1e klas beperkt
 - Sneon en snein, 8 partoeren, oanfang 11 oere (of it moat wêze dat de organisearjende feriening foar oanfang fan it seizoen oanjûn hat dat de oanfang 12 oere is)
 - Moandei o/m freed, 8 partoeren, oanfang 15.30 oere
- Froulju f.f. en t.i.l. 1e klas ûnbepert
 - Oanfang 10 oere
- Froulju f.f. en t.i.l. 2e klas ûnbepert
 - Oanfang 10 oere
- It hjoeddeiske ranking systeem hanthavenje en mooglik optimalisearje as der sich grutte 'skommelingen' foar dogge
- Stjoerde lotting lyk hâlde oan it systeem fan 2015
- Foarstel om boppesteande foarstellen foar 3 jier 'fêst' te lizzen
- Algemiene opmerkings:
 - FB Oranjewoud cup giet dit jier net troch, mooglik yn 2017 yn in oare opset
 - Gjinn hulptmiddelen of sa no't it skeef opslaan ôfskaff is
 - Der wurde 2 wedstriden ynpland by de froulju 30+
 - Ferhâlding f.f. wedstriden ta oansjen fan t.i.l. wedstriden: 2/3 (rjochtlie 1/3)
- Sipke Hiemstra: "Bliuwt de ranking foar de froulju itselde as yn 2015?"

- Tjeerd Dijkstra: "Der is fan't winter noch nei sjoen, yn 1e ynstansje bliuwt it gelyk as yn 2015. We wachtsje de ûntwikkelings fan dit jier ôf."

- Wiepkje Hiemstra: "Spitich dat de stjoerde lotting sa bliuwt, benammen tidens de PC, komme hjir mear lûden oer binnen?"

- Tjeerd Dijkstra: "Ik kin net al te folle sizze oer de stjoerde lotting by de PC. Mear nijs komt der tidens de AV takom wike."

It haadbestjoer wol akkoard gean mei boppesteand foarstel; de gearkomste giet hjiryn mei.

Ynstellen AV kommisje finânsjes:

- Op mandaat fan de AV toetst en beoardielt de kommisje de begrutting
- De begrutting fan it haadbestjoer en it advys fan de AV kommisje wurde tagelyk oan de AV presentearre
- Foarstel haadbestjoer om de folgjende leden in sit nimme te litten yn de kommisje:
 - * Hr. K. Breuker, notaris te Ljouwert
 - * Mw. J. Hijlkema, controller yn MCL
 - * Hr. H. Kemper, finansjeel tafersjochhâlder by Provinsje Fryslân
- Karin Sjaarda: "Wat is de reden fan it gearstallen fan dizze kommisje?"
- Dirk-Yde: "Omdat de KNKB nei ien ledegearkomste it jier giet, de foarjiersgearkomste, is it nedich dat dizze kommisje de begrutting alfêst neisjocht omdat de begrutting 'pas' yn maart fan it rinnende jier goedkard wurde kin tidens de AV fan de KNKB."

It haadbestjoer wol akkoard gean mei boppesteand foarstel; de gearkomste giet hjiryn mei.

- Bestjoersferkiezing:
 - Dhr. L.J. Dijkstra (Bitgum) foar de portefúlje Ferienings en Federaasjes
 - Mefr. M. Heida (Tzummarum) as lid fan de Strafkommisje
- Tjeerd Dijkstra hat noch wat algemiene oanfullings: "De KNKB webside wurdt oanpast en fernijd; de Wis In wurdt no KEATS!, it earste eksimplaar wurdt oan alle KNKB leden tastjoerd begjin april; der kinne noch wol wat skiedsrjochters by, miskien in idee om in skiedsrjochter út te noegjen om ris in jûn te sprekken, binne learsume jûnen."
- Mattie folt oan: "Ha hjoed kontakt mei Gerard Groothof hân, hy hie de fraach om yn Easterein in opriskursus te jaan foar klubschiedsrjochters. Dit sille we oppakke."

10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits: Mattie is hjir hinne west en krijt it wurd: "16 maart wie de

gearkomste fan de federaasje yn it doarpshûs fan Goaiïngea. Goaiïngea is net grut mar om dat doarsphûs te finen wie noch wol in toer yn it donker." Understeand de wichtichste punten:

- "It wie Coos Veltman syn lêste kear as foarsitter. Hy hat twa terminen hân en wol graach in oar ek de kâns jaan sa as hy sels sei. It foel net mei om in opfolger te finen. Mei de foarrige gearkomste wie der sels sprake fan dat, as der gjin nije minsken fûn waarden, it federaasjebestjoer miskien wol gjin besteansrjocht mear hie. Mar lokkich is Arnold van Asperen fan Boazum ree fûn om it stokje fan Coos oer te nimmen en nimt Sijke de Jongvan der Brug út Wolsum ek plak yn it bestjoer. Dit is fansels goed nijs. De federaasje, en dan foaral by de jongerein, docht it tige goed;
- De grutte federaasjedei: 'Bring de keatsers bij it keatsen' is dit jier op 20 augustus yn Skearnegoutum. Hommerts wol dizze dei graach yn 2017 organisearje. De lotten dy't we as ferienings ferkeapje moatte om de kosten wat te dekken komme dit kear mids juny;
- Der is besletten dat de junioaren dy't ferline jier mei de jongerein meikeatsten dit jier wol federaasje keatse kinne op de federaasjewedstriden fan de jongerein omdat dat op freed is. Mar wol allinnich as der genôch binne om yn in aparte klasse keatse te kinnen. It ferskil yn leeftiid en lingte wie te grut om se mei dwaan te litten yn de jonges/famkes kategory. Dit is besletten yn de gearkomste en nei oerlis mei de junioare keatsers;
- De ynlis fan de jongerein wurdt € 2,00 yn pleats fan € 1,50;
- De sealtrainingen binne ek alwer los yn Snits mei dit kear 48 dielnimmers ûnder lieding fan Age van der Goot en Marco Lobregts."
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize', Wilco Overal krijt it wurd: "Drok dwaande mei de tarieding foar it keunstgersfjild, wierskynlik gean we dêrmei begjinnen rûn 17 maaie. It plan kin hast ta útwurking brocht wurde."
 - Karin Sjaarda: "Is it B fjild hielendal klear?"
 - Wilco Overal: "Ja, dit is hielendal klear."
 - Tjeerd Dijkstra: "Hoe komt it mei de fjildbesetting as it 1e fan SDS yn de neikompetyasje komt?"
 - Wilco Overal: "Hjir ha we oerlis oer mei de KF en dit komt allegeare goed."
 - Tjeerd Dijkstra: "Kin der keatst wurde op keunstgers?"
 - Dirk-Yde: "Der kin prima op keunstgers keatst wurde, probleem is allinnich dat der gjin linen op kinne."
 - Sipke Hiemstra: "Op tongersdeitejûn wurdt der faaks Llargues spiele, bin der ûntwikkelings kwa omheining sadat de ballen minder gau kwyt reitsje?"
 - Christian: "Miskien kin de omheining fan it A fjild der om hinne, mar it bêste is om de feart ticht te goaien. We bin der mei dwaande mar wolle wol fuort in goede oplossing ha en der net samar in omheining om hinne sette."
- Sipke: "Is it in idee om de linen oarsom te setten, de belijning om te draaien? Dan komme der minder ballen yn de feart."
- Dirk-Yde: "It hat absoluut ús oandacht."
- Karin Sjaarda: "Ha we genôch oan ien fjild foar alle keatsaktiviteiten?"
- Dirk-Yde: "Foarrich jier ha we it ek rêden mei ien fjild en dit jier ha we it fergrutte B fjild ta ús beskikking, kwa gers moat it ek kinne mei in moaie nije gerssoade."
- Sipke Hiemstra: "Hoe komt it mei it besanden fan it fjild, kin dit yn it winterskoff?"
- Wilco Overal: "We wachtsje it plan fan ANTEA earst ôf."
- Tjeerd Dijkstra: "Fuotballers ha dúdlik minder lêst fan it besanden dan keatsers."
- Gerrit Bergsma is oanwêzich út namme fan GEKE en fertelt oer it hoe en wat fan GEKE:
 - Befoarderjen leefberens en duorsemens yn Easterein
 - GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas foar de NLD (noordelijk lokaal duurzaam)
 - Opbringsten wurde fia de koöperaasjes wer werom floeid nei de doarpen
 - Priis gas en elektrisiteit binne fergelykber mei oare grutte aanbieders
 - GEKE kriget as 'wederverkoper' €75,- it jier de oanslúting, hjirmei kinne der projekten dien wurde om in duorsum doarp te wurden
 - Boppesteande wurdt noch breder lutsen troch de ferienings deryn te belûken; safolle mooglik minsken oerstappe litte nei GEKE, de feriening kriget dan € 37,50 de húshâlding it jier
 - Oerstappen wurdt regele troch NLD
 - Oerskriuwe kin fia GEKE.nl
 - By oerstappen yn april krije je koarting op LED lampen by ACR yn Winsum
 - It is foar sawol partikulier as saaklik.
 - Tjeerd Dijkstra: "Ik fiel in groepsapp oankommen; de Poiesz app groep kin omsetten wurde nei de GEKE app. Sa kin we besykje safolle mooglik leden oerstappe te litten nei GEKE."
- Gerrit Bergsma wurdt betanke mei applaus foar syn dúdlik ferhaal.
- Ofskied kommisjeleden: by punt 6 hat Wilma al, út namme fan de PR kommisje, ôfskied fan Rika Okkema naam. Carin Ypma giet út de jongereinkommisje as skriuwer, sy is fannejûn ôfwêzich. Hans sil der foar soargje dat de blommen by har komme.
- Fakatueres:
 - Haadbestjoer: databehear of algemien bestjoerslid.
 - Technyske kommisje: technysk lid foar manlju senioaren
 - Websideredaksje; 3-4 nije leden

- Wilma: "Yn it haadbestjoer 1 fakatuere; databehear/lede-administraasje. We tinke der oer nei om dizze funksje te skieden en it databehear dwaan te litten troch ien fan bûten it bestjoer. Hjirtroch kin we op syk nei in algemien bestjoerslid. De TK hat in nije funksje; TK lid manlju senioaren, dizze ha se yn it libben roppen om de taken better skiede te kinnen. Ek wolle we graach in websideredaksje yn it libben roppe, we bin ek al aktyf op syk nei minsken."
 - Imke van der Leest: "Is it in idee om in Twittergroep of sa te meitsjen, krekt sa as 'kaatsnieuws.com', om mekoar op 'e hichte te hâlden fan de ûntwikkelings op de ferskate keatsfjilden?"
 - Wilma: "Dit kinne we seker meinimme as we ta útwurking komme."
- Keatskamp 2016, Imke van der Leest: "It keatskamp wurdt dit jier foar de 3e kear organisearre fan 2 o/m 4 maaie, de kommisje bestiet út: Marije Hiemstra, Bauke Dijkstra, Sieta Tessemaker en Imke van der Leest. Foarrige wike binne we wer op de legere skoalle west om de bêrn te entûsjas-mearjen. It tema dit jier is finzenis (gevangenis). De earste opjeften binne al binnen. Wy hawwe der wer sin oan!"



- Beliedsplan: elts hat it beliedsplan tastjoerd krigen. Dirk-Yde freget oft hjir fragen oer binne.
 - Tjeerd Dijkstra: "Hartstikke moai dat der in beliedsplan is, sa kinne je earne op werom falle as der diskusjes binne of sa. In beliedsplan kinne je eins net foar 5 jier fêstlizze. By de KNKB toetse we elts jier it beliedsplan. Dizze suggestje woe ik jim mei jaan."
 - Dirk-Yde: "Tank foar dyn ynbring, we sille dit seker meinimme."
 - Tjeerd Dijkstra: "Komme de oare keatsfarianten hjir ek yn nei foaren? It giet no allinnich oer de Fryske keatssport."
 - Dirk-Yde: "We moatte hjir seker mei oan de slach, mar hjir bin op it stuit gjin konkrete plannen foar. We gean seker mei yn dizze ûntwikkeling. We ha fansels de akkomodaasje der ek foar mei de sporthal."

- Dirk-Yde: "As der noch immen opmerkings of fragen hat, elts kin altyd terjochte by ien fan de bestjoersleden."
- Websideredaksje: is al besprutsen by 'fakatueres'.
- Nije karmastersshirts. Wilma: "We ha nije karmastersshirts besteld, binne hooplik binnen foar oanfang fan it nije seizoen." Hans showt it shirt oan de oanwêzichen.
- Kompetysjekeatsen. Dirk-Yde: Earste 4x kompetysje keatsen is op freedtejûn: 29 april, 6, 13 en 20 maaie. Fan 26 maaie ôf is it wer op tongersdei. De jeugd bliuwt gewoan op tiisdei kompetysje keatsen."

11. Wedstriidaginda 2016

- Mattie jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2016: "Dit jier ha we 8 ledepartijen foar de senioaren, 1 federaasjewedstriid foar de senioaren (Okkema partij op snein 29 maaie), 5 KNKB wedstriden (ferdiel oer 4 dagen) en 6 jeugdwedstriden (wêrfan 1 federaasjewedstriid). De Jong-Feintepartij is op woansdei 27 july. Sneon 18 juny begiet de ledepartij om 16 oere en keatse we yn 3 ferskillende listen. Teatsen is op sneon 9 july yn gearwurking mei de tennisferiening (maksimaal 36 dielnimmers). De lêste ledewedstriid is op snein 28 augustus mei in barbecue. As der mear 35 + froulju harren opjouwe dan meitsje we dêr in aparte poule fan."
 - Karin Sjaarda: "Wêrom 3 listen by de wedstriid dy't om 16 oere begiet?"
 - Mattie: "List keatsen duorret langer en we wolle wol op tiid klear wêze."
 - Sipke Hiemstra: "Moaie útdagende keatsaginda. Mar wêrom ha we net sa folle bûnswedstriden?"
 - Mattie: "We bin der mei dwaande west dizze wike en it stiet seker op ús listje om dit foar takom jier oan te freegjen."
 - Tjeerd Dijkstra: "De Boeren PC stiet hjir net op."
 - Dirk-Yde: "Dat kloppet, mar we ha de Boeren PC dit jier wol wer yn Easterein, op freed 1 july."

12. Huldiging 2e priiswinners Jong-Feintepartij 2015

- Dirk-Yde ropt Doede Rients Okkema, Remon Tie Bouma - en Jan Schurer mei hun coach Marten Faber nei foarren: "Eins moat ik earlik sein bekenne dat wy as haadbestjoer mei it sprekwaardlik 'schaamrood op de kaken' hjir sitte. Want troch ûnsekuerens fan ús kant binne jim ferline jier net huldige tidens de neijersgearkomste. En dat spyt ús hiel erch. Fandêr dat we it no in bytsje goed meitsje wolle troch jim noch nei foarren te heljen en jim te huldigjen foar dy grandioaze prestaasje dy' t jim ferline jier levere ha op ús eigen Jong-Feintepartij.

De 11e edysje fan de Jong-Feintepartij wie in bysûndere dei. Organisatoarysk rûn it as it slydjoget. Mar fansels it hichtepunt wie dat der foar it earst yn de histoarje in partoer fan Easterein yn de finale stien!

Doede Rients: Do hast ferline jier mei de JFP echt dyn talint etalearre en sjen litten watst yn dyn mars hast, en dat is in hiel soad. In moaie technyk, hast der gjin wurk fan. En op de wichtige mominten wiest der. Dy klasse hoopje ik dit jier wer fan dy te sjen op de keatsfjilden.

Remon Tie: Do hast ferline jier ek dúdlik dyn mantsje stien yn it foarperk. Do bist net benaud en meist dy graach hearre litte. Dat mei ik wol leie. Mar no ha ik út betroubere bronnen fernaam datst der dit jier net bist mei de JFP?! Ik wit net off der noch in annulearringsfersekering yn wurking trede kin of dat de reis noch om te boeken is... As KF fine wy dat tige spitich. Mar oan de oare kant, der is mear as keatsen. Sa earlik moatte we ek wer wêze.

Jan: Alleskinner en lieder fan it partoer. Sawol yn it perk as oan de stuit tige sterk. Wy meie Marije tankber wêze dat se dy nei Easterein helle hat... :-) Do meist fan't jier noch ien kear meidwaan oan de JFP en we hoopje fansels wer op in moai resultaat.



Jim kamen op dizze wize troch de list hinne:

1. Boalsert 1: 5-0 6-2 (sitbal Doede Rients)
2. Berltsum: 5-3 6-4
3. Tsjummearum: 5-0 6-0
4. Easterlittens: 5-3 6-6
(spektakulêre sitbal djip efteryn fan Doede Rients)

Spitigernôch koenen jim it yn de finale net risse tsjin in sterk Boalsert 2 mei twa heale Eastereiners: Hendrik Bouwhuis en Peter van Zuiden. Dochs in prachtige twadde priis om grutsk op te wêzen! Wy wolle jim as haadbestjoer noch in aardichheidsje oanbiede en jim nochris lokwinskje mei dit moaie súkses!" Applaus foar de mannen folget. Se krije in glêzen keatsbal oanbean mei harren namme der yn.

13. Omfregjen

- Anco Elgersma: "Giet it haadbestjoer no ek nei 1 ledegearkomste yn neifolging fan de KNKB?"
- Dirk-Yde: "Hjir ha we it oer hân en we ha besletten om it earst op 2 ledegearkomsten per jier te hâlden."
- Tjerk Okkema: "De klubkleuren binne grien-wyt, is der spesifyk foar in grien-swart karmastersshirt keazen?"
- Wilma: "Nee, net spesifyk hjir foar keazen, mar wyt is net in hiel handige kleur yn ferbân mei de smoargens."
- Annette Kroondijk: "Kin we yn Easterein ek in keatsmuorre ha, benammen foar de trainings?"
- Dirk-Yde: "We ha it hjir al ris oer hân, dit is noch net konkreet. We gean der mei oan de slach."
- Dirk-Yde: "Foar degene dy't em noch net hat; de KF hoodie kin noch altyd besteld wurde by Jetske Sieperda, dan rinne we der allegeare moai by tidens it seizoen!"

14. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.37 oere: "Tank foar jim komst! Rika Okkema en Akke Jikke van Berkum tank foar it regeljen fan kofje, tee en oanklaaiing. Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hús. Mar oars, wol thúsl!"

Oantekens neijersgarkomste KF Easterein 16 novimber 2016

Oanwêzich: Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Marten Faber, Wilma Sjaarda, Christian Hoekstra, René Rijpma en 35 leden

Ofwêzich mei berjocht: Danny Roos, Ype Tiemersma, Martine Tiemersma, Vera de Vries, Tjeerd Dijkstra, Tineke Dijkstra, Judy Bergsma, Rémon Tie Bouma, Hans Kooistra, Gert-Jan Hiemstra, Abe Jan Stegenga, Liesbeth Bootsma, Fetsje Terpstra, Anco Elgersma, Bas van der Wey, Anny Sjaarda, Tjerk Okkema

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de foarjersgarkomste fan 23 maart 2016
4. Ferslach regio-ledeberied KNKB
5. Meidielings neijersgarkomste Federaasje Snits fan 31 oktober 2016
6. Hichtepunten 2016
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
Foardracht fakatuere algemien bestjoerslid:
Wiepkje Hiemstra
9. Punten fan út it bestjoer, û.o.:
- ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
- fakatueres: stân fan saken
10. Jildsaken: begrutting en kontríbúsje 2017 fêststelle
11. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren
12. Keats(t)er fan it jier
13. Omfreegjen
14. Sluting

1. Iepening

- Foarsitter Dirk-Yde iepenet om 20.08 oere de garkomste. "Wolkom bêste minsken, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús neijersgarkomste binne. In spesjaal wolkom oan ús earelid: Jan Hiemstra. Ek in spesjaal wolkom oan Marlous van Tuinen fan de Skoalleseize." Dirk-Yde neamt hjirnei de ôfmeldings op en ferfolget syn foarwurd. "It keatsseizoen leit alwer in skoffte efter ús. As ik sa weromsjoch hat it wer in moai en slagge seizoen west mei ferskate hichtepunten. It giet fansels te fier om al dizze hichtepunten hjir op te neamen, mar der binne dochs wol in oantal dy't it opneamen wurdich binne.
Corrie en Roelie Kroondijk dy't respektivelik 1e en 2e wurde op it NK One Wall by de jeugd oant en mei 13 jier. In 4e priis op de NK manlju senioaren en in 3e priis op de NK froulju senioaren, foar it earst yn ús bestean dat we dêr in priis pakke. In 2e priis op de NK pupillen jonges yn Wommels. En Jan Schurer dy't in prachtige 3e priis pakt op de manlju's PC.

Bauke Dijkstra dy't it jierklassemint wint by de manlju 1e klasse. En net te ferjitten alle prizen dy't wûn wurde troch Eastereiners op de manlju 50+. In kategory mei sa stadichoan de measte KNKB-keatsers fan ús keatsferiening en dy't ús technyske kommisje de nedige 'hoofdbrekens' besoargje as it giet om it selektarjen fan de ôfdielingspartoeren. In lúkseprobleem fansels. Fierderop yn dizze garkomste wolle we noch efkes de oandacht fêstigje op in pear fan dizze hichtepunten fan 2016.

Mar fansels is it net allegearre 'rozengeur en manenschijn'. We sjogge it ledeoantal hiel stadichoan weromrinnen en ek de dielname oan lede- en federaasjewedstriden nimt ôf. Wy ha it der mei de foarjersgarkomste ek al oer hân, mar wy besykje de ledewedstriden fan nije ympulzen te foarsjen. In goed foarbyld hjirfan is de lêste ledewedstriid fan it ôfrûne seizoen. In ôfsluter mei in barbecue foar al ús leden en frijwilligers. Wy wolle dit graach útwreidzje. Letter hjir mear. Wy stean iepen foar nije ideeën, dus mochten jim suggestjes hawwe, lit it ús dan witte. No ha ik earst genôch sein en sille we los. Ik wol eltsenien in noflikke garkomste tawinskje."

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Fêststellen fan de wurklist: der binne gjin wizigings, de wurklist wurdt fêststeld.
- Ynkommen stikken:*
 - Der bin gjin ynkommen stikken foar dizze garkomste.

3. Ferslach fan de foarjersgarkomste fan 23 maart 2016

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjersgarkomste al ta-stjoerd krigen. Wilma freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne.
Sipke Hiemstra hat gjin opmerkings oer de oantekens mar freget him ôf hoe't it mei de omheining fan it MFT komt. Christian meldt dat de materialen binnen binne en dat it MFT ynkoarten omheind wurdt.
Sipke Hiemstra: wurdt it fjild noch besanden?
Christian: noch net gehiel dúdlik, wierskynlik bart it net mear dit jier. It hat wol ús oandacht en is ek ûnder de oandacht by de SKS.
Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

4. Ferslach regio-ledeberied KNKB

- Mattie en Wilma binne nei it regio-ledeberied west yn Eksmoarra op 27 oktober. Wilma meldt it folgjende:
 - Ledebieried yn oktober is foar ynput fan de ferienings, yn maart sil de ynput benammen by de KNKB weikomme
 - Der wurdt ekstra jild begrutten foar it winnen fan skiedsrjochters
 - Op ôfdielingsshirts mei no ek op de foarkant stipe-úting stean
 - Karin Sjaarda: is dit regio-ledeberied nij kwa opset?

- Dirk-Yde: klopt, it hat der mei te meitsjen dat de KNKB nei 1 ledegearkomste per jier gien is en se op dizze manier wol kontakt mei de ferienings hâlde wolle en witte wolle wat der spilet by de ferienings kwa problemen, fragen ensfh.
- Jan Hiemstra freget oan Sipke hoe't it tekoart oan skiedsrjochters komt?
- Sipke Hiemstra: net in hiel dúdlik bield hjiroer, der binne de ôfrûne jierren in protte skiedsrjochters opholden en der komme te min nije en jonge skiedsrjochters by. It sil benammen tiidgebrek wêze.
- Jan Schurer: moatte we der as feriening ek wat mei om de skiedsrjochters oan te foljen?
- Dirk-Yde: dizze fraach is net as sadanich by de ferienings dellein. Mar goede ideeën binne altyd wolkom!
- Wiepkje: miskien wol goed om elts jier in opfrisjûn foar klubskiedsrjochters te hâlden sa as we dit jier ek hân hawwe.
- Dirk-Yde: sille we meinimme binnen it bestjoer.

5. Meidielings neijersgearkomste Federaasje Snits fan 31 oktober 2016

- Marten meldt de folgjende saken:
 - Dielname federaasjewedstriden senioaren nimt ôf
 - Dielname federaasjewedstriden jongerein leit op itselde nivo as oare jierren
 - De federaasjedei 2017 is troch de KNKB ynpland op 19 augustus yn Hommerts-Jutrijp, hooplik kin dit noch nei in oare datum omdat der op dizze dei ek 4 oare KNKB wedstriden binnen de federaasje binne, oars is it de fraach mar oft dizze wedstriid troch gean kin
 - Fakatueres binnen bestjoer federaasjedeikommisje en it federaasjebestjoer (sekretaris en algemien lid). As immen hjir wat foar fielt meldt it dan oan it bestjoer. Bin net al te drege funksjes
 - Dirk-Yde: bin der ek ideeën oer hoe't we de dielname oan de federaasjewedstriden better krije kinne?
 - Jan Schurer: miskien in oare namme oan de wedstriid hingje, bygelyks: barbecue partij of soksawat. Sa kinne je in wat spesifikere doelgroep oansprekke.
 - Marije Hiemstra: kombinaasjewedstriden; manlju/froulju, keatsen/foetbal.
 - Imke van der Leest: jeugd mei senioaren kombinearje.
 - Wiepkje Hiemstra: kant út gean fan in 'wylde' partij, dy slaan wol oan, dy sfear opsykje.
 - Karin Sjaarda: de Okkema partij wie altyd in grutte wedstriid, wie foarhinne de grutste federaasjepartij.
 - Klaas Sixma: kin it net kombinearre wurde; in federaasjepartij en in wylde partij.
 - Dirk-Yde: mochten der noch mear ideeën wêze dan hearre we dat graach. Foarnameide ideeën sille we melde oan it Federaasjebestjoer.

6. Hichtepunten 2016

- Marten ropt de 4e priiswinners fan it NK manlju op 16 maaie nei foarren: Dirk-Yde Sjaarda, Jan Schurer en Bauke Dijkstra. Coach Gert-Jan Hiemstra kin fannejûn net oanwêzich wêze. Omlopen fan dizze dei:
 - 1e omloop: winst op Mantgum mei 5-2:6-0
 - 2e omloop: winst op Jelsum/Koarnjum/Britsum mei 5-4:6-2
 - 3e omloop: winst op Frjentsjer mei 5-3:6-6
 - 4e omloop: ferlies tsjin St Jabik mei 5-1:6-6

Marten: it hat in pear jier duorre mar no einliks in priis op it NK senioaren, foarrich jier wiene jim der al ticht by. Spitigernôch kin jim coach Gert Jan Hiemstra der fannejûn net by wêze. Dêrom wol ik Wilma der by roppe, sy wie dy dei 'assistint coach'. Wilma meldt dat sy allinnich de priis yn ûntfangst nommen hat omdat der fierder gjin oare minsken fanút de KF mear oanwêzich wiene. Marten hat in soart fan krúsferhear foar de mannen: wannear wurde se senuweftich? Jout Gert Jan ek in speech tidens de kofje? Ek in spesjaal muzyknûmer yn de auto op wei nei de wedstriid? Hjirnei rint Marten de dei troch kwa omlopen; moai keatst, benammen de 3e omloop tsjin Frjentsjer, yn de 4e omloop pakke de mannen wol punten mar gjin earsten. Uteinlik dochs in prachtige 4e priis foar de mannen. De mannen en 'coach' krije in blomke oanbean wêrnei applaus folget.

- Jan Schurer wurdt ek noch huldige foar syn 3e priis op de PC fan 3 augustus mei syn maten Hendrik Tolsma en Jacob Klaas Haitsma. Omlopen fan dizze dei:
 - 1e omloop: 5-4:6-0 winst op Jelte-Pieter Dijkstra, Hendrik Jan van der Velde en Evert Pieter Tolsma
 - 2e omloop: 5-1:6-6 winst op Johan v/d Meulen, Alle Jan Anema en Hylke Bruinsma
 - Heale finale: 5-0:6-6 ferlies fan Jan Dirk de Groot, Renze Pieter Hiemstra en Hans Wassenaar
 - Jan krijt ek noch inkele fragen: wat giet der troch dy hinne op wei nei de PC? Hoe gie de 1e omloop? De 2e omloop? (supergoed keatst seit Jan). 3e omloop? (gjinn kâns fertelt Jan, de mannen wiene te goed, benammen Hans Wassenaar).
 - Marten beslút syn ferhaal mei nochris de lokwinken foar Jan mei dizze hiele moaie 3e priis op de PC. Jan krijt út hannen fan Marten in moaie kanvasfoto oanbean. Applaus folget. Tank oan Henk Bootsma foar it leverjen fan de foto's.
- Dirk-Yde ropt Marije Hiemstra en Imke van der Leest nei foarren foar harren 3e priis op it NK froulju op 25 juny. Martine Tiemersma en coach Gerrit Flisijn kinne fannejûn spitigernôch net oanwêzich wêze. Omlopen fan dizze dei:
 - 1e omloop: winst op Stiens mei 5-2:6-0
 - 2e omloop: winst op Folsgeare mei 5-2:6-4

3e omloop: steand nûmer

Heale finale: ferlies tsjin Seisbierrum-Pietersbierum mei 5-0: 6-4

Dirk-Yde: "As we it hawwe oer de hichtepunten fan 2016, dan meie jim fansels net ûntbrekke. Op 25 juny fan dit jier wûnen jim yn Bitgum in prachtige 3e priis op de NK. Wat hjit; foar it earst yn ús 112-jierrich bestean is der troch in Eastereiner partoer in priis wûn op de bûnswedstriid. In prestaasje fan formaat dêr't jim grutsk op wêze meie!

Fan de heale finale hienen jim fêst mear ferwachte. Ik hoopje dat dy teloarstelling no krap 5 moannen letter yntusken ferdwûn is en dat jim weromsjen kinne op in prachtige moaie keatsdei. Jim ha nei ôfrin fan dy keatsdei al in attinsje fan ús krigen en ek efkes op it poadium stien fan de feesttinte, mar ek op dizze ledegearkomste wolle we jim it poadium jaan dy't jim fertsjinje en wolle we jim noch efkes yn it sintsje sette."

Ek de froulju krije de wol fertsjinne blommen en applaus.

- Mattie ropt hjirnei de 2e priiswinners fan it NK pupillen jonges op 25 juny nei foarren: Rutger Sijbesma, Jelmer Brouwer en Redmer Wiersma mei coach Harm Auke Dijkstra. Omlopen fan dizze dei:

1e omloop: winst op Leeuwarden LKC mei 5-2:6-6

2e omloop: winst op Eksmoarre mei 5-1:6-6

3e omloop: winst op Minnertsgea mei 5-1:6-6

Heale finale: steand nûmer

Finale: ferlies fan Dronryp mei 5-2:6-4

Mattie sprekt de jonges ta: "25 juny 2016. In dei nei de feesten. Foar guon dreech om wakker te wurden mar foar de mannen dy't nei Wommels soene om te keatsen op it NK foar de pupillen jonges net. Fris en fruitich mei coach Harm Dijkstra op nei it keatsfjild fan de Freule.

It wie moai waar en geandewei de dei kamen der hieltyd mear Eastereiners nei it fjild. Jim wûnen fan Ljouwert mei 5-2. Fan Eksmoarra mei 5-1 en fan Minnertsgea ek mei 5-1. Dan in steand nûmer en dus in plak yn de finale!

Jim ha de hiele dei moai keatsen sjen litten. Rêstich en goed lústere en oerlein mei de coach. Jim bin trije hiele beskieden jonges dizze dei. Net in wurd te folle komt út jim mûle. Jim lieten jim ek net gek meitsje troch de herje dy't guon tsjinstanners wol sjen en hearre litten ha.

Dan de finale tsjin Dronryp. It wie yntusken begûn mei reinen mar jim keatsten moai troch sa as jim de hiele dei al dienen. Dat jim it net oprêde koenen witte we al, oars hiene jim earste wurden mar no paken jim in skitterende twadde priis. Dat hiene jim fêst net ferwachte en wat wie it Eastereiner folk grutsk op jim!

Nei de priisútrikking op nei de finte yn Easterein. Dy stie noch op it fjild en we mochten der efkes gebrûk fan meitsje om in beskieden feestje te fieren. Ik ha jim dêr ek al efkes tasprutsen en jim frege hoe't jim it belibbe hienen, ek wer net al te folle wurden oan smoarch makke....

Nei wat drinken en wat lekkers en in kadootsje foar jim, wer op nei hûs. We ha dochs noch in aardichheidsje foar jim. Foar de coach in túfke blommen en foar jim in túfke mei wat lekkers." Applaus fanút de seal folget.

- Mattie ferfolget: "No't ik hjir dochs stean graach efkes it folgjende. Fansels binne we hiel grutsk op alle keats(t)ers dy't yn aksje binne foar de keatsferiening. Net allinnich minsken dy't op in heger nivo keatse of in bysûndere priis wûn ha. Dizze kear in jonge held dy't it boechbyld fan de Keatsferiening wurdt. Dit jier ha we keazen foar in keatser dy't it dit jier takomt. Dizze keatser docht as earstejers yn de A-klasse fan de KNKB oan alle wedstriden mei en hat in protte prizen pakt. It is in stille motor en in prima maat dy't goed op en út is. Altyd posityf nei de maten, noait gjin geseur, mist net in training en op 'e kompetysje ek hiel trou. Dêr ek hiel aardich foar de maten dy't net altyd like goed keatse kinne as him. Dat is moai om te sjen want dêr krije de maten mear selsbetrouwen fan en gear der ek better fan keatsen. Miskien mei der wol ris wat mear prate mar dat sit (noch) net yn syn aard.

Graach wol ik de keatser fan it jier 2016 presentearje: Redmer Wiersma!!!" Applaus foar Redmer.

Mattie: "Imke do bist ferline jier keatster fan it jier west en ik wol dy freegje om de priis te oerhandigjen. Do krigest fan my in oantinken foar it feit datst ferline jier de beker fertsjinne hast." Imke oerlanget de wikselbeker oan Redmer, noch efkes in foto-sessie en applaus fansels.

7. Skoff

- Skoff fan 21.00 oere oant 21.15 oere.

8. Bestjoersferkiezing

- Foardracht fakatuere algemien bestjoerslid: Wiepkje Hiemstra. Dirk-Yde: "Foar de funksje algemien bestjoerslid ha we Wiepkje Hiemstra ree fûn. Kin jim dêr as gearkomste akkoard mei gear?" De gearkomste giet akkoard mei applaus en hjirmei is Wiepkje oannaam. It is har 2e sit yn it bestjoer.

9. Punten fan út it bestjoer

- Untwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"

Marlous van Tuinen is oanwêzich út namme fan de Skoalleseize. Marlous kriget it wurd, sy is sûnt jannewaris sekretaris fan de SKS: "We ha in protte dien dit jier, it is hast klear. It punt fan de besanding sil ik meinimme binnen it bestjoer, dit is in punt fan oandacht. It keunstgersfjild sil (foarearst) net brûkt wurde troch de KF. Kwa beraming fan kosten liket it knap, de measte rekkens binne betelle. Der wurdt ûndersyk dien nei de korrels op it keunstgersfjild om te sjen oft dit wol of net skealik is foar de sûnens. Der stean fierder foarloepich gjin grutte projekten op stapel."

- Marije Hiemstra: wa draait op foar de kosten as de korrels dochts skealik blike te wêzen?
- Marlous van Tuinen: dat sil wierskynlik in juridyske toulûkerij opleverje, mar we komme der dan fêst wol út.
- Imke van der Leest: wurdt der ek rekken mei hâlden om te keatsen op it keunstgersfjild?
- Dirk-Yde: hjir bin no gjin konkrete plannen foar, der kin op sich wol op keatst wurde. Miskien it nachtkeatsen op keunstgers. Wat Antea (leveransier keunstgersfjild) oanbelanget kinne der sûnder probleem proppen yn it keunstgersfjild.
- Jan Hiemstra: is der alris in KNKB wedstriid op keunstgers spile?
- Dirk-Yde: gjin KNKB wedstriid, mar it is al wolris yn it Cambuur stadion besocht. Der kin prima op traind wurde yn elts gefal.

- Fakatueres

Wilma jout de stân fan saken oan:

- HB: Fjilden- en materialen (maart 2017)
- HB/PR: Foarsitter PR kommisje (maart 2017)
- TK: Froulju junioaren/senioaren (maart 2017)
Manlju junioaren/senioaren/50+ (heden)
Skooljonges/Jonges (maart 2017)
- WK: Lotting/listen ledewedstriden (maart 2017)
- FSK: Skriuwer (desimber 2016)
Algemiens (heden)
- WeBSITE: 3 á 4 redaksjeleden (heden)

Wilma: "Christian sil per maart út it haadbestjoer gean. Wilma hâldt op as foarsitter fan de PR kommisje mar bliuwt wol yn it haadbestjoer. It sekretariaat en it foarsitterskip fan de PR kommisje wolle we dus útelkoar helje omdat dit beide grutte taken binne. We wolle hjir dan ek in ekstra bestjoerslid foar oanlûke om it foarsitterskip fan de PR kommisje op sich te nimmen/sit yn de PR kommisje te nimmen. Sadwaande krije we ek in ûneven oantal bestjoersleden yn it haadbestjoer, sa as de statuten foarskriuwe.

De technyske kommisje hat 3 fakatueres en de wedstriid-kommisje 1 fakatuere. Omdat Klaas Pompstra syn funksje per 31 desimber 2016 delleit binne we iverich op syk nei minsken dy't syn taken oernimme wolle; benammen foar de webside binne we op syk nei sa'n 3 á 4 redaksjeleden en ek de FSK kin 1 á 2 kommisjeleden brûke. Dus as jim tinke: dat is wat foar my of as jim immen witte foar wa't ien fan dizze funksjes fuortlein is, lit it ús dan witte!"

- 1 ledegearkomste per jier

Dirk-Yde: "De KNKB is sûnt dit jier oergien op ien ALV (Algemene Leden Vergadering) yn it jier, wat plakfynt yn it foarjier. De winsk fan út it bestjoer is om dêrby oan te

slúten. Omdat de KNKB net mear in ALV organisearret yn it neijier fine jim hjir hjoed ek gjin hammerstikken mear op ús wurklist.

Fraach is al hoe't we yn dat gefal omgean mei it fêststellen fan de begrutting en kontribúsje foar it takommende jier. Wy ha it folgjende yn de holle:

- De begrutting wurdt makke troch de ponghâlder en besprutsen yn it haadbestjoer
- Hjirnei wurdt de begrutting beoardield binnen de finansjele en stipe kommisje
- Yn de foarjiersgearkomste wurdt de begrutting oan de leden foar droegen en fêststeld
- De kontribúsje sil fêststeld wurde yn de foarjiersgearkomste en net sa as no yn de neijiersgearkomste
- De huldigingen en priisútrikking fan it kompetysjekeatsen en keats(t)er fan 't jier wolle we takom jier graach plakfine litte op de lêste ledewedstriid fan it seizoen. Mei in barbecue derby wolle we graach mei syn allen it seizoen op in passende wize ôfslúte

Binne hjir beswieren tsjin? Of binne der fragen of opmerkings?"

- Jan Hiemstra: dan wurdt it wer krekt as eartiids. It liket my in goede saak om de huldigings fuort oan de ein fan it seizoen te dwaan mar jim moat net ferjitte om noch wat foar de leden te dwaan en de feriening bymekear te hâlden tidens it winterskoft.
- Dirk-Yde: we sille dizze punten meinimme binnen it bestjoer.
- Sipke Hiemstra: hoe komt it dan mei de fakatueres dêr't jim no ek al in oprop foar dogge?
- Dirk-Yde: dan moat we dêr yn de winter ekstra ús bêst foar dwaan en aktyf minsken benaderje, wat we no úteins ek altyd al dogge.
- Dirk-Yde: as der fierder gjin fragen/opmerkings binne dan kin it sa wêze dat dit de lêste neijiersgearkomste fan de KF is.

- Muorre-keatsen/WallBall

Dirk-Yde: "As bestjoer binne we fan doel om ús mear dwaande te hâlden mei it Wall Ball, it saneamde muorrekeatsen of One Wall. Wy ha yn Easterein in prachtige akkomodaasje yn de foarm fan 3 banen yn de sporthal. Yn gearwurking mei de wurkgroep Wall Ball fan de KNKB binne we dwaande om yn febrewaris of maart takom jier in KNKB toernoai te organisearjen yn Easterein. Dêrneist sille we miskien in klinik of ledewedstriid hâlde om it muorrekeatsen mear ûnder de oandacht te bringen by ús leden. Mear nijs hjir oer folget ynkoarten."

- Sipke Hiemstra: wurdt der ek oer neitocht om bûten in muorre te realisearjen?
- Dirk-Yde: dit stiet op ús wiskelstje, dat soene we graach yn de takomst realisearje wolle.

- Marije Hiemstra: miskien yn gearwurking mei de tennisferiening in keatsmuorre realisearje?
- Dirk-Yde: we sille hjirmei dwaande, folget ynkoarten mear nijs.

10. Jildsaken: begrutting en kontríbúsje 2017 fêststelle

- René jout oan de hân fan ûndersteande tabellen tekst en útlis oer de realisearje fan 2016 en de begrutting foar 2017.

Ferwachte realisearje 2016	
	Euro
Resultaat oant no ta:	800
Reservearringen foar klean:	2.800
Ferwachte ynkkomsten	3.800
Ferwachte útjeften	1.350
Ferwachte resultaat	450
Begrutte resultaat	-460

Ynkkomsten	Begrutting 2017			Begrutting 2016
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	
Kategory	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynlis wedstriden		2.919	2.919	2.655
Sponsorjild	3.625	8.725	12.350	12.325
Kontribúsje/Trainingen	9.725		9.725	10.350
Aksjes	5.210	1.850	7.060	6.000
Subsyzjes/Bydragen	800		800	800
Farskoat	2.250	1.100	3.350	2.550
Totaal ynkkomsten	21.610	14.594	36.204	34.680

Útjeften	Begrutting 2017			Begrutting 2016
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	
Kategory	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	161	10.064	10.225	10.045
Kosten wedstriden, keatsclubs	474	2.875	3.349	2.615
Ferlottingskosten	4.445	1.600	6.045	7.885
Hier sportho, fjilden, materialen	1.715	830	2.545	2.495
KNKB en Facetasje	3.955		3.955	3.995
Aksjes	2.200	295	2.495	2.055
Materiaal	6.500	280	6.780	6.050
Totaal útjeften	21.610	15.844	37.454	35.140
Totaal ynkkomsten	21.610	14.594	36.204	34.680
Resultaat	0	-1.250	-1.250	-460

Organisaasje: (€ 0,-)

- Gat fan € 1250,- nei € 0,- brocht troch yn'e kosten te snijen/skowen
- Ynkl. oanskaf ballefanger € 1250,-

Wedstriden: (€ 1250,-)

- Heger prizejild by KNKB partijen (froulju haadklasse / 50+ A/B)
- Barbecue de Jong partij + konsumpsjes wedstriden
- Haadpriis ferlotting JFP
- Oankundigingsboerd JFP

Konklúzje:

- KF tarret € 1250,- yn op eigen fermogen y.f.m. oanskaf ballefanger
- Marije Hiemstra: komt der noch steun fanút de SKS foar de ballefangers?
- René: de konstruksje wurdt hooplik betelle troch de SKS en de netten troch de KF (selde idee as mei SDS).
- Karin Sjaarda: wat stiet der op de sparrekken?
- René: €17.000 euro, we wolle yn elts gefal minimaal € 10.000 euro op de sparrekken stean ha.
- Jan Hiemstra: ha jim no ek foardiel by de ledeôfdracht oan de KNKB as der minder leden binne?
- René: dy meifaller hiene we dit jier mar sille we takom jier net wer ha.

Foarstel kontríbúsje 2017

	2015	2016	2017	Ferskil
Kontribúsje senioaren	33,00	33,50	34,00	0,50
Kontribúsje jongerein	25,00	25,25	25,75	0,50
Trainingen jongerein				
- seal	12,50	12,50	12,50	-
- fjild	17,50	17,50	17,50	-
- beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis wedstriden				
- senioaren	3,00	3,00	3,00	-
- jongerein: Fed.Smits	1,50	1,50	1,50	-
- jongerein: KNKB	3,00	3,00	3,00	-

Op advys fan de FSK in lytse kontríbúsjeferheging, ek mei omdat we negatyf begrutsje. Dirk-Yde freget oft de gearkomste akkoard giet mei it foarstel fan de kontríbúsjeferheging → de gearkomste giet akkoard.

René ferfolget:

Ynkkomsten sels beynfloedzje troch:

- Safolle mooglik keatse!
- Ferlottings:
 - Jong-Feintepartij
 - Pearkekeatsen
 - de Jong (slotpartij)
- Finansjele aksjes:
 - Koeke-aksje
 - Poiesz Jeugdaksje
 - Jumbo Flessebonaksje (yn april)
 - Rabobank Lede-aksje (€5,- per rekken)
 - GEKE (€37,50 per lid)

- Imke van der Leest: miskien in idee om de flessebonaksje ek te kombinearjen mei it keatskamp.

René jout noch wat ekstra ynformaasje oer 2 aksjes:

Rabo ledensponsoring:

- Jildsjitter: Sponsorbudget fan de Rabobank
- Wannear: Desimber 2016
- Wa: Leden fan de Rabobank
- Hoe: www.rabobank.nl/sneek-zwf
- Koade KF: RLS146
- Opbringst: €5,- per stim/per rekken
- Meardere rekkens? Meardere stimmen!

Der sil in mail nei alle leden stjoerd wurde mei in link nei de webside, it is hiel maklik en kostet net in soad tiid mar we kin der wol moai wat jild mei fertsjinje.

GEKE:

- Leveransier: NLD (Noordelijk Lokaal Duurzaam)
- Wannear: Per direkt/Ein kontrakt
- Wa: Eltsenien
- Hoe: www.geke-easterein.nl
- Opbringst: €37,50 foar KF + €37,50 foar doarp
- Sipke Hiemstra: hoefolle binne der oerstapt?
- René: op it stuit 3. Jou by oerstappen wol goed oan dat it jild nei de KF moat. Foar elts leit der in sheet op tafel hoe't de Rabo aksje en it oerstappen nei GEKE wurket.

René wurdt betanke foar syn dúdlike útlis.

11. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren

- Mattie kriget it wurd: "It ôfrûne jier hat Hans Kooistra foar ús de kompetysjestannen byhâlden. Elske die dat altyd mar omdat sy út it bestjoer gien is moasten we dat oars oplosse. Hans tige tank datsto dat foar ús dwaan woeste! Fan maie ôf is der wer omraak kompetysje keatst. It foel ús wol op dat de dielname net echt hiel grut is neffens it oantal leden wat we ha. Graach soene we witte wolle wêr't dat no oan lizze kin. Mar de minsken dy't altyd trou komme ha wer striden foar de, hast antike, bekens dy't elk jier wer útdield wurde. Ynearsten wol ik graach de winners fan ferline jier nei foarren ha. Sy krije in oantinken foar it feit dat se winner wiene fan de kompetysje fan 2015. Dus Klaske, Eefje, Petra en Tom graach noegje ik jim út om efkes by my te kommen."

Winners 2015

Manlju

- 1e Rémon Tie Bouma (70 punten) net oanwêzich
- 2e Tom Couperus (69 punten)
- 3e Abe Jan Stegenga (68 punten) net oanwêzich

Froulju

- 1e Petra Jellema (93 punten)
- 2e Eefje Hiemstra (64 punten)
- 3e Klaske Plantinga (56 punten)

Mattie dielt de 'herinnerings t-shirts' út oan de priiswinners fan foarrich jier. Hjernei giet Mattie oer nei de priiswinners fan dit jier:

Winners 2016

Manlju

- 1e Tom Couperus (83 punten)
- 2e Sipke Hiemstra (75 punten)
- 3e Hans Kooistra (70 punten)

Froulju

- 1e Petra Jellema (82 punten)
- 2e Eefje Hiemstra (71 punten)
- 3e Klaske Plantinga (60 punten)

De priiswinners fan dit jier krije út hannen fan Mattie de wikselbekers.



12. Keats(t)er fan it jier

- Sjoch punt 6.

13. Omfreegjen

- Jan Schurer: tank foar it presintsje.
- Sipke Hiemstra: foarrich jier ha ik al frege wêrom wy net sa folle bûnswedstriden hawwe yn Easterein, hoe liket dit foar takom jier?
 - Mattie: wy wolle hiel graach NK's ha mar foar takom jier stiet it al fol, foar 2018 en 2019 ha we NK's oanfrege.
 - Dirk-Yde: wy wiene lang yn de ferûnderstelling dat we allinnich in NK krije koene as we in lustrum hiene, mar dit is net (mear) it gefal, we meitsje der wurk fan.

14. Sluting

- Dirk-Yde slút om 22.18 oere de gearkomste: "Tank foar jim komst! Op snein 11 desimber ha we noch in sealkeatswedstriid op de agenda stean. Dêr binne jim fansels wer fan herte wolkom. Foar no wol ik jim tige tankje foar jim oandacht. Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hús. Mar oars, wol thús!"

Op nei it keatsjier 2017, wêrby we 2016 wer efter ús litte

De belangrykste taken fan de technyske kommisje binne it organisearjen fan de trainings foar alle kategoryen, it regeljen fan keatstrainers en it gearstallen fan de ôfdielingspartoeren.

Om't wy graach wolle dat der goeie besluten naam wurde, ha wy yn 2016 foar in nij konsept keazen oangeande de gearstalling fan de ôfdielingspartoeren. Sa ha wy der foar keazen om de earste moannen fan it keatsjier mienskiplike gearkomsten te hâlden mei de jeugd-kommisje, op dizze wize wurde de besluten breed droegen binnen de feriening. Dizze opset hat ús goed foldien en sil ek yn 2017 wer ynsetten wurde.

It wie in dreech jier oangeande de trainings, de opjeftes wiene goed en wy ha as feriening ek in soad goeie en diplomearde trainers, allinnich binne dit ek aktive keatsers en dêrom binne sy net altyd beskikber. Foar dit jier ha we wat in nije opset oangeande de trainingsdagen en hoopje wy dit probleem sa op te lossen.

It gearstallen fan de ôfdielingspartoeren is de grutste en dreechste taak fan ús kommisje. Der kinne mar trije keatsers nei in NK, wat dochs de belangrykste wedstriden op ôfdielingsnivo binne. Leit hjir in miste kâns foar de KNKB? Moat it miskien mooglik wêze dat der mear as 1 partoer nei in NK ta kin? Wy sille it de kommende jierren ôfwachtsje.

Der binne in soad hichtepunten west, mar it hichtepunt fan dit jier wie fansels de finale fan it NK pupillen jonges yn Wommels. In prachtige twadde priis ha sy helle. It hiele seizoen ha de jonges net in soad omlopen wûn. It wykein

foar it NK hat der noch in wikseling yn it partoer plak fûn, sa is Jelmer Brouwer yn it partoer kaam en moasten wy Arjen Stremler teloarstelle. It wie in dreech mar breed droegen beslút binnen de TK en de JK.

In slutend partoer mei Rutger Sijbesma, Jelmer Brouwer, Redmer Wiersma en coach Harm-Auke Dijkstra mochten yn Wommels oan de start ferskine. Se wisten de 1e trije omlopen winnend ôf te sluten en kamen, mei in steand nûmer op de 4e list, yn de finale. In finale tsjin favoryt Dronryp. Nei in reedlik lyk opgeande striid wie al gau dúdlik dat Dronryp te sterk wie, en net te stopjen wie troch de trije mannen fan Easterein. De finale waard dan ek fertsjinne wûn troch Dronryp en sa hie Easterein in geweldich moaie twadde priis te pakken. Mannen gean sa troch, wat soe it moai wêze as wy jimme oer in pear jier sa skitterjen sjogge op de Freule yn Wommels.

Hjirmei wol ik in koarte weromblik nei 2016 ôfslute. Wy steane oan de start fan 2017 en hoopje dat der dit jier ek wer súksessen komme meie. **Mar..... keatse mei nocht en wille is fansels it alder belangrykste!!!**

Technyske Kommisje,

Robert, Bauke, Marije, Judy, Jelte en Marten



It Wallball-libben fan Roelie & Corrie

Neist it gewoane Fryske keatsen hawwe wy noch in favorite sport en dat is Wallball. Foar de minsken dy't net witte wat Wallball is, dat is muorrekeatsen. Wy binne begongen by de KNKB om te trainen, mar dy holden der mei op. Lokkich hat Simon Minnesma it fjouwer jier lyn wer oppakt. Corrie traint 3 kear yn de wike, Roelie traint 2 kear yn de wike. Ien kear yn de twa wiken komt Corrie har favorite trainer, Geert van der Velden út België, om trainen te jaan yn Frjentsjer.

Toernoaien yn Nederlân

Simon Minnesma organisearret eltse moanne in toernooi. Wy binne dan fansels eltse kear fan de partij. Roelie keatst dan altyd mei Rixt Fokkema en Corrie mei Fiera de Vries.

Ynternasjonale toernoaien

Simon Minnesma hat no twa kear in ynternasjonaal toernooi organisearre. Dêr hawwe wy beide kearen oan mei dien. Spitigernôch wiene der foarich jier gjin bûtenlanners yn ús kategory mar dit jier wiene der Spanjaarden en Belgen by. Corrie wie beide jierren earste mei har maat en Roelie wie beide jierren twadde mei har maat.

Belgium Open

Dit jier hat Corrie foar it earst nei it bûtenlân west te keatsen, dat wie yn België. It wie in hiele moaie ûnderfining.

Dutch open

It wykein nei de 'Belgium Open' hiene we in ynternasjonaal toernooi yn Nederlân, dat wie de 'Dutch Open' yn Frjentsjer. Trochdat je oan ynternasjonale toernoaien mei dogge leare je in protte, mar je leare ek in soad minsken kinnen.

Corrie har grutte dream

Corrie har grutte dream is dat se meidwaan mei oan it EK yn july 2017 yn Frankryk.

Keatsmuorre yn Easterein

Wy fine it wol spitich dat der net mear Eastereiners oan Wallball dogge. Wy soene it erch op priis stelle as der yn Easterein in keatsmuorre komt.

*In Wallball groet fan
Roelie & Corrie Kroondijk!*



Keatser fan it jier 2016!

**En dêr stiet der dan yn'e keamer, de wikselpriis fan de keatser fan it jier.
Ik wist fan it bestean net iens ôf...**

2016 wie wer in moai keatsjier. As 1e jiers pupil mocht ik by de KNKB wer yn de A-klasse keatse. Mei it skoallekeatsen mochten we nei de finale-dei yn Frjentsjer dêr't we de kening en keniginne live seagen. En oan de ein fan it seizoen mocht de wikselpriis fan it kompetysje keatsen wer mei nei hûs.

Mar de moaiste keatsdei foar my wie dit jier yn Wommels. It NK pupillen jonges, tegearre mei Jelmer Brouwer, Rutger Sijbesma en coach Harm Auke ha wy de 2e priis wûn. En wat ha wy in moaie dei hân. Yn de ôfdielingswedstriden gjin priis wûn, dus hiene we gjin ferwachtings, mar we hiene in moai lot, dus... Alles rûn sa as it rinne moast, oant de finale, Dronryp wie in maatsje te grut.

En wat komt dêr wat efter wei. In huldiging hjir, in huldiging dêr, in bioskoopbon hjir en in bioskoopbon dêr. Sa wiene we as partoer ek útnoege foar de neijersgearkomste fan de KF, dêr't we noch in kear yn it sintsje setten waarden.

En doe wie it punt keatser fan it jier en waard myn namme sein en krige ik in grutte wikselbeker fan Imke van der Leest (keatser fan it jier 2015).

Bedankt hjirfoar, ik bin der bliid mei.

Redmer Wiersma



Foar de lêste kear ...

Keatsfreonen, it jier 2016..... (efkes tinke): Prestaasjes fan Max Verstappen, 'Horror clowns', Skrikkeldei, Dieretún Emmen' waard 'Wildlands', presidint Trump, Oekraïne wint it Sjongfestival, de Olympyske- & Paralympyske simmerspelen yn Rio de Janeiro en noch folle mear!

Mar hjir yn Easterein sit it keatsseizoen fan 2016 (en myn lêste jier as bestjoerslid) d'r wer op. Sels de keatspartij yn de seal is alwer west op' t stuit dat ik dit stikje skriuw. We hienen dit jier wer aardich wat wedstriden op' t skema, dus wer genôch te dwaan. It B-fjild is wyls wat grutter wurden dus d'r koenen hiel wat perken lizze. It moaiste is dochs dat it hiele fjild fol stiet mei âldere of jongere keats(t)ers. Gelokkich hie ik it ôfrûne seizoen ek wer fantastyske hulpen dy't my regelmjittich holpen hawwe mei it lizzen fan de fjilden.



It wichtichste is dat d'r foar my in ferfanger yn it bestjoer komme moat. Ik ha dizze taak no 6 jier dien en no is it de beurt oan in 'fris bestjoerslid'. De belangrykste taken binne: der foar soargje dat de materialen foar elkoar binne en soargje dat de fjilden yn it moaie griene gers lein wurde.

Ik ha mei in hiel soad nocht en wille myn taak folbrocht, dêrneist sitte d'r toppers yn it bestjoer en ha ik yn dizze 6 jier in hiel soad leard. Hooplik is d'r immen dy't dizze útdaging fan my oernimme woll!

Bedankt foar alles!

Mei freonlike groetnis,

Christian Hoekstra (Fjilden- en materialekommissje)

Mei syn allen wer in boppeslach makke!

It jier 2016 leit wer efter ús. Wy ha as wedstriidkommissje wer in moai keatsseizoen hân. It is wer slagge om der mei in protte minsken in sportyf keatsjier fan te meitsjen. Sa as we alle jierren sizze, jim kinne it yn de ferslaggen lêze dy't makke wurde troch de PR kommissje, wy kinne net sûnder de ynset fan alle frijwilligers. Troch it entúsjasme fan al dizze frijwilligers ha wy der as kommissje ek in soad nocht oan de wedstriden te organisearjen. We hoopje dat alle keatsers hjir ek sa oer tinke.

KF Easterein stiet wol bekind as ien fan de ferienings dy't it goed foar elkoar hat. Goeie karmasters, blokjerinners en fersoarging mei de KNKB wedstriden, orizjinele prizen mei de federaasje- en ledewedstriden. Dit dogge we fansels mei ús allen. **Minsken tige tige tank hjir foar!!**

De resultaten dy't yn 2016 troch de keatsers behelle binne, kinne jim yn dit jierferslach werom fine. De foto's fan de priiswinners stean der by. Sa ha we alle jierren in moai oersjoch fan de sportive súksessen.

We ha sa ek ús eigen súkses hân. Ofrûne jier is de slotwedstriid fan de senioaren wat opfrist, in ledewedstriid en nei ôfrin in bbq foar de keatsers en oare belangstellenden. We binne fan doel dit elts jier oan de ein fan it seizoen te dwaan om sa it keatsseizoen op in feestlike manier ôf te sluten.



We hoopje jim yn 2017 wer te moetsjen op de keatsfjilden, as keatser, frijwilliger of taskôger. Wy ha der wer sin oan!!

De wedstriidkommissje,

Anny Sjaarda, Jelle de Boer, Wiepkje Hiemstra, Tjerk Politiek, Mattie Dijkstra

Hoi, ik bin
Rikkert de Kikkert!



Fan'e PR-kommisje

We ha wer in prachtich keatsjier efter de rêch mei as PR-hichtepunt fansels de Jong-Feintepartij en dit jier ek de yntroduksje fan'e nije KF Easterein maskotte: Rikkert de Kikkert!

De Jong-Feintepartij waard alwer foar de 12e kear organysearre, dit kear wer as fertroud op it B-fjild. Nettsjinsteande it foar it grutste part minne waar, mochten wy net kleie oer it oantal besikers en de sfear wie d'r ek seker net minder om. De dei waard dan ek gesellich ôfsluten mei in hapke, drankje en noflikke muzyk.

Wat is d'r bard?

By it keatskamp fan 2016 wie der in nije gast! In gast dy't foar altyd yn Easterein bliuwe sil! Syn namme is: Rikkert de Kikkert. Op moandei 2 maaie waard de nije maskotte op spektakulêre wize ûntbleate en de bern mochten sels in namme betinke foar de grutte, griene kikkert, dit waard Rikkert.

Anke Marije en Hendrik binne op 11 augustus de grutske âlders wurden fan harren famke Dianthe.

Rika hat nei 5 jier besletten om it stokje binnen de PR oer te dragen oan in oar. Har ferfangster is Greet Jorritsma wurden, wy stelle har graach oan jimme foar: Greet wennet, sa't de measten fêst wol witte, mei Tom Couperus en harren trije bern op de Fabrykswei. Sels is se gjin keatser, mar omdat Tom graach keatse mei, komt sy simmers ek wol op it keatsfjild om efkes nei it keatsen te sjen en fansels foar de gesellichheid. Sûnt april 2016 sit sy yn de PR kommisje fan de KF Easterein, doe hat sy it stokje oernommen fan Rika Okkema.

In grut diel fan Greet har taken bestiet út it trochlêzen en oanpassen fan de stikjes en ferslaggen dy't sy oanlevere krijt fan de bestjoers- en kommisjeleden. In pear jier lyn hat se de Afûk kursus 'Frysk skriuwen' folge, dus se hopet dat it

har goed ôf gean mei. De (oanpaste) stikjes en ferslaggen stjoert sy wer troch nei Froukje en dy soarget der foar dat alles op in moaie en oersichtlike manier yn it jierferslach of it programmaboekje komt. Oant no ta liket it Greet wol goed ta by de PR kommisje, sa kin sy it Frysk wer wat ophelje en boppedat ha wy in leuk en gesellich groepke froulju en dat is fansels ek belangryk.

Wat stiet d'r te gebeuren?

Trochgeans binne we dwaande om alles op PR gebied draaiende te hâlden, fan kristkaart oant in kompleet programmaboekje en fan ferieningsklean oant KF Toko.

Kwa nijchheden gean we foarearst in rêstich jier temjitte, mar je witte mar nea wat d'r noch wer op ús paad komt. Yn elts gefal sille wy ek it kommend jier mei ús allen wer alles op alles sette om d'r in prachtich nij keatsseizoen fan te meitsjen!

De PR Kommisje,

Wilma, Akke Jikke, Anke Marije, Froukje, Greet en Jetske

In pear feroarings by de jongerein

Ofskied nimme fan in kommisjelid is nea in leuk barren. Ofskied nimme fan in kommisje ek net. It hat dan ek in pear gearkomsten duorre foardat we echt bestjoerlik ôfskied nommen hiene fan ús sekretaris Carin Ypma. Nei in perioade fan goed 6 jier hat sy de pinne oan de wylgen hongen. Net dat se thús efter de geraniums sitten giet hear, want se is al wer benadere troch oare bestjoeren.

Ut namme fan de JK en alle jeugdleden betankje we Carin foar har jierrenlange ynset foar de jongereinkommisje en foar de keatsende bern fan Easterein. Fansels moast der foar Carin ek wer in nij kommisjelid komme. Danny Roos is ree fûn om dat plakje op te foljen. Danny woe wol foarsitter wurde en Hans sekretaris. Hjirmei is de jongereinkommisje wer kompleet foar it nije seizoen.

In pear feroarings yn dit nije seizoen

As earste sitte wy as jongereinkommisje yn de moannen maart oant en mei juny in pear kear mei de technyske kommisje om tafel om de ôfdielingspartoeren gear te stallen. In tige wichtige saak om de goeie persoanen nei de ferskate ôfdielingswedstriden te krijen.

De jonges/famkes kategory mei op de tiisdeitejûn wer kompetysjekeatse, ek kinne se meidwaan mei de ledepartijen foar de jongerein. Fansels kinne se der ek foar kieze om mei de ledepartijen foar de senioaren mei te dwaan. It docht bliken dat de stap jonges/famkes nei de senioaren ta wol hiel grut is foar guon keatsers. Se hawwe der gjin nocht oan om mei dy 'âlde mantsjes of wyfkes' te keatsen. We litte se dêrom noch lekker keatse mei harren eigen leeftyds-genoaten en wy, as jongereinkommisje, hawwe de jonges/famkes kompetysjebeker wer út de kast helle.

It kabouterspul wie der ferline jier al út. De kabouters keatse no mei 2 keatsen. Nij dit jier is dat de kabouters mei in grutte bal keatse, dit op fersyk fan de TK, dit komt it tuskenspul en hjirmei it keatsen te goede. We moasten skowe mei de tiden fan de partijen op de woansdei. De legere skoalle is oergongen op it kontinu-roaster en de bern binne no op woansdeitemiddei om 14.00 oere út. De partijen foar de jongste kategoryen begjinne tenei om 15.00 oere.

Op de wedstriidaginda fan 2016 stiene 2 x in woansdeipartij, 1 x in sneonspartij, de âlder-bernpartij en it nachtkeatsen mei de slotjûn.

Op woansdei 11 maaie wie de earste wedstriid fan it keatsjier, tradisjoneel is dit de **Kniplokaeltsje-partij**. Foar guon keatsers it earste kontakt mei in keatsbal want dit is de partij dêr't alle kabouters, lid of gjin lid, oan mei dwaan meie. De start foar de jongste bern wie dus om 15.00 oere en foar skoaljeugd en jonges/famkes om 17.00 oere. Der wiene 4 partoeren by de kabouters. Brecht Stegenga en Jarno v/d Weij hiene alle partijen wûn en gongen mei de krânse nei hûs. By de welpen wiene der ek 4 partoeren. De 1e priis wie foar Anke Blanksma, Jorn Hiemstra en Tjitske Joustra.

By de pupillen waard der mei 6 partoeren keatst. Hjir wie 1 partoer mei de folle winst en dat wie it partoer fan Redmer Wiersma, Jildert Hiemstra en Marije Zijlstra. By de skoalbern wiene der 4 partoeren. De winst gong hjir nei Nynke Paauw en Marrit Hiemstra. By de jonges/famkes waard der ek mei 4 partoeren keatst. Rutger Wiersma en Corrie Kroondijk wiene hjir de grutte winners.



Op 8 juny wie de **Altac-partij**. Tige spiich wie de miskommunikaasje, want op dizze dei wie ek it skoalkeatsen en dêrtroch wie der wat minder dielname by de Altac-partij. By de kabouters wiene der 4 partoeren, de winners wiene Brecht Stegenga en Mare van der Velde. By de welpen stiene 6 partoeren op 'e list en waard der keatst neffens it poulesysteem fan de KNKB. Allegearre 3 x keatse en dernei de earsten by inoar optelle. Der wiene 2 partoeren dy't nei 3 omlopen alle 3 partijen wûn hiene, dus dêr gong it om de tsjinearsten. De 1e priis wie foar Liset Sijbesma en Geertje van der Weide mei 21 punten foar en 7 tsjin. By de pupillen wie der 1 poule mei 4 partoeren, dus poule-keatsen. Allegearre 3 omlopen yn it spier en dernei earsten telle. Ien partoer hie alle 3 omlopen wûn dus foar harren hjoed de krânse. De 1e priis wie foar Niels Hiemstra en Marije Zijlstra mei 21 foar en 6 tsjin. By de skoaljeugd en de jonges/famkes waard der keatst neffens it poulesysteem mei 6 partoeren. 1e priis: Rutger Wiersma, Nynke Paauw en Marc Janssen.

Op 19 juny wie de tredde partij fan it keatsjier, de **âlder-bernpartij**. Al in oantal jierren keatse wy dizze dei sûnder krânsen en prizen, mar foar de wille. Alle âlders kinne sa meidwaan, ek al ha se oare talinten as it keatsen, dat makket de sfear op sa'n dei tige ûntspannen en hiel gesellich foar jong en âld. Der binne wol stipers foar dizze partij, 'Fakwurk' fan Jan Rinse Blanksma en Sandstra Mesthandel en Transport. It stipersjild

wurdt op sa'n keatsdei brûkt foar in lekker bakje kofje, tee of limonade en foar lekkere hapkes tusken de wedstriden troch. Der wie in opjefte fan 24 partoeren en troch wat te skowen mei de kategoryen hiene we in moaie list. Elkenien koe 3 x keatse, gjin 3 spul is út, mar 30 minuten lang. It waar wurke ek goed mei, sa kinne wy werom sjen op in tige slagge keatsmiddei foar sawol de bern en de âlders as it publyk!

De **Bos-partij** stie foar sneon 16 july op de agenda mar troch in gebrek oan JK bestjoersleden moasten we útwike nei de snein. By de kabouters in poule mei 4 partoeren dêr't we lotte hiene mei 3 ferskillende listen. Dus eltse kear in oare maat en dan nei 3 partijen de earsten en tsjinearsten byinoar optelle. Dit wie de útslach: 1e priis A maat mei 21 punten: Sybrand Stremler. 1e priis B maat mei 18 punten: Mare van der Velde. By de welpen ek 1 poule mei 4 partoeren. Der wie nei 3 omlopen 1 partoer mei 3 oerwinnings en sy gongen dus mei de krânse nei hûs. 1e priis mei 21 punten: Nyka Ottens en Ridzert Veldman. By de pupillen 2 poules fan elk 3 partoeren, de winnende partoeren út beide poules moasten it tsjin inoar opnimme. Nei 3 omlopen wie dit de útslach: 1e priis mei 19 punten: Siebo Boersma en Niels Janssen. De skoaljeugd en de jonges/famkes keatsten hjoed by inoar en hjir hiene we ek poulekeatsen, der wiene 4 partoeren. 1e priis mei 21 punten: Mirjam Punter, Sydrik Kooistra en Nadja Sixma.

We hiene noch 2 krânsen oer, wy fûnen dat Anny Sjaarda en Tinie Hoekstra, de 2 froulju efter de bar, dizze hjoed fertsjinne hiene. Beide noch nea in krânse wûn en no koene se grutsk mei de hage om' e nekke nei hûs.



De lêste partij wie it **nachtkeatsen** op freed 9 septimber, dizze partij waard stipe troch MRW Accountants en Sporthuis A.P. vd Feer. Om 18.00 oere earst patat, in frikandel en limonade en hjirnei keatse. Dizze kear wie dat efter de sporthal omdat it foarste fjildsje krekt ynsjiddde wie. Net de meast gesellige opsje mar op dat stuit wol de bêste.

De útslach fan it nachtkeatsen: Kabouters: 1e priis A maat: Sybrand Stremler, 1e priis B maat: Sybrecht Overal. Welpen: 1e priis A maat: Liset Sijbesma, 1e priis B maat: Jorrit Stap.

Pupillen: 1e priis A maat: Jelmer Brouwer, 1e priis B maat: Jildert Hiemstra. Skoaljeugd en Jonges/Famkes: 1e priis A maat: Selma de Boer, 1e priis B maat: Nynke Paauw.

Neist dizze partijen waard der op de tiisdeitejûn ek wer fanatyk kompetysjekeatsst. Dit jier wie der wer in kompetysjepriis foar de jonges- en famkeskategory. De lêste kear dat dizze priis útrikt waard wie yn 2010. We hawwe dizze priis wer yn it libben roppen omdat, wy as JK, bang binne dat dizze jeugd ophâldt mei keatsen as se mei de senioarekompetysje meidwaan moatte.

Kompetysjepriizen

Kabouters	1e priis	Sybrand Stremler	85 punten
	2e priis	Jarno v/d Weij	79 punten
	3e priis	Noa Ottens	60 punten
Welpen famkes	1e priis	Liset Sijbesma	63 punten
	2e priis	Tjitske Joustra	62 punten
	3e priis	Nienke Zijlstra	52 punten
Welpen jonges	1e priis	Jesper Paauw	76 punten
	2e priis	Jorn Hiemstra	59 punten
	3e priis	Ridzert Veldman	58 punten
Pupillen famkes	1e priis	Benthe Ottens	60 punten
	2e priis	Senay Sixma	50 punten
	3e priis	Judith v/d Weerd	35 punten
Pupillen jonges	1e priis	Redmer Wiersma	84 punten
	2e priis	Jelmer Brouwer	66 punten
	3e priis	Redmer Stegenga	54 punten
Skoalfamkes	1e priis	Roelie Kroondijk	82 punten
	2e priis	Nynke Paauw	70 punten
	3e priis	Amber Reijnhoudt	56 punten
	3e priis	Nadja Sixma	56 punten
Skoaljonges	1e priis	Marc Janssen	51 punten
	2e priis	Bauke Reijnhoudt	47 punten
	3e priis	Jan Dirk Joustra	44 punten
Jonges/Famkes	1e priis	Sydrik Kooistra	54 punten
	2e priis	Julia Paauw	41 punten
	3e priis	Rutger Wiersma	32 punten

Ta beslút wolle wy alle frijwilligers en stipers dy't it jongereinkeatsen in waarm hert ta drage, tige tank sizze en we hoopje dat we it oare jier ek wer in berop op jimme dwaan meie.

De Jongereinkommisje,

Klaas Sixma, Danny Roos, Joke Wiersma, Annette Kroondijk, Liesbeth Bootsma, Fetsje Terpstra en Hans Kooistra

Finansjele- & stipekommisje

Sa as yn it jierferslach fan 2015 al optekene wie, is René Rijpma yn de foarjiersgearkomste fan 2016 keazen yn it bestjoer fan Keatsferiening Easterein yn' e funksje fan ponghâlder. Hy hat fan it begjin fan it jier ôf by de finansjele- en stipekommisje sitten en is troch benammen Klaas Pompstra hielendal klear steamd foar syn nije funksje. Dêrmei is de kommisje wer op 'dikte' brocht en hat de finansjele- en stipekommisje yn 2016 foltallich har taken úffiere kind. Alle aktiviteiten fan de Keatsferiening Easterein moatte finansjeel dutsen wurde en ús feriening stiet bekind as in tige aktive feriening, sadat der elk jier wer in moaie útdaging leit om it finansjeel rûn te krijen.

We priizje ús as feriening lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwt en somtiden sels ekstra stipet. Mei de ynset fan tal fan frijwilligers binne we der yn slagge om de ynkomsten út stipejilden, finansjele aksjes en oare bydragen/subsydzjes op nivo te hâlden en ek 2016 wer ta in (finansjeel) súkses te meitsjen. Lâns dizze wei wolle we alle stipers, frijwilligers en oare ynstânsjes derfoar wer tige tank sizze.

De taken fan de finansjele- en stipekommisje binne oer 2016 sa ferdield west:

Tjeerd: foarsitter
 Klaas: skriuwer, stipe-administraasje en stiperkontakten
 René: kontakt HB as ponghâlder
 Tymen: fûnsen en stiperkontakten
 Anco: aksjes en stiperkontakten
 Hendrik: algemien lid en stiperkontakten

Oan de ein fan 2016 hat Klaas Pompstra oanjûn mei yngong fan 2017 op te hâlden mei syn frijwilligerswurk foar de Keatsferiening Easterein. Sa'n 16 jier is hy yn it spier west foar de Keatsferiening Easterein yn ferskate funksjes en rollen, hy hat oanjûn dat it tiid wurdt foar oare wichtige saken. Mei troch syn jierrenlange ynset en ynspiraasje ha wy as Keatsferiening Easterein yn al dy jierren in soad berikt. Neist de taken dy't ûnderbrocht binne by oare kommisjes, sille wy as finansjele- en stipekommisje de ferskate taken fan Klaas, foar safier mooglik, ferdiele en wolle wy besykje om de kommisje foar 2017 wer oan te foljen mei in nij kommisjelid. Wy ha der dan ek alle betrouwen yn dat ek 2017 wer in (finansjeel) súkses wurde sil.

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene taljochting derop, makke troch René Rijpma yn gearwurking mei Klaas Pompstra.

Stipers

Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Haadstiper Jong-Feinte

It Dielshûs Wommels

Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Wedstriidstipers

Oranjeferiening Oranje & Heitelân Easterein

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje Easterein

Posthuma Skilderbedriuw Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V. Easterein

MRW Accountants & Adviseurs Snits

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart Wommels

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Bloemsierkunst De Vlinder Wommels

B. Sandstra Mesthandel en Transport Easterein

Autoschadeservice van Krimpen Easterein

Murk's Slagerij Wommels

Handelsonderneming Altac Easterein

Sporthuis A.P. van der Feer Boalsert

Fakwurk Easterein

Anonym Easterein

Jong-Feinte stipers

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland Snits

Int. Handels- & Transportbedrijf Gebr. Vellinga B.V. Easterein

Jan Hiemstra Frjentsjer

Juwelier Kramer Frjentsjer

Bakkerij Posthuma Wommels

V.D. Werf Bouwservice Easterein

Gebroeders Faber Grafmonumenten Easterein

Mitselbedriuw BOU-plus Wommels

Stifting Skoalleseize
Keatsferiening Wommels
Boubedriuw Bootsma B.V.
Jouke Huitema
HDM Pipelines B.V.
Noflik Easterein
Jumbo Wommels
ECOstyle B.V.
ROJO Steigerbouw B.V.
Libertas Technical Solutions
Punter Bouwservice

Easterein
Wommels
Tirns
Nijlân
Wommels
Easterein
Wommels
Easterwâlde
Easterein
Easterein
Easterein

Keatskamp stiper

Coop Tolsma

Winsum Fr

Advertinsje stipers

FOOX | Bergsma Franeker B.V.
Brouwers Schilders - Jimbar
Mr. Th.J. Houtsma Notariskantoor
Mondzorg Harkema
BOIKON B.V.
Vellinga Werkschoenen Kleding

Frjentsjer
Wommels
Warkum
Harkema
Leek
Nijemardum

Webstiper

Bakkerij Molkwar

Joure

Aksjes

Yn 2016 hawwe we de 9e edysje fan ús jierlikse koeke aksje hâlden. Begjin maart waard der mei frijwilligers in berch koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 1.973 (opbringt € 4.188, kosten € 2.215)**. Der waard dus flink mear ferkocht as yn 2015 (netto winst € 1.032). Litte we ek dit jier wer manmachtich by de doarren lâns gean foar noch ris sa'n topresultaat!

Finansjeel

De begrutting foar it stipe- en subsydzjebedrach foar it jier 2016 bedroech **€ 13.125 (stipe € 12.325, subsydzje/bydragen € 800)**.

Yn 2016 waard oan bydragen fan stipers, subsydzjes en (by-sûndere) bydragen in totaalbedrach ûntfongen fan **€ 13.315**. It bedrach bestiet út: stipers **€ 12.652** en subsydzje/bydragen **€ 663**. Dêrneist waard yn natuera in bedrach stipe fan **€ 1.100**. De rekken 2016 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2017 presintearre. Foar 2017 hawwe we in bedrach begrutte fan **€ 13.150 (€ 12.350 oan stipe en € 800 oan subsydzje en bydragen)**.

De finansjele- en stipekommisje,

Anco Elgersma, Hendrik Okkema, Klaas Pompstra,
René Rijpma, Tymen Dijkstra en Tjeerd Dijkstra



Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach fan 2016

Al mei al is 2016 in spannend jier west foar de ponghâlder. Al hie ik dan wol wat ûnderfining as ponghâlder (lang lyn) by in jeugdhonek yn myn berieplak, troch bûtensteanders ek wol it wylde westen fan Fryslân neamd, dizze kear giet om it om serieuze saken. Mei yn'e efterholle dat der in soad finansjele kennis efter my stiet yn sawol HB as FSK, bin ik dan ek fol entûsjasme begûn mei it bestellen fan in boek, 'Boekhâlde foar Dummies'. Nei dizze tarieding en gâns learsume sessys mei kommissielid Klaas Pompstra, doar ik te sizzen dat it eins bêst goed giet.

Oer it resultaat is ek net te kleien, al binne der wol in pear kanttekeningen by dit resultaat dy't net ferjitten wurde moatte.

Finansjele posysje

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearringen, sribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen te hâlden fan minimaal € 10.000. We sitte noch altyd sa'n € 5.400 boppe dy grins en dat is tige sûn. Dêrneist hawwe we no in bedrach fan hast € 6.800 oan reservearringen op de balâns stean foar klean en it keatskamp. Oer 2016 hawwe we de aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden, nei reservearringen, mei in posityf netto resultaat fan € 1.378 ôfsletten. Dat betsjut dat we op 31-12-2016 in eigen fermogen hawwe fan € 15.407. As je de reservearringen foar klean (€ 2.796) en keatskamp (€ 100) bûten beskôging litte, hawwe wy 2016 ôfsletten mei in posityf bruto resultaat fan € 4.274.

Stipers

Dit jier meitsje de stipers ek wer in wichtich diel út fan de ynkomsten fan de keatsferiening. Yn 2016 makke it stipersjild 35,5% út fan de begrutting. Yn de realisearre bestie 34,5% fan de ynkomsten út stipersjilden. As keatsferiening Easterein binne we dan ek tige grutsk en tankber foar al ús stipers.

Oer 2016 hat ús keatsferiening in totaalbedrach fan € 13.315 (2015: € 15.218) oan stipe- en subsydzejild ûntfongen. Dit bedrach is sa ferdielt: stipers € 12.652 (2015: € 12.239) en subsydze/bydragen € 663 (2015: € 719). Der is yn natuera foar € 1.100 (2015: € 2.260) stipe.

Resultaat

Sa as al earder oanjûn, hawwe wy it boekjier posityf (€1.378) ôfsletten, dêr wêr't in negatyf (-€460) resultaat begrutte wie.

It resultaat fan sawol de organisaasje (€ 684) as dy fan de wedstriden (€ 695) is posityf. It resultaat op wedstriden is ûnderferdielt yn KNKB (€ 19), federaasje (€ 15) en leden (€ 661). Hjirby mei oantekene wurde dat it resultaat op'e ledepartijen foar fierwei it grutste part bestiet út winst op'e keatsclinics.

Lykas altyd binne der in oantal saken oars realisearre as begrutte. Ik ha besocht it sa dúdlik mooglik yn de tabel mei de taljochting op de eksploitaasjerekken te setten.

In wichtige opmerking hjirby is dat de hier, dy't wy normaal sprutsen foar de fjilden betelje, dit jier net betelle is. Foarhinne betellen wy de hierkosten foar jier X yn desimber fan it jier derfoar. Sadwaande waarden de kosten ek yn dat boekjier meinaam. Om't der in nije ferdielkaai komme moast sûnt it keunstgersjild der leit, komt de faktuer dit jier wat letter. Wy hawwe besletten om de hierkosten dan ek nei 2017 te skowen, om't de kosten hjir eins ek hearre.

Dit hâldt wol yn dat it resultaat fan 2016 dus ûngefear € 980 (begrutting) heger útfallen is as dat oars it gefal west wie.

Twadde post dy't ik efkes taljochtsje wol is organisaasje-kosten wedstriden. Dy lykje yn 2016 wat heech út te fallen. Mei nammen de konsumpsjes by de wedstriden. Nei analyse docht bliken dat 2015 fier ûnder it gemiddelde lei, dêrtroch is 2016 wat te leech begrutte. As je oer de lêste fiif jier sjogge (2015 en lustrumjierren net meinommen) is it aardich neffens it gemiddelde. Der wie ek net begrutte om in BBQ (€ 380) te hâlden oanslutend op'e de Jong partij, ek is de muzyk by de JFP (€ 320) realisearre ûnder dizze post, wylst it begrutte wie ûnder ferieningskosten.

Begrutting 2017

Yn de begrutting fan 2017 is ûnder materiaal € 1250 begrutte foar in ballefanger oan'e lange side fan it B-fjild. Hjirtroch ûntstiet in negatyf resultaat fan € 1250. Om û.o. dizze plannen yn 2017 realisearje te kinnen en de ferhâlding tusken stipers en oare ynkomsten gelyk te hâlden, hat de ledegearkomste (nejier) ynstimd mei in kontribúsje ferheging fan € 0,50 foar alle leden.

Finansjele aksjes

Wy binne as feriening ôfhinklik fan frijwilligers. By dizze wol ik graach alle leden oproppe om safolle as mooglik mei te helpen oan finansjele aksjes yn 2017. Dat kin betsjutte: mei koeken lâns de doarren, oerstappe nei GEKE en de fergoeding hjirfoar (€ 37,50) oermeitsje litte nei de KF, yn desimber stimme (€ 5) op'e KF mei de Rabo-lede-aksje of bygelyks in kear helpe om fjilden te lizzen (dat is dan wol gjin finansjele aksje, mar it wurdt ek tige wurdearre). As elts wat docht, is de yndividuele lêst lyts, mar it kollektyf gewin grut!

René Rijpma

Yn gearwurking mei Klaas Pompstra


“As elts wat docht, is de yndividuele lêst lyts, mar it kollektyf gewin grut!”



Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	684
Wedstriden	695
Jubileum	0
Totaal	1.378

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016
Kas	64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	286	737
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596
Sparrekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000
Oerrinnende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130
Reservearring											1.300	3.900	6.796
Eigen fermogen	24.041	16.562	16.664	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407
Resultaat	20.991	-7.480	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	1.378



Eksploitaasjerekken 2016 (bedragen yn Euro)

Saldy	31-12-16	31-12-15	Resultaat	
Kas	737	286	450	
Betelrekken NL17 RABO 0349 5019 04	2.596	492	2.104	
Sparrekken NL62 RABO 3495 1248 61	19.000	17.069	1.931	
Oerrinnende posten	-130	81	-211	
Totaal	22.203	17.928	4.274	
Baten	Rekken 2016	Begrutting 2016	Ôfwiking	Rekken 2015
Ynkomsten partijen	2.423	2.655	-232	2.125
Stipersjilden	12.652	12.325	327	12.239
Kontribúsje	8.217	8.675	-459	8.401
Trainingen (seal/fjild)	1.703	1.675	28	1.673
Donateurs	614	600	14	584
Aksjes	7.088	6.000	1.088	5.393
Subsydzje Gemeente	663	800	-137	589
Subsydzje Bydragen	0	0	0	130
Kreditrinte	29	100	-71	169
Keatsclinics	610	300	310	320
Ferskaat	2.566	1.550	1.016	3.945
Totaal	36.563	34.680	1.883	35.566
Lesten	Rekken 2016	Begrutting 2016	Ôfwiking	Rekken 2015
Krânsen	1.862	2.495	-633	1.935
Prizen	7.041	7.550	-509	6.726
Organisaasjekosten wedstriden	3.945	2.615	1.330	2.596
Hier sporthal	680	900	-220	824
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	615	1.595	-980	1.591
Trainers	712	1.050	-339	1.183
Ferieningskosten	7.124	6.835	289	8.996
Aksjes	2.456	2.055	401	1.984
Materiaal	6.780	6.050	730	5.359
Federaasje	175	125	50	150
K.N.K.B.	3.795	3.870	-75	4.533
Totaal	35.185	35.140	45	35.876
Resultaat netto	1.378	-460	1.838	-310
Reservearring klean/keatskamp 2016	2.896			
Resultaat bruto	4.274			

Ferklearring kaskommisje 2016

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei René Rijpma, ponghâlder fan keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2016 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, jannewaris 2017

De kaskommisje, Imke vd Leest en Tjerk Politiek

Taljochting op de eksploitaasjerekken 2016

Baten	Realisaasje t.o.f. Begrutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Ynkomsten partijen	€ -232	Minder dielname en dus minder ynlys
Stipersjilden	€ 327	Ekstra stipers
Kontribúsje	€ -459	Minder leden
Trainingen (seal/fjild)	€ 28	
Donateurs	€ 14	
Aksjes	€ 1.088	Flink mear koeken ferkocht +€ 1.187 Mear opbringst Poiesz-aksje +€ 150 Minder yntree en ferlotting JFP -€ 400
Subsydzje Gemeente	€ -137	Minder leden
Subsydzje Bydragen	€ -	
Kreditrinte	€ -71	
Keatsclinics	€ 310	Der binne mear clinics west
Ferskaat	€ 1.016	Oerbleaun prizejild Federaasje partij (ôflaske) +€ 350 Algemien oerbleaun prizejild +€ 200 Ekstra opbringst PR-artikels +€ 100 Ekstra ferhier partytinten +€ 130 Boere PC +€ 200
Totaal	€ 1.883	
Lesten	Realisaasje t.o.f. Begrutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Krânsen	€ -633	Minder krânsen
Prizen	€ -509	Minder prizen útrikt
Organisaasje wedstriden	€ 1.330	Konsumpsjes te leech begrutte +€ 600 BBQ +€ 380 de Jongpartij Muzyk JFP +€320 (Begrutte ûnder Ferieningskosten, realisearre yn Organisaasjekosten wedstriden)
Hier sporthal	€ -220	
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	€ -980	Kosten nei 2017 brocht (Wer't se eins hearre)
Trainers	€ -339	Minder trainerskosten
Ferieningskosten	€ 289	Bankkosten +€ 100 Postsegels +€ 200 Attinsjes +€ 340 Drukwurk +€ 125 Websidekosten +€ 265 Minder konsumpsjes -€ 300 Muzyk JFP -€ 320 en Slotjûn jeugd -€ 115 (Begrutte ûnder Ferieningskosten, realisearre yn Organisaasjekosten wedstriden)
Aksjes	€ 401	Mear kosten koeken +€ 225 Kosten haadpriis JFP +€ 150 PC kaarten djoerder +€ 20
Materiaal	€ 730	Partytenten +€ 500 Djoerdere proppen +€ 150
Federaasje	€ 50	
K.N.K.B.	€ -75	
Totaal	€ 45	

3e kear keatskamp yn Easterein, tema 2016: FINZENIS

We binne moandeiemiddei 2 maaie fan start gongen. Doe't de bern kamen, moasten se in fingerprint sette litte, dêrnei moasten se op de foto mei in spesjaal nûmer op in buordsje, krekt as echte boeven. Doe't elkenien úteinlik binnen wie, waard der in taspraak hâlden, elkenien waard wolkom hjitten en dêrnei is útlein wat de bedoeling fan de dei wie. Der binne groepkes makke mei bern út de ferskillende kategoryen, elk groepke hie twa lieder.

Dei 1 - Moandei, 02-05-2016

En ja by dit tema heart fansels ek in echte plysje mei in plysje-auto! Ferskillende bern mochten sels in rûntsje mei ride yn de plysje-auto.

By in keatskamp heart fansels ek in keatskamp t-shirt. De swarte- en wite t-shirts wiene ferstoppe yn de Skoalleseize en de groepkes bern moasten, mei help fan in riedsel, de t-shirts sykje. Efkes letter wie der in ferrassing en dus de fraach.... wat is de ferrassing?

De bern binne der op út stjoerd om de ferrassing te sykjen yn en rûn de Skoalleseize. De plysje socht in kikkert. Nei in pear minuten sykjen wie de ferrassing lang om let fûn en waard de kikkert oanhâlden troch de plysje. De plysje stie op it punt om de kikkert mei te nimmen, mar úteinlik mocht dy dochs bliuwe want de bern koene de kikkert dochs écht net misse. Se krigen no de mooglikheid om te rieden wa't der yn it pak siet, mar ek om te betinken wat in geskikte namme wie. De rest fan de middei binne we dwaande west mei datjinge dêr't it hiele keatskamp om draait: keatstraine fansels! Anna en Imke ha de hiele middei aksjefoto's fan elkenien makke, dizze krije in plakje op it diploma dy't alle bern krije oan de ein fan it keatskamp.

De middei wie al gau wer foarby en de planning rûn no dochs efkes oars want... de 'one and only' Piet Paulusma kaam del om de waarfoarsizzing fanút Easterein te dwaan. Om 5 oere gongen we mei syn allen in broadsje knakwoarst iten. We moasten no wol earder ite want Piet Paulusma kaam om 6 oere fertellen dat it de kommende dagen, wat it waar oanbelanget, goed like en sa kamen we om 22.30 oere mei Piet op de televizje by SBS6!



Wisten jo dat ...

- ... Brecht S. bliid is dat se op Keatskamp is, sadat se elkes gjin geseur fan har âlders hat?
- ... Marie Z. tidens de brûs ferjitten wie om har sjampoo út te spilen, en sa de brûs út kaam?
- ... Ridzerl V., Theunis IJ. en Sieba B. trije famkes oanhâlden ha mei de plysje?
- ... Janiëke D. op de bern kleuret?



Hjirnei rap ûnder de brûs en fierder mei it rekreasje programma, dit wie 'Libbend Kluedo'. Nei 't de bern ferdield wiene yn nije groepkes, koene se 6 opdrachten folbringe, lykas in speurtocht, in rekkensom, in puzzel, geheimskrif en in wier moardwapen sykje! Troch dizze opdrachten te dwaan koene de bern der efter komme wa't de moardner wie, wêr't de moardlokaasje wie en mei hokker wapen it dien wie. Super leuk en spannend fansels. Noch efkes neikletse mei limonade en wat sjips, en gau op bêd!

Dei 2 – Tiisdei, 03-05-2016

De dei begûn foar de skoaljeugd goed mei de moarnsrin. Se moasten troch it doarp efter Jan en Bauke oandrive. Nei't de kabouters wer oankaam wiene, koene de bern genietsje fan it moarnsbrochje. Dêrnei moasten se harren al wer klearmeitsje foar de training. Hjoed troffen we it ek mei it waar. Nei it trainen stie de lunch alwer klear.

Wylst we oan it iten wiene, koene we op de beamer Piet Paulusma syn waarberjocht noch efkes werom sjen. Elkenien fûn it hartstikke leuk om him/har sels op televizje te sjen! Nei de lunch gie de spannende speurtocht troch it doarp fan start. De bern moasten in geheime formule gearstalle troch ferskillende buiskes te finen. Se koene troch it hiele doarp ek noch munten fine dy't bonuspunten opleveren. Al mei al wie der dus fan alles te belibjen yn Easterein. Dochs wie dat net it iennichste. Der rûnen nammentlik ek trije boeven troch it doarp, sy mochten de munten fan de bern ôfpakke! Wer werom kommen by de Skoalleseize ha de bern de ferskillende buiskes mei elkoar mingd. De boel begûn te boarrejen en der ûntstie in echte spoetnik! As dit drankje opdronken waard, waarden der fansels wer ekstra bonuspunten fertsjinne. Nei al dizze geselligheid moast der wer traint wurde. Tidens de training kaam Kikkert, de maskotte, sels noch efkes del en hy hat ek efkes mei keatst. Hy moat noch wol in soad leare!

De bern gau ûnder de brûs en oanskowe foar de makaroany wat makke wie troch âlders en frijwilligers. Nei it iten waarden de taredings dien foar de bûnte jûn, ek wol bekend as it besikersoere foar ús boeven. De bûnte jûn wie in jûn fol geselligens. It begûn mei in echte moade-sjo, dêr't elkenien syn/har pyama sjen liet! De welpen hiene in toanielstik taret, de kabouters fierden in echt sirkus op, de pupillen jonges hiene ek in toanielstik en de famkes dûnsen op in plysje ferske fan K3. De skoaljeugd fierde it 'vliegerlied' op. Boppedat hiene Jan, Marco en Bauke fan de lieding ek noch in moaie spetterjende 'swimsjo' om sjen te litten. It wie in wier (en wiet) spektakel! Hjirmei wie der noch gjin ein oan de jûn, want fansels folge der noch ... disko! Op dizze lêste jûn wie it noch lang ûnrêstich yn de Skoalleseize...

Dei 3 – Woansdei, 04-05-2016

Nei de gesellige bûnte jûn, wie elkenien hjoed ek wer betiid wakker. De skoaljeugd moast de dei wer begjinne mei de moarnsrin, mar oan harren tempo wie te fernimmen dat se in koarte nacht hân hawwe. Dêrnei stie it moarnsbrochje wer klear en koe elkenien wer lekker ite. Nei it moarnsbrochje gong elk syn sliepgoed opromjen en waarden de tassen wer ynpakt. Ynienen kamen allegear snobbersgoed-papierkes en -ferpakkingen foar it ljocht! Doe't de bern harren tassen bûten del setten hiene, mochten se in sykspultsje dwaan. Der wiene ferskillende foarwerpen ferstoppe oer it hiele terrein. Guon bern hiene alles al binnen in kertier fûn! Om tsien oere begûn de earste helte fan de wedstriid. De bern wiene binnen alle kategoryen yn partoeren yndield en moasten wedstriden tsjin elkoar keatse. Der waard fûl om elk punt keatst en it wie in moai spektakel. Tuskenroch waard efkes tiid makke foar... pankoeken fansels! De âlders en frijwilligers hawwe harren bêst wer dien om foar ús de hearlikste pankoeken te bakken.

Nei 't de sjerp wer fan de muorren wie en de poeiersûker dampen wer oplutsen, gong de twadde helte fan de wedstriid fan start. Der waard, krekt as fannemoarn, aktyf keatst en tegearre mei it moaie waar soarge dit foar in geweldige lêste dei fan it keatskamp.



Nei it keatsen waard bekend makke hokker kategory wûn hie. Dat wie fansels hartstikke spannend, want de bern ha trije dagen lang werklik alles dien foar de bonuspunten! De kategory dy't it wûn hat wie: 'Celblok W' De welpen: Fianne D., Anke b., Tjitske J., Geertje v.d. W., Liset S., Nienke Z., Nyka O., Theunis IJ., Ridzert V., Jesper P.) en Sophie L.. Se ha mei harren allen in grutte bokaal krigen, fol mei spekses! De namme en it jier is al yn de bokaal gravearre.

Der waard ek bekend makke wat de namme fan de grutte kikkert wurde moast. De bern koene it hiele kamp neitfinke oer in leuke namme en koene de ideeën op in briefke yn in doaze dwaan. Úteinlik is dizze namme der út kaam: **Rikkert de Kikkert!** Fianne D. kaam mei dit idee en hat dêrom in priis wûn: in knuffel fan Rikkert en kikkert suertsjes.

Sa stadich oan kamen we oan de ein fan it keatskamp. Alle bern waarden wer frij litten út dizze finzenis, ûnder ien betingst: **dat elkenien der takom jier wer by is!**

Graach oant takom jier!

Imke van der Leest, Marije Hiemstra, Sieta Tessemaker, Bauke Dijkstra



12e Jong-Feintepartij

Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Pieter van der Schoot ha foar Seisbierrum-Pitersbierrum de Jong-Feintepartij wûn. Yn de finale waard it partoer fan Jelsum-Koarnjum-Britsum mei de keatsers Lieuwe v/d Werff, Kevin Jordi Hiemstra en Haye Jan Nicolay mei 4-5:2-6 ferslein. Op dizze stân slacht Kees van der Schoot de bal boppe en sa wint Seisbierrum-Pitersbierrum de 12e edysje fan dizze spesjale junioaren ôfdielingswedstriid. Seisbierrum-Pitersbierrum wûn yn 2014 ek de Jong-Feinte, doe mei Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Jelte Visser.



Dizze 12e edysje waard der ek wer moai keatst en folop foar de prizen striden. It waar wie dit jier net sa goed as de lêste jierren. By de heale finales en de finale ha we wat lêst hân fan rein en dat binne we net wend tidens de Jong-Feintepartij.

Seisbierrum-Pitersbierrum is de dei úteinsetten tsjin Berltsum 2 (3-5:4-6) en komt dêrnei St. Jabik tsjin op de twadde list (0-5:6-6). Op de tredde list soarget Seisbierrum-Pitersbierrum foar in plakje yn de heale finale troch mei in skjinne tillegraaf (0-5:0-6) te winnen fan Tsjummearum. Yn de heale finale treffe se it twadde partoer fan Seisbierrum-Pitersbierrum en ek foar dizze keatsers binne se te sterk. It wurdt 2-5:4-6.

Jelsum-Koarnjum-Britsum wûn op de earste list fan Lekkum (5-2:6-2). Op de twadde list ha se in steand nûmer. Yn de tredde list in knappe oerwinning fan 5-3:6-4 tsjin Frjentsjer 1. Yn de heale finale komme se tsjinoer it partoer fan Berltsum 1. Der wurdt om de punten striden mar Jelsum-Koarnjum-Britsum is te sterk en soarget foar in plakje yn de finale (2-5:2-6).

Yn de finale pakt Seisbierrum-Pitersbierrum rap in spul foarsprong, mar dêrnei wurde de earsten ferdield. It wurdt 2-3 en Seisbierrum-Pitersbierrum pakt troch nei 2-4 en komt fia in skjinne earst op in 2-5 foarsprong. Jelsum-Koarnjum-Britsum wit net fan opjaan en troch in goeie opslachsearje fan Haye Jan Nicolay wurdt it 3-5. Op 3-5:6-4 pakt Jelsum-Koarnjum-Britsum de 4 earsten mar dat sil it lêste buordsje foar harren wêze. Op 4-5:2-6 soarget Kees van der Schoot foar de oer-

winning foar Seisbierrum-Pitersbierrum troch de bal boppe te slaan.

Tredde prizen wiene der foar Berltsum (André van Dellen, Ruben Eijzenga en Jisse Kemper) en Seisbierrum-Pitersbierrum 2 (Durk Ennema, Jan-Sjouke Weewer en Joran Gerbranda).

Ferslaggen 1e omloop

1-2 Easterein - Doanjum

Easterein, de ferliezend finalist fan de foarige edysje, komt yn it earste earst 0-1 efter troch eigen fouten. It folgjende earst is foar Easterein as Jan foar de keats keart. Easterein rint troch nei in foarsprong fan 4-1 trochdat Doede Rients op 3-1:4-6 in sitbal slacht en mei 1 keats bringt Doanjum hjirnei de bal bûten. Nei in skjinne earst wurdt it 5-1 en yn it lêste earst slacht Jan 2 sitballen en komme se op 6-0 foar mei 1 keats. De bal giet bûten en debutant Doanjum ferliest fan Easterein mei 5-1:6-0.

3-4 Frjentsjer 1 - Boalsert

In rappe partij foar twa fan de priiswinners fan foarich jier, Boalsert (Hendrik Bouwhuis en Julian Faber). Dit jier keatse se mei Rutger Vallinga. Yn it begjin makket Boalsert wol punten, mar pakke se gjin earsten. Frjentsjer keatst deeglik mei in goeie opslach fan Djurre en Allard en sterk perkspul fan Allard en Marco. Yn it lêst te folle opslach fouten fan Boalsert en it wurdt úteinlik útmakke op 5-0:6-4 as Hendrik Bouwhuis de bal kwea slacht.

5-6 Wytmarsum - Seisbierrum-Pitersbierrum 2

Wytmarsum begjint sterk en komt samar op in 3-0 foarsprong as op 2-0:6-6 Bart Reijenga yn it tuskenspul de bal boppe slacht. Mar dan begjint Seisbierrum-Pitersbierrum te keatsen en gunne Wytmarsum gjin inkele earst mear. Se komme op in 3-4 foarsprong. De lêste twa earsten wurde op seis gelyk ferkeatst en Seisbierrum-Pitersbierrum pakt de winst troch de keats foarby te slaan op 3-5:6-6.

7-8 Ingelum - le

In spannende partij op de 1e list tusken Ingelum en le. It earste buordsje is foar le troch in sitbal op 6-6. Dan giet it gelyk op 1-1, 2-2, 3-3, 4-4. Ingelum komt as earste op de fiif earsten, mar op in stân fan 5-4:0-6 kin le de keats behâlde en wurdt it fiif buordsjes gelyk. Op 5-5:4-6 en ien keats bringt le de bal nei it perk en Ingelum kin de keats net foarby slaan. le is troch nei de twadde list.

9-10 Dronryp - Wjelsryp

Dronryp keatst deeglik en slacht in protte ballen de hoeken yn en boppe. Wjelsryp bliuwt lekker trochkeatsen en jout net op. It giet dan ek gelyk op de earste earsten. Op 3-2:6-2 slacht Wjelsryp de bal bûten en dêrmei komt Dronryp op in foarsprong fan 4-2. It tredde buordsje foar Wjelsryp komt der noch op in stân fan 4-2:4-4 wannear't Wjelsryp beide keatsen pakt. Op 5-3:6-6 slacht de foarynse fan Wjelsryp de bal fan Dronryp kwea en dêrmei komt Dronryp yn de twadde omloop.

11-12 Frjentsjer 2 - Grou

Grou hat in sterk perk en Dirjan Bouma stiet foar bêst op foaryn. De partij giet hurd en Grou rint samar út nei in foarsprong fan 0-5. It hat dan twa kear 6-6 west en op 0-5:6-6 wurdt it foar de tredde kear 6-6. Frjentsjer 2 slacht de bal boppe, pakt it earste buordsje en bliuwt entûsjast. Dan in rap earst troch fouten fan Grou (trije kear bûten) en it wurdt noch 2-5. De striid fan Frjentsjer 2 einiget op 2-5:4-6 wannear't se de keats net foarby slaan.

13-14 Makkum - Achlum

By Makkum stiet Jelle Attema, oars opslagger, no yn it perk. Se pakke de buordsjes ien foar ien en komme samar op in foarsprong fan skjinne fiif earsten. Op in stân fan 5-0:6-4 slacht Jouke Vlasbloem fan Makkum de keats foarby en dêrmei binne se troch nei de twadde list.

15-16 Tsjummearum - St. Anne

Tsjummearum keatst sterk en jout gjin earst fuort. Se komme op 1-0, 2-0, 3-0, 4-0 en dêrmei op 5-0. Op 5-0:4-6 pakt St. Anne, oan de opslach, it earste buordsje. Op 5-1:6-4 bringt St. Anne de bal nei it perk en Tsjummearum slacht de keats foarby. Tsjummearum is troch nei de twadde list.

17-18 Minnertsgea 2 - St. Jabik

By Minnertsgea 2 tsjin St. Jabik stiet it 1-3:2-6 en leit der 1 keats wannear't St. Jabik de bal nei it perk bringt. In hege bal, mar Minnertsgea pakt de keats, 4-6. Wer in keats en Minnertsgea bringt de bal bûten dêrtroch komt St. Jabik op in foarsprong fan 1-4. Op in stân fan 1-4:6-6 en 1 keats slacht Minnertsgea op, St. Jabik slacht de keats foarby en bringt de stân op 1-5. St. Jabik giet troch nei de twadde list mei in winst fan 1-5:2-6.



19-20 Berltsum 2 - Seisbierrum-Pitersbierrum 1

Seisbierrum-Pitersbierrum 1 nimt in foarsprong fan 1-3, mar Berltsum komt breaalwei lâns en pakt 3-3. Dêrnei sit Seisbierrum-Pitersbierrum goed yn it spul en rinne se deeglik út nei in 3-5 foarsprong. Op 3-5:4-6 bringt Berltsum 2 de bal foar en sa giet Seisbierrum-Pitersbierrum 1 troch nei de twadde list.

21-22 Berltsum 1 - Bitgum

Berltsum komt foar mei 4-0 en Bitgum pakt it earste buordsje op in stân fan 0-4:6-2 wannear't de bal fan Berltsum bûten de linen giet. Op 4-1:6-4 behâldt Berltsum de keats en meitsje se 5-1. Op 5-1:6-2 bringt Berltsum de bal foar en krijt Bitgum noch in kâns, 5-1:6-4. It wurdt 6-6 en op dizze stân bringt Berltsum in moaie bal tuskenyn en der komt in keats, Bitgum oan de opslach en se meitsje it dêr út.

23-24 Minnertsgea 1 - Wommels

In blier Wommels kin it lang net risse tsjin Minnertsgea 1 mei PC keatser Marten Bergsma. Se dogge ferskuorrend harren bêst, mar se ferlieze mei 1-5:6-2. Minnertsgea 1 is troch nei de twadde list.

25-26 Jelsum-Koarnjum-Britsum - Lekkum

Jelsum-Koarnjum-Britsum stiet 2-0:6-0 foar en mei 1 keats bringe se de bal nei it perk ta. Se behâlde de keats en komme op in 3-0 foarsprong. In earste buordsje is foar Lekkum as Jelsum-Koarnjum-Britsum de keats net foarby slacht 3-0:6-4. Op 3-1:4-4, Lekkum is oan de opslach, pakt Jelsum Koarnjum-Britsum beide keatsen en dêrmei in 4-1 foarsprong. It wurdt 5-1, mar Lekkum is noch net útkeatst en pakt in spul. Op 5-2:6-2 makket Jelsum-Koarnjum-Britsum it út en is troch nei de twadde list.

Utslaggen 1e omloop

- | | |
|---|---------|
| 1) Easterein - 2) Doanjum | 5-1:6-0 |
| 3) Frjentsjer 1 - 4) Boalsert | 5-0:6-4 |
| 5) Wytmarsum - 6) Seisbierrum-Pitersbierrum 2 | 3-5:6-6 |
| 7) Ingelum - 8) le | 5-5:4-6 |
| 9) Dronryp - 10) Wjelsryp | 5-3:6-6 |
| 11) Frjentsjer 2 - 12) Grou | 2-5:4-6 |

13) Makkum - 14) Achlum	5-0:6-4
15) Tsjummearum - 16) St. Anne	5-1:6-4
17) Minnertsgea 2 - 18) St. Jabik	1-5:2-6
19) Berltsum 2 - 20) Seisbierrum-Pitersbierrum 1	3-5:4-6
21) Berltsum 1 - 22) Bitgum	5-1:6-6
23) Minnertsgea 1 - 24) Wommels	5-1:6-2
25) Jelsum-Koarnjum-Britsum - 26) Lekkum	5-2:6-2

Ferslaggen 2e omloop

1-3 Easterein – Frjentsjer 1

Easterein pakt it earste buordsje troch in retoerslach fan Doede-Rients. Nei in skjinne earst komt Frjentsjer op 1-1. Frjentsjer komt op 1-2 nei in sitbal fan Allard op Marco. Nei in boppeslach fan Jan komt Easterein wer gelyk. Frjentsjer pakt op 2-2:6-6 in 2-3 foarsprong oan de opslach. Easterein ferpilet in 6-2 foarsprong mei 3 bûtenslaggen, 2-4 foar Frjentsjer. Easterein komt sterk werom mei in skjinne earst en makket 3-4. Frjentsjer is der efkes mei oan as Jan mei in boppeslach fjouwer earsten gelyk makket. Easterein begjint wat te pan-koekjen oan de opslach en op 4-4:4-6 slacht Doede Rients de bal bûten. Yn it lêste earst komt Frjentsjer mei 0-6 foar en slacht Allard by 1 keats in sitbal. Frjentsjer 1 is troch nei de 3e omloop.

6-8 Seisbierrum-Pitersbierrum 2 - Ie

Op 6-4 pakt de oan de opslach de keats en makket 6-6. De folgjende bal giet bûten en it earste buordsje is foar Seisbierrum-Pitersbierrum. Seisbierrum-Pitersbierrum rint út nei in 3-0 foarsprong. Ie keats leuk troch mar hat it dreech. Op 3-0:6-4 en in keats bringt Ie de bal bûten en sa wurdt it 4-0. Op 5-0:4-6 makket Ie kâns op harren earste buordsje, mar de bal giet bûten en it wurdt seis gelyk. Op 5-0:6-6 en in lytse keats giet de bal bûten en pakt Ie dochts it earste buordsje. It is 5-1:4-6 Seisbierrum-Pitersbierrum pakt de keats en makket 6-6. Se meitsje it dêrnei út mei in boppeslach.

9-12 Dronryp - Grou

In striid tusken twa jonge partoeren. Dronryp hat alle edysjes noch meidien. Grou set goed útein en nimt in 1-3 foarsprong. Op seis gelyk slacht Grou de bal kwea en wurdt it 2-3. Op 2-3:6-4 hat Grou de bal oan' e bealch en stiet it wer gelyk. Dronryp nimt in foarsprong fan 4-3, mar Grou pakt ek de fjouwer earsten. It wurdt sels fiif earsten gelyk en Dronryp komt op in 6-2 foarsprong. Dronryp makket it op 5-5:6-4 út troch in sitbal efteryn en giet nei de tredde list.

13-15 Makkum - Tsjummearum

It earste buordsje is foar Makkum. Moai tuskenspul soarget foar in stân fan 2-1:4-4 en yn dit earst wurdt it úteinlik 2-2. It giet gelyk op en op 2-2:4-4 en twa keatsen is de earste keats foar Makkum. Tsjummearum pakt de twadde keats en it wurdt 6-6. Op 2-2:6-6 en in keats bringt Makkum de bal nei it perk mar de bal giet bûten, 2-3 foar Tsjummearum. It wurdt dan 2-3:4-6, Tsjummearum nimt troch in retoerslach in 2-4 foarsprong. Op 2-4:2-6 komt der in keats en mei prachtich

tuskenspul pakt Tsjummearum in 2-5 foarsprong. Op 2-5:2-6 en in keats makket Tsjummearum it út en is troch nei de tredde list.

18-20 St. Jabik – Seisbierrum-Pitersbierrum 1

Seisbierrum-Pitersbierrum 1 komt gau op in spul foarsprong tsjin St. Jabik. Yn it folgjende earst wurdt der om keatst, mar ek it tredde buordsje is foar Seisbierrum-Pitersbierrum. Op 0-3:0-6 slacht Pieter v/d Schoot de bal boppe en dêrmei komt Seisbierrum-Pitersbierrum op in skjinne 4 earsten foarsprong. Se rinne troch nei in 0-5 foarsprong. Yn it lêste earst wurdt it 5-0:6-4 en de keats wurdt pakt troch St. Jabik. Op 5-0: 6-6 einiget it en Seisbierrum-Pitersbierrum 1 is troch nei de tredde list.

21-23 Berltsum 1 - Minnertsgea 1

Op 3-0:6-0 bringt Minnertsgea de bal foar en sa komt Berltsum op in skjinne 4 earsten foarsprong. Op 4-0:6-6 bringt Minnertsgea de bal nei it perk en der komt in keats. Berltsum bringt de bal bûten en sa krijt Minnertsgea it earste buordsje, 4-1. Beide partoeren pakke elts noch in buordsje en it wurdt 5-2. As it 5-2:2-6 is mei in keats, bringt Berltsum de bal nei it perk en Minnertsgea slacht de keats foarby. De bal giet bûten op 5-2:4-6 en Minnertsgea pakt de trije buordsjes. Berltsum komt in skjinne earst foar, moat dan in keats ferdigenje en docht dat goed. Troch dizze winst mei 5-3:6-0 komt Berltsum foar it earst yn de prizen.

Utslaggen 2e ooploop

1) Easterein - 3) Frjentsjer 1	4-5:0-6
6) Seisbierrum-Pitersbierrum 2 - 8) Ie	5-1:6-6
9) Dronryp - 12) Grou	5-5:6-4
13) Makkum - 15) Tsjummearum	2-5:2-6
18) St. Jabik - 20) Seisbierrum-Pitersbierrum 1	0-5:6-6
21) Berltsum 1 - 23) Minnertsgea 1	5-3:6-0

Ferslaggen 3e omloop

25-3 Jelsum-Koarnjum-Britsum - Frjentsjer 1

In djippe sitbal fan Allard op 6-6 bringt Frjentsjer op in 0-1 foarsprong. It stiet 0-1:6-2 en Jelsum-Koarnjum-Britsum slacht de bal boppe en makket it dêrmei gelyk. Op de stân 1-1: 6-0 en in lytse keats bringt Jelsum-Koarnjum-Britsum de bal bûten, 6-2. Dêrnei in sitbal en Jelsum-Koarnjum-Britsum komt op in 2-1 foarsprong. Allard slacht in sitbal op de stân fan 2-1:6-6 en it wurdt twa earsten gelyk. Op 3-2:6-6 slacht Haye Jan op en Allard hat in knapper yn it perk, 4-2. Marco wurdt wer wat better yn it perk en Frjentsjer krijt wer oansluting, 4-3. Haye Jan slacht op 4-3:6-2 in prachtige sitbal en nimt dêrmei de 5-3 foarsprong. Yn it lêste earst komt Frjentsjer noch wol op 6-4, mar de lêste opslach fan Allard giet bûten, dêrtroch komt Jelsum-Koarnjum-Britsum yn de heale finale te stean.

6-9 Seisbierrum-Pitersbierrum 2 - Dronryp

De jonges fan Seisbierrum-Pitersbierrum 2 steane de hiele dei al leuk te keatsen en litte dat no ek wer sjen tsjin Dronryp.

Se komme samar op in 4-1 foarsprong. By de opslach fan Durk, op de stân 4-1:6-2, hat Jan Sipke in knapper yn it perk en wurdt it sels 5-1. Yn it lêste earst wurdt der fjochten om de punten en komt der noch in keats op 6-4. Durk Ennema pleatst op de stân fan 5-1:6-4 in sitbal en bringt Seisbierrum-Pietersbierrum dêrmei yn de heale finale.

15-20 Tsjummearum - Seisbierrum-Pietersbierrum 1

Nei in knappe winst yn de foarige omloop tsjin Makkum kamen se no tsjin ien fan de favorite partoeren te stean. Seisbierrum-Pietersbierrum 1 komt hieltyd better yn de wedstriid en Tsjummearum koe der net in soad tsjin yn bringe. In soad skjinne earsten en Seisbierrum-Pietersbierrum dinderet troch nei in 0-5 foarsprong. Op in stân fan 0-5:0-6 slacht Kees v/d Schoot op en Nick Leistra kin de bal net goed ferwurkje. Seisbierrum-Pietersbierrum pleatst harren ek foar de heale finale en mei it opnimme tsjin it twadde partoer fan Seisbierrum-Pietersbierrum.

21. Berltsum 1

Steand nûmer

Utslaggen 3e omloop

25) Jelsum-Koarnjum-Britsum - 3) Frjentsjer 1	5-3:6-4
6) Seisbierrum-Pietersbierrum 2 - 9) Dronryp	5-1:6-4
15) Tsjummearum - 20) Seisbierrum-Pietersbierrum 1	0-5:0-6
21) Berltsum 1	

Ferslaggen heale finales Jong-Feintepartij 2016

21-25 Berltsum 1 - Jelsum-Koarnjum-Britsum

It earste buordsje is foar Berltsum yn dizze earste heale finale. Op in stân fan 1-0:4-6 komt der in keats by de opslach en Berltsum mei dizze ferdigenje. It is in earst gelyk en 4-4, Jelsum-Koarnjum-Britsum pakt as earste de 6 troch in sitbal. It wurdt 1-2 foar Jelsum-Koarnjum-Britsum. It folgjende earst giet rap en nei 0-6 pakt ek Jelsum-Koarnjum-Britsum it tredde buordsje. Op in stân fan 1-3:4-6 en in keats bringt Berltsum de bal nei it perk. Jelsum-Koarnjum-Britsum pakt de keats en dêrmei de fjouwer earsten. Ek yn it folgjende buordsje wurdt der om de punten striden. Op 1-4:4-4 lizze der twa keatsen en Jelsum-Koarnjum-Britsum mei dizze keatsen oan de opslach ferdigenje. Jelsum-Koarnjum-Britsum pakt beide keatsen en dêrmei in 1-5 foarsprong. Berltsum besiket it wer yn it folgjende buordsje en komt op in 6-0 foarsprong. In lytse keats en Berltsum oan de opslach mar se hâlde de keats net, 6-2. Dan is dêr it twadde buordsje foar Berltsum as Kevin Jordi Hiemstra de bal kwea út slacht. Op 2-5:0-2 lizze der twa keatsen en Jelsum-Koarnjum-Britsum pakt de earste troch in djippe sitbal. De twadde keats is ek foar Jelsum-Koarnjum-Britsum. Op in stân fan 2-5:2-6 makket Jelsum-Koarnjum-Britsum it út troch in sitbal, sy sitte yn de finale.

6-20 Seisbierrum-Pietersbierrum 2 - Seisbierrum-Pietersbierrum 1

Troch opslachfouten fan Seisbierrum-Pietersbierrum 1 komt Seisbierrum-Pietersbierrum 2 op in 1-0 foarsprong nei in skjinne

earst. It wurdt in earst gelyk troch in boppeslach fan Kees v/d Schoot op 1-0:2-6. It earste partoer pakt as earste it spul, mar makket dêrnei wer fouten en it wurdt 1-2:6-0. Jan-Sjouke Weewer slacht de bal boppe en sa wurdt it in spul gelyk. Johannes v/d Veen komt wer yn it spul en bringt syn partoer op 6-2 troch trije sitballen en 1 bal bûten. Op de stân fan 2-2:2-6 komt der in keats, Durk Ennema slacht op en Pieter v/d Schoot slacht de bal fier oer alles hinne, 2-3. Op 2-3:2-6 slacht Joran Gerbranda de bal kwea út en sa komt it earste partoer op in 2-4 foarsprong. It is 2-4:4-6 en Seisbierrum Pietersbierrum 2 moat in lytse keats ferdigenje oan de opslach. Durk besiket it mei in hege bal mar dy giet bûten, 2-5 foar it earste partoer fan Seisbierrum-Pietersbierrum. Op 2-5:2-0 pakt Seisbierrum-Pietersbierrum 2 de earste keats, 4-0. De twadde keats wurdt pakt troch Seisbierrum-Pietersbierrum 1, 4-2. Der leit 1 keats op in stân fan 2-5:4-6 en Pieter v/d Schoot makket de partij út mei in boppeslach.

Utslaggen heale finale

21) Berltsum 1 - 25) Jelsum-Koarnjum-Britsum	2-5:2-6
6) Seisbierrum-Pietersb. 2 - 20) Seisbierrum-Pietersb. 1	2-5:4-6



Finale Jong-Feintepartij 2016

25-20 Jelsum-Koarnjum-Britsum - Seisbierrum-Pietersbierrum 1

Seisbierrum-Pietersbierrum pakt beide keatsen op in stân fan 0-2 en pakt de 0-6 foarsprong yn it earste earst. Geweldich tuskenspul en Kees v/d Schoot slacht de bal fan de boppe ôf werom yn it perk. It earste buordsje is foar Seisbierrum-Pietersbierrum. It is 0-1:4-0 en der lizze twa keatsen. Seisbierrum-Pietersbierrum pakt beide en makket yn it twadde earst fjouwer gelyk. Op 0-1:6-6 slacht Pieter v/d Schoot de bal boppe en pakt foar Seisbierrum-Pietersbierrum it spul. Yn it folgjende earst wurde de punten ek ferdield. Op 4-4 bringt Johannes de bal bûten en wurdt it 6-4. De folgjende bal giet foaryn en Kevin Jordi Hiemstra slacht de bal boppe, 1-2.

Trije sitballen op rige fan Seisbierrum-Pietersbierrum, 0-6. Seisbierrum-Pietersbierrum hâldt in keats en Kees en Pieter pakke dizze keats, dêrtroch wurdt it 1-3. Op 1-3:4-4 falt Kevin Jordi moai yn de bal en dizze giet boppe, 6-4. Dan bringt Johannes de bal krekt foar en wurdt it 2-3. Seisbierrum-Pietersbierrum pakt

yn it perk beide keatsen, 2-3:0-4. Se pakke ek de 0-6 yn dit earst trochdat Jelsum-Koarnjum-Britsum de bal kwea slacht by it retoernearjen fan de bal. Dêrnei in sitbal en in bal bûten fan Haye Jan Nicolay, 2-4 foar Seisbierrum-Pitersbierrum. Dan in rap earst en Seisbierrum-Pitersbierrum nimt samar in skjinne seis foarsprong. Haye Jan bringt de bal efferyn en Pieter v/d Schoot kin der in keats fan meitsje.

Op 2-4:0-6 pakt Jelsum-Koarnjum-Britsum de keats en it wurdt 2-6. Dan in sitbal en Seisbierrum-Pitersbierrum pakt de fiif buordsjes, 2-5. Seisbierrum-Pitersbierrum komt ek yn it lêste earst op in foarsprong fan 0-6. Jelsum-Koarnjum-Britsum jout noch net op en Haye Jan makket 2-6 troch in sitbal. Dêrnei pakt hy ek de 4-6 troch de bal werom te slaan yn it perk. Opnij in sitbal fan Haye Jan Nicolay, 6-6. Hy is noch net klear en pakt mei wer in sitbal, de 3 buordsjes foar Jelsum-Koarnjum-Britsum, 3-5:0-2 en in keats, Kevin Jordi glidet fuort op de boppe en koe de bal net werom slaan, 0-4 en dêrnei noch in keats. Seisbierrum-Pitersbierrum nei de opslach. Jelsum-Koarnjum-Britsum pakt beide keatsen en makket fjouwer gelyk. Kevin Jordi slacht de bal boppe en pakt as earste de 6 foar Jelsum-Koarnjum-Britsum, 3-5:6-4. Dan in bal bûten fan Johannes v/d Veen en it wurdt 4-5. Op de stân 4-5:2-0 en twa keatsen slacht Kees v/d Schoot de earste keats foarby en de folgjende bal giet bûten, 2-4. In moaie tuskenynse bal wurdt fuortlein troch Pieter v/d Schoot, 4-5:2-6. Kees v/d Schoot soarget foar de oerwinning foar Seisbierrum-Pitersbierrum troch op dizze stân de bal boppe te slaan. Seisbierrum-Pitersbierrum 1 wint de 12e edysje fan de Jong-Feintepartij!

rum-Pitersbierrum troch op dizze stân de bal boppe te slaan. Seisbierrum-Pitersbierrum 1 wint de 12e edysje fan de Jong-Feintepartij!

Utslag finale

25) Jelsum-Koarnjum-Britsum - 20) Seisbierrum-Pitersb. 1 4-5:2-6



PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2016

1. Seisbierrum-Pitersbierrum 1

Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Pieter van der Schoot

2. Jelsum-Koarnjum-Britsum

Lieuwe van der Werff, Kevin Jordy Hiemstra en Haye Jan Nicolay

3. Berltsum 1

André van Dellen, Ruben Eijzenga en Jisse Kemper

3. Seisbierrum-Pitersbierrum 2

Durk Ennema, Jan Sjouke Weewer en Joran Gerbranda

Klasseminuten Jong-Feinte

Ferienings			Prizen		
Nr	Ofdieling	Pnt	1e	2e	3e
1	Tsjummearum	10	2	2	
2	Seisbierrum-Pitersb. 1	8	2	1	
3	Wytmarsum	8	2	1	
4	Holwert	7	2		1
5	St Anne	7	1	2	
6	Frjentsjer	6	1	1	1
7	Wommels	5		1	3
8	St Jabik	4		1	2
9	Dronryp	4			4
10	Boalsert	3	1		
11	Makkum 1	3	1		
12	Easterein	3		1	1
13	Goutum	2		1	
14	Jelsum-Koarnjum-Britsum	2		1	
15	Easterlittens	2			2
16	Peins	2			2
17	Berltsum 1	1			1
18	Hyum-Feinsum	1			1
19	Makkum 2	1			1
20	Minnertsgea	1			1
21	Seisbierrum-Pitersb. 2	1			1
22	Wjelsryp	1			1

Top 16 keatsers

Keatsers				Prizen		
Nr	Namme	Plak	Pnt	1e	2e	3e
1	Arnold Zijlstra	Tsjummearum	10	2	2	
2	Hans Wassenaar	Tsjummearum	10	2	2	
3	Steven de Bruin	Tsjummearum	10	2	2	
4	Johannes v/d Veen	Seisbierrum-P. 1	8	2	1	
5	Kees van der Schoot	Seisbierrum-P. 1	8	2	1	
6	Gert-Jan Meekma	Wytmarsum	8	2	1	
7	Jacob Zaagemans	Wytmarsum	8	2	1	
8	Gert-Anne v/d Bos	Holwert	7	2		1
9	Rudolf Soepboer	Holwert	7	2		1
10	Sjoerd de Jong	St Anne	7	1	2	
11	Herman Sprik	Wytmarsum	6	2		
12	Jelte Visser	Seisbierrum-P. 1	5	1	1	
13	Krijn Hiemstra	St Anne	5	1	1	
14	Rein Hiemstra	St Anne	5	1	1	
15	Erik Haitisma	Wommels	5		1	3
16	Redmer Strikwerda	Wommels	5		1	3

Wedstriidferslaggen

Yn 2016 wie de dielname oan de keatswedstriden yn Easterein wer wat minder as ferline jier. De lêste pear jier nimt it oantal dielnimmers nochal wat ôf, wêr't dat oan leit sis it mar.

Stipers

Yn 2016 hienen we **53** stipers. Troch harren finansjele en/of materiële bydrage hawwe wy sportyf sjoen alle aktiviteiten, yn in moaie keatsaginda, biede kinnen oan ús lede-, federaasje- en KNKB-keatsers. Ut namme fan keatsers, bestjoer, kommisjes en frijwilligers hertlik tank dêrfoar.

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
Kabouter famkes	0	0	0	0
Kabouter jonges	0	0	0	0
Kabouters	20	0	0	20
Welpen famkes	0	0	0	0
Welpen jonges	0	0	0	0
Welpen	23	0	0	23
Pupillen famkes	0	0	0	0
Pupillen jonges	0	0	26	26
Pupillen	30	0	0	30
Skoalfamkes	0	0	14	14
Skoaljonges	0	0	0	0
Skoalbern	18	0	0	18
Famkes	0	0	0	0
Jonges	0	0	0	0
Famkes/Jonges	11	0	0	11
Junioaren	0	0	26	26
Froulju	20	8	10	38
Manlju	32	14	26	72
Froulju/Manlju	51	0	0	51
Totaal	205	22	102	329

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
Kabouter famkes	23	0	0	23
Kabouter jonges	14	0	0	14
Welpen famkes	25	0	0	25
Welpen jonges	24	0	0	24
Pupillen famkes	21	0	0	21
Pupillen jonges	39	0	51	90
Skoalfamkes	29	0	27	56
Skoaljonges	13	0	0	13
Famkes	8	0	0	8
Jonges	13	0	0	13
Junioaren	0	0	0	0
Froulju	98	19	106	223
Manlju	168	42	78	288
Totaal	475	61	262	798
Klassen	36	5	8	49
Partoeren	205	22	102	329
Krânsen	74	16	20	110
Prizen	208	25	48	281

Oersicht dielname oan partijen yn Easterein

Yn 2016 stienen **329 partoeren** op de listen. Dat wienen **44** minder as ferline jier (**373**). Dizze partoeren keatsten yn **49** (54) klassen. By de jongerein wienen **142** (182) partoeren en by de senioaren **179** (191).

By de jongerein waard faak keatst yn 2-tallen. By de manlju en froulju keatsten de jonges en famkes en somtiden de skoalbern ek mei.

Keatsers / keatsters

Oer 2016 is der **798** kear (ferline jier 889) dielnaam oan wedstriden yn Easterein en dêrmei 91 kear minder as ferline jier. Der binne **110 krânsen** (123) om de nekke hongen en **281 prizen** (330) útrikt.

Faak keatsten de jongerein yn 1 klasse mei mear kategoryen, lykas welpenfamkes en -jonges, of skoalfamkes en -jonges.

LEDEWEDSTRIDEN

27-04-2016: 3e Keningsdeipartij – Oranje & Heitelân

Troch de minne waarfoarsizzings (kâld en rein) koene de keatsers by de 3e Keningsdeipartij kieze mei wat foar bal se keatse woene, de sêfte of gewoane bal. Hjirtroch wiene der 3 ferskillende klassen:

- froulju sêfte bal
- manlju sêfte bal
- manlju en 2 froulju mei de gewoane bal

Om goed 10 oere wiene alle bikkeljende keatsers oanwêzich. Nei it wolkomstwurde fan fise-foarsitter Mattie Dijkstra begong elts oan de warming-up om de spieren alfêst wat op te waarmjen.

Froulju sêfte bal (gewoane list 8 partoeren)

De finale yn de ferliezersronde gong tusken Janieke Dijkstra/Machtelt Veldman en Sieta Tessemaker/Gerbrig Reitsma. Mei 5-1:6-2 wûnen Janieke en Machtelt de iensidige finale. Yn de finale fan de winnersronde gong de striid tusken Jitske Plantinga/Jitske Veldman en Tineke Dijkstra/Nynke Paauw. De beide Jitske's wûnen yn in spannende striid mei 5-4:6-4.

Manlju sêfte bal (poule fan 4 partoeren)

Mei 4 partoeren yn ien poule koene de mannen allegearre 3x keatse. 2 partoeren wûnen harren earste 2 partijen. Op de 3e list kamen se elkoar tsjin en waard it in echte finale tusken Rémon Tie Bouma/Paul de Bruin en Sjouke Schilstra/

Bas van der Wey. Nei in foarsprong fan Sjouke en Bas (5-3:6-2) kamen Rémon Tie en Paul op stoom. Uteinlik waard it 'alles oan' e hang' en gongen Rémon Tie en Paul mei de krânsen nei hús.

Manlju (gewoane list 10 partoeren)

Troch in drege 1e omloop wie de keatserij mei de gewoane bal as lêste dien. Marten Faber, Kees v/d Horst en Tom Couperus wûnen de 1e priis yn de ferliezersronde troch mei 5-3:6-0 de treastfinale te winnen fan Simon Kingma, Jan Vellinga en Dieuwke Kooistra. De 3e priis yn de winnersronde wie foar Harm Auke Dijkstra, Klaas Kamstra en Jan Bouke Bouma. Sy ferlearen op de 3e list fan de lettere 2e priiswinners mei 5-3:6-2. De finale wie net al te dreech en spannend, Jan Schurer, Hendrik Okkema en Jacob Sjik Joustra wûnen mei 5-1:6-6 fan Ewout de Boer, Tjerk Okkema en Wietse Ligthart.

In prachtige iepening fan it keatsseizoen! It waar foel alles ta, moaie en sportive keatserij en noch in gesellige neisit. Mei tank oan de stiper fan dizze partij: Oranjeferiening Oranje en Heitelân.



05-05-2016: Witteveen & Brouwer partij

Dêr wiene dan de, troch elkenien hope, temperatueren op de 5de maaie by befrijingsdei/Himmelfeartsdei. De dei dat yn Easterein de Witteveen & Brouwer partij ferkeatst wurdt. Mar it moaie waar is foar in protte keatsers ek de kâns om der in dei op út te gean en dat koene we ek merke oan de list. By de manlju 18 keatsers ferdiel yn 2 poules fan 3 en by de froulju 8 keatsers yn 1 poule fan 4 twatallen. By de manlju keatse se it 'fernijde' poule systeem. Foardiel hjirfan is dat elk partoer keatse kin sûnder in kear stean te bliuwen.

Yn de earste omloop keatsten partoer 1: Danny, Klaas en Eppie tsjin partoer 4 fan poule B: Harm Auke, Abe Jan en Sjouke. De winst fan dizze partij gong mei 5-2:6-2 nei partoer 1. Partoer 2 : Erwin, Hans en Hotze moasten tsjin partoer 5: Bote, Tymen en Jan Bauke. De winst fan dizze partij gong mei 5-0:6-6 nei partoer 2. De 3de partij tusken partoer 3: Rémon, Christiaan en Bas tsjin partoer 6: Tjerk P., Tjerk O. en Peter einige yn 5-3:6-4 yn it foardiel fan partoer 3. Alle partoeren fan

de A-poule hiene wûn en dat soe op 1 partij nei ek de hiele dei sa troch gean. Op de 2de list ferlear allinnich partoer 2 fan de A-poule it fan partoer 6 Tjerk c.s. De oaren út poule A wûnen de partijen. Partoer 1-5 einige yn 5-2:6-4 en de oare partij tusken de partoeren 3-4 einige yn 5-1:6-2.

Op de 3de list noch 2 partoeren mei de folle winst en ek like folle tsjinearsten. Partoeren 1 en 3. Partoer 1 moast tsjin partoer 6 en dit wûn partoer 1 krekt mei 5-5:6-4. Partoer 3 wûn ek mar dan mei 5-1:6-0, 4 tsjin-earsten minder dus, partoer 3: Rémon, Chris en Bas yn de krânsen en partoer 1: Danny, Klaas en Eppie de preemje. De lêste wedstriid fan partoer 2 tsjin partoer 4 einige yn 5-2:6-2.

By de froulju 4 twatallen, hjir waard keatst mei in sêfte bal. Partoer 1: Petra en Lysbeth tsjin partoer 2: Sieta en Marjan. Sieta hie fansels ek al 3 keatskampdagen yn de fuotten mar hja wisten de partij al nei harren ta te lûken en se wûnen krekt mei 5-5:6-6. Partoer 3: Gabriëla en Jitske moasten tsjin partoer 4: Jetske en Klaske. Partoer 3 wûn dit mei 5-3:6. Op de 2de list de winner fan 1-2 tsjin de ferliezer fan 3-4. We krigen dus 2-4 en 1-3. Partoer 2 wûn dit ek wer mar no wie it net sa spannend, 5-2:6-0. Partoer 1 mocht it opnimme tsjin partoer 3. Yn dizze partij in lyts ûngemakje mei Jitske. Se gong wat raar troch de knibbel mar koe dochts de partij útkeatse. Se wûnen dit ek noch mei 4-5:6-6. Dan úteinlik de lêste partijen. De partoeren 2 en 3 hiene beide alles wûn en mochten it op de 3de list tsjin inoar opnimme. Partoer 3 wûn dit mei 3-5:4-6 sadat de krânsen nei Gabriele en Jitske gongen en de preemje nei Sieta en Marjan. De partoeren 1 en 4 keatsten foar de wille 5-2:6-2 yn it foardiel fan partoer 1.

We hawwe in prachtige keatsdei hân, tank oan ús stiper: Witteveen & Brouwer.



11-05-2016: Kniplokaeltsje partij

De 1e ledepartij is wer keatst by de jeugd, tradisjoneel is dat de Kniplokaeltsje partij. Foar guon bern wie it ek it earste kontakt mei de keatsbal. Oare bern binne al lang yn training en ha al wer in pear wedstriden keatst. De jongste kategoryen begongen om 15 oere en de âldste jeugd om 17 oere. Alle jeugd koe 3 x keatse.

By de kabouters 4 partoeren. Partoer 2: Brecht Stegenga en Jarno v/d Weij hiene alle 3 partijen wûn en mochten mei de krânse nei hûs. Partoer 1 hie allinnich fan partoer 2 ferlern dus gongen Sander Velzen en Sybrecht Overal mei de 2e priis nei hûs. De oare bern: Sybrand Stremmer, Nynke Velzen, Noa Ottens en Mare v/d Velde krigen noch in moaie medalje om de hals.

By de welpen ek 4 partoeren en wat is der leuk en sportyf keatst. Der moast noch wol efkes goed neitocht wurde wa by hokker keats opslaan moast. Mar ja, it wie ek wer de 1e partij nei it lange winterskoff.

1e priis: Anke Blanksma, Jorn Hiemstra en Tjitske Joustra
2e priis: Nyka Ottens en Nynke Zijlstra

By de pupillen wiene der 6 partoeren. It nije poulesysteem waard dêr spile mar dan sûnder finale. Der waard leuk keatst. Ien partoer hie alle 3 partijen wûn.

1e priis: Redmer Wiersma, Jildert Hiemstra en Marije Zijlstra
2e priis: Redmer Stegenga en Thijs Janssen
3e priis: Judith v/d Weerd en Niels Hiemstra
3e priis: Tjalle Durk v/d Eems, Tiemen de Groot en Welmoed Stegenga

By de skoaljeugd en de jonges/famkes elk 4 partoeren. Krekt foar 21 oere waard de lêste bal slein dêrnei koene de prizen útrikt wurde.

Utslach skoaljeugd:

1e priis: Nynke Paauw en Marrit Hiemstra
2e priis: Bauke Reijnhoudt, Amber Reijnhoudt en Emma Stegenga

Utslach jonges/famkes:

1e priis: Rutger Wiersma en Corrie Kroondijk
2e priis: Kees v/d Horst en Roelie Kroondijk

Wy wolle kapsalon 't Kniplokaeltsje út Easterein betankje foar it sponsorjen fan dizze partij. Fansels ek alle frijwilligers dy't ús holpen hawwe tige tank!!!



15-05-2016: Pearke keatsen – Murk's Slagerij, Bouw- en tekenburo Wietse B. Ligthart en Noflik Easterein

Nei juster in kâlde dei op it fjild hân te hawwen koene hjoed de pearkes los. It wie al wat waarmer sadat inkelde keatsers sels yn koarte broek derfoar stiene. By it pearkekeatsen, sponsore troch Murk's Slagerij, Bouw- en tekenburo Wietse B. Ligthart en Noflik Easterein, waard keatst yn fjouwer klassen. De Top- A- en B- klasse keatsten yn in poule mei 4 partoeren en yn de C-klasse wie in list mei 9 partoeren. Troch in blesuere moast der al efkes kreatyf omgongen wurde mei de listen mar de wedstriidlieding hie alles goed yn de macht.



Topklasse:

1e priis: Sietske Okkema en Sybren Poelsma
2e priis: Jitske Plantinga en Sjoerd Teake Kooistra

A-Klasse:

1e priis: Jetske Sieperda en Marten Faber
2e priis: Judy Bergsma en Tjerk Politiek

B- Klasse:

1e priis: Tineke Kamstra en Harm Auke Dijkstra
2e priis: Sieta Tessemaker en Peter Stuiver

C-Klasse:

1e priis: Liesbeth Bootsma en Abe Jan Stegenga
2e priis: Mattie Dijkstra en Jan Bauke Bouma

1e priis ferliezers: Petra Jellema en Mebius de Boer
2e priis ferliezers: Tjerk Terpstra en Gerbrig Reitsma

Murk's Slagerij, Bouw- en tekenburo Wietse B. Ligthart en Noflik Easterein, tige tank foar it stypjen fan dizze partij.

08-06-2016: Altac-Partij

Hjoed alwer in keatspartij op de fjilden fan KF Easterein. In partij foar al ús keatsende bern. Spitich genôch wie der troch miskommunikaasje wat minder dielname. It skoalkeatsen wie hjoed nammentlik ek yn Winsum. Mar nettsjinsteande dat, ha we der by alle kategorijen dochts in moaie list fan meitsje kinnen.

By de kabouters in poule fan 4 partoeren, dus allegearre 3x keatse. Nei 3 omlopen wie der 1 partoer mei 21 punten dit partoer hie dus alle 3 partijen wûn.

1e priis: Brecht Stegenga en Mare van der Velde
(21 earsten foar en 11 tsjin)

2e priis: Noa Ottens en Eelkje de Jong
(16 earsten foar en 12 tsjin)

By de welpen stiene der 6 partoeren op' e list en waard der keatst neffens it poulesysteem fan de KNKB. Allegearre 3 x keatse en dernei de earsten byinoar optelle. Der wiene 2 partoeren dy't nei 3 omlopen alle 3 partijen wûn hiene, dus dêr gong it om de tsjinearsten.

1e priis: Liset Sijbesma en Geertje van der Weide
(21 earsten foar en 7 tsjin)

2e priis: Jesper Paauw en Tjitske Joustra
(21 earsten foar en 10 tsjin)

3e priis: Jorrit Stap en Sybrand Stremmer
(14 earsten foar en 13 tsjin)

Hjirby wolle we noch al efkes sizze dat Sybrand noch in kabouter is en hjoed foar it earst mei de welpen keatst hat, grutte klasse!

By de pupillen 1 poule mei 4 partoeren, dus poulekeatsen. Allegearre 3 omlopen yn it spier en dernei earsten telle. Ien partoer hie alle 3 omlopen wûn dus foar harren hjoed de krânse.

1e priis: Niels Hiemstra en Marije Zijlstra (21 foar en 6 tsjin)

2e priis: Thijs Janssen en Janneke Overal (15 foar en 13 tsjin)

By de skoaljeugd en de Jonges en Famkes it poulesysteem mei 6 partoeren.

1e priis: Rutger Wiersma en Nynke Paauw en Marc Janssen

2e priis: Julia Paauw en Marrit Hiemstra

3e Priis: Roelie Kroondijk en Amber Reijhoudt

Al wer in moaie keatsdei hjoed yn Easterein, we wolle ús stiper Altac én fansels alle frijwilliger dy't hjoed holpen hawwe, tige tank sizze.



18-06-2016: Posthuma partij

Ofrûne sneon 18 juny de jierlikse Posthuma skildersbedriuw partij, Teake Posthuma is hjir stiper fan en dêr binne wy fansels tige wiis mei. We hawwe der foar keazen om dizze sneontemiddei ris te begjinnen om 16.00 oere. Elk kin oerdei mei de man of frou boadskippen dwaan en/of de stêd yn gean, der kin wurke wurde om in pear sinten te fertsjinjen, en as nei-gesetsje fan de dei kinne jo noch lekker in baltsje slaan en in friske/bierke/hapke iten nei ôfrin. De opjette foel wat tsjin, mar al mei al dochts in moaie list mei 6 partoeren by de manlju en 4 partoeren by de froulju. Der waard keatst mei trije ferskillende listen (nachtkeatssysteem), op dizze wize koe elk moai trije kear keatse.

Der waard prachtich moai keatst, sa no en dan in buike op' e holle wat it sicht fan guon keatsers mei bril wat beheinde, mar al mei al in soad wille en elk hie it tige nei it sin. Om 20.45 oere waard de lêste slach slein, en koene ek de lêste keatsers de kantine yn. Enno Jehannes Bruinsma en Gert-Jan Hiemstra hiene it bier kâld en it fet waarm. Allegearre noflik neisitte, it wie tige gesellich en alles is prima ferrûn.

By de neisit docht Christian de priisútrikking. Under it genot fan in hapke en drankje wurde de folgjende priiswinners nei foarren roppen.

Froulju A

1e priis: Petra Jellema

2e priis: Wiepkje Hiemstra

Froulju B

1e priis: Eefje Hiemstra

2e priis: Yvonne Terpstra

Manlju A

1e priis: Marten Faber

2e priis: Stefan van Krimpen

Manlju B

1e priis: Geb Bakker

2e priis: Judy Bergsma

(mocht har talinten by de manlju útoefenje)

Mei tank oan ús stiper Posthuma Skildersbedriuw.

19-06-2016: Alder/bern partij –

Fakwurk en Sandstra Mesthandel en Transport

In moaie keatsmiddei hjoed mei de âlder/bern partij yn Easterein. Al in oantal jierren keatse wy dizze dei sûnder krânsen en prizen, mar foar de wille. Alle âlders kinne sa meidwaan, ek al ha se oare talinten as it keatsen, dat makket de sfear op sa'n dei tige ûntspannen en hiel gesellich foar jong en âld.



Wol 2 moaie stipers by dizze partij, Fakwurk fan Jan Rinse Blanksma en Sandstra Mesthandel en Transport fan Bauke Sandstra. It stipersjild wurdt op sa'n keatsdei brûkt foar in lekker bakje kofje, tee, limonade en foar lekkere hapkes tusken de wedstriden troch. We meitsje ek alle jierren in moaie groepsfoto en dit leuke oantinken krije de bern letter noch fan ús. Sa wurdt it stipersjild brûkt op in oare, mar seker ek tankbere wize, tank hjirfoar!

We hiene in opjefte fan 24 partoeren en troch wat te skowen mei de kategoryen hiene we in moaie list dêr't elkenien 3 x keatse koe. Gjin 3 spul is út, mar 30 minuten lang keatse. It waar hat gelokkich goed meiwurke, sa kinne we werom sjen op in tige slagge keatsmiddei foar sawol de bern en de âlders as it publyk!

Tank oan alle âlders en bern foar harren ynset op dizze moaie keatsdei en fansels ek tank oan de stipers Fakwurk en Sandstra.

09-07-2016: Teatsen – MRW Accountants

Hjoed wie foar de twadde kear teatsen by KF Easterein. Dizze kear yn gearwurking mei de Tennisferiening Smash. Gelokkich wie d'r wer in sponsor ree fûn om dizze wedstriid te stypjen. Tige tank MRW Accountants út Snits!

Om 14.00 oere koene alle partoeren los en d'r diene fjirtjin dielnimmers mei. Mei moai waar binne we los gongen, spifigernôch waard dat letter wat minder... Alle tenniss(t)ers



fan Smash waarden kopele oan in keats(t)er fan KF Easterein. D'r waard fanatyk teatst. Oant de lêste wedstriid ta wie it spannend wa't der mei de krânse of de oare prizen fan troch gean soe. Nei in telling fan de lêste earsten waard dúdlik wa't de tredde of de fjirde priis hie. Uteinliks is Jetske Sieperda (17 foar, 10 tsjin) fjirde wurden en Marco Rypkema (17 foar, 10 tsjin) tredde. De twadde priis wie foar Klaske Plantinga (17 foar, 9 tsjin), in tennisser is de winner wurden fan dizze partij, dat is nammentlik Jan Galama (21 foar, 8 tsjin). Alle priiswinners lokwinske en genietsje fan jimme lekkere priis.

16-07-2016: Bos partij


De Bos partij stie foar sneon 16 july op de aginda mar troch gebrek oan JK bestjoersleden moasten we útwike nei de snein. By de kabouters in poule mei 4 partoeren dêr't we lotte hiene mei 3 ferskillende listen. Dus eltse kear in oare maat en dan nei 3 partijen de earsten en tsjinearsten byinoar optelle. 1e priis A maat mei 21 punten: Sybrand Stremler
1e priis B maat mei 18 punten: Mare van der Velde

By de welpen ek in poule mei 4 partoeren. Der wie nei 3 oplopen 1 partoer mei 3 oerwinnings en sy gongen dus mei de krânse nei hûs.

1e priis mei 21 punten: Nyka Ottens en Ridzert Veldman

By de pupillen 2 poules fan elk 3 partoeren, de winnende partoeren út beide poules moasten it tsjin inoar opnimme.

1e priis mei 19 punten: Siebo Boersma en Niels Janssen



De skoaljeugd en de jonges/famkes keatsten hjoed byinoar en hjir hiene we ek poulekeatsen, der wiene 4 partoeren.

1e priis mei 21 punten: Mirjam Punter, Sydrik Kooistra en Nadja Sixma

Mei tank oan ús stiper Bos Mechanisatie, hawwe we wer in tige slagge keatsdei hân.

20-08-2016: Nachtkeatsen senioaren – MRW Accountants

Mei goed waar is der wer nachtkeatst. Buienradar liet wat oars sjen mar lokkich kaam dat net út en begong it pas letter yn de nacht, doe't alles alwer oan kant wie, flink te reinen. Om goed 21 oere iepene Wilma de wedstriid en gong it spul los efter de sporthal. Nei wat hin en wer beljen en rinnerij slaggen René en Christian der yn om de ljochten oan te krijen sadat elk de ballen krekt wat better sjen koe.

Dit jier de manlju en froulju byinoar omdat der net in soad opjefte wie by de froulju. Mei hieltyd oare listen waarden d'r 3 omlopen keatst. It wie in sportive en fanatike keatserij dêr't folop foar de krânsen en bioskoopbonnen striden waard.

Danny, Marten en Tjeerd hiene earder op' e dei al in krânse wûn: Danny en Marten op de federaasjepartij yn Skearnegoutum en Tjeerd (neffens himsels) syn alderearste krânse op in KNKB partij, dêrfoar hulde! Soe ien fan harren de dûbel helje hjoed? It spande der om! Tjeerd wie miskien wat útkeatst mar Danny en Marten diene mei om de prizen, al wie it krekt net de earehage.

Yn de A klasse hiene Jan en Danny alle 3 wedstriden wûn, mar omdat Jan minder tsjinearsten hie, wie de krânse foar him en de 2e priis foar Danny. Marten wûn 2 kear en ferlear 1 kear (mei 5-5), hjirmei foar him in 3e priis.

Petra Jellema wie de ienige yn de B klasse mei 3 oerwinnings en dêrmei wie de krânse foar har. De 2e priis wie foar Selma de Boer, sy hie ien tsjinearst minder dan Jetske. De 3e priis wie dan ek foar Jetske.

Yn de C klasse gjin ien mei 3 oerwinnings; de krânse wie foar Thom, hy wûn 2 kear en ferlear 1 kear (mei 5-5), de 2e en 3e priis wiene respektivelik foar Jorrit Veldman en Yvonne Terpstra. Sy hiene beide eksakt itselde oantal foar –en tsjinearsten. Mar omdat Jorrit minder punten tsjin hie yn de lêste earsten fan alle 3 partijen wie de 2e priis foar him en de 3e priis foar Yvonne.

Hjirûnder de útslaggen:

A klasse:

1e priis: Jan Vellinga (21 foar en 9 tsjin)
2e priis: Danny Roos (21 foar en 12 tsjin)
3e priis: Marten Faber (19 foar en 8 tsjin)

B klasse

1e priis: Petra Jellema (21 foar en 9 tsjin)
2e priis: Selma de Boer (17 foar en 12 tsjin)
3e priis: Jetske Sieperda (17 foar en 13 tsjin)

C klasse

1e priis: Thom Veldman (19 foar en 15 tsjin)
2e priis: Jorrit Veldman (17 foar en 12 tsjin)
3e priis: Yvonne Terpstra (17 foar en 12 tsjin)

Om 2 oere wiene alle prizen útrikt en waard der, troch de nachtbrakers, noch efkes gesellich neisitten (oant goed 5 oere). Mei tank oan ús stiper MRW Accountants út Snits hawwe we wer in tige slagge nachtkeatserij hân!

28-08-2016: De Jong partij

Snein 28 augustus wie de lêste senioaren ledewedstriid fan dit jier. Dizze wurdt stipe troch ynstallaasje bedriuw de Jong, tank hjirfoar. We woene der as bestjoer in spesjaal tintsje oan jaan en dêrom wie der nei de wedstriid noch in bbq foar de keatsers en oare belangstellenden. Foar de bern wie der in springkessen en ûnder it keatsen waard der ek noch mei prizen struid. Foar in boppeslach, sitbal, kweaslach en somtiden moast der ek noch in koprol of hânstân by makke wurde. It waard sa in hiele gesellige keatsdei.

De opjefte foar de keatsers wie sa dat der by de manlju en froulju yn poules keatst waard. Nei trije omlopen, dêr it by de manlju oant it lêste earst ta spannend wie wa't mei de prizen der fan troch gean soe, wie de lêste ledewedstriid foarby en koene de prizen ferdielt wurde. Al wie it wacht-sjen wol op ien dy't lekker efkes nei hûs wie om ûnder de brûs te stean en fris en fruitich oan te skowen by de bbq.

Nei it lekkere fleis, wat bakt waard troch René en Christian, hawwe in pear froulju noch wat lotsjes foar it draaiend rêd ferkocht en sa gong hast elkenien wol mei in priis nei hûs.

We hoopje dat we it oare jier noch mear leden by de wedstriden sjogge. It wie in gesellige neisit mei muzyk fan ús DJ JBB.



Struiprizen:

Manlju aksje

Tjeerd Dijkstra - kweaslach
Dirk Yde Sjaarda - boppe yn tuskenspul
Rémon Bouma - boppeslach
Ype Tiemersma - sitbal
Tymen Dijkstra - boppeslach mei koprol
Harm Dijkstra - sitbal mei hânstân
Bote Jellema - retoerslach yn it perk

Froulju aksje

Karin Sjaarda - kweaslach
Wiepkje Hiemstra - boppeslach
Wiepkje Hiemstra - sitbal
Yvonne Terpstra - sitbal
Yvonne Terpstra - sitbal mei hânstân
Wiepkje Hiemstra - boppeslach en om' e kweapeal drave
Net fallen - boppeslach yn it tuskenspul

Keatsen froulju:

1e priis: Judy Bergsma en Karin Sjaarda
2e priis: Wiepkje Hiemstra en Dieuwke Kooistra

Keatsen manlju:

1e priis: Hans Kooistra, Harm Dijkstra en Wietse Vink
2e priis: Anco Elgersma en Peter Stuiver

09-09-2016: Nachtkeatsen Jeugd/Slotjûn

MRW Accountants en Sporthuis A.P. vd Feer

De lêste partij wie it nachtkeatsen op freed 9 septimber. Om 18.00 oere earst patat, in frikandel en limonade en dernei keatse.

Kabouters

A-maten

1e priis: Sybrand Stemler
2e priis: Brecht Stegenga

B-maten

1e priis: Sybrecht Overal
2e priis: Mare van der Velde

Welpen

A-maten

1e priis: Liset Sijbesma
2e priis: Ridzert Veldman
3e priis: Jesper Paauw

B-maten

1e priis: Jorrit Stap
2e priis: Geertje van der Weide
3e priis: Theunis Ynema

Pupillen

A-maten

1e priis: Jelmer Brouwer
2e priis: Redmer Wiersma
3e priis: Redmer Stegenga

B-maten

1e priis: Jildert Hiemstra
2e priis: Lize van der Woude
3e priis: Janneke Overal

Skooljeugd en famkes/jonges

A-maten

1e priis: Selma de Boer
2e priis: Sydrik Kooistra
3e priis: Julia Paauw

B-maten

1e priis: Nynke Paauw
2e priis: Bauke Reijnhoudt
3e priis: Rimmer Kamstra

Mei tank oan MRW Accountants en Sporthuis A.P. vd Feer hat de jeugd fan Easterein wer in tige slagge nachtkeatspartij/ slotjûn hân.



11-12-2016: Ledepartij sealkeatsen

Ofrûne snein wie it wer safier, de lêste ledewedstriid fan KF Easterein. Der wie wer in moaie list fan 18 dielnimmers. Nei útlis fan de regels troch Wiepkje, waard de earste bal opslein om sawat 13.15 oere. Der waard keatst mei trije listen en it wiene spannende partijen. De sporthal wie betiden net heech genôch, it fjild soms krekt te lyts (de bal mei net yn ien kear boppe), de bal te lyts en sa waard der mear om eamele.

Ype moast fan de frou syn âlde, hast antike en stikkene sealskuon fan't simmer fuortsmite. No kaam hy der efter dat de oare skuon swarte soallen hiene en dus hat hy op bleate fuotten keatst. Martine en har twa froulju moasten yn de tredde omloop tsjin de bruorren Dijkstra. De mannen en de



frou koene dit net risse. Foaral de C-maat fan Martine wie hjir hiel bliid mei, no hoecht sy dit net it hiele jier oan te hearren. Martine hie al in omloop ferlern fan har heit en woe dat fansels net fan har omke ek noch dwaan. De mannen hiene it ek net ferwachte fansels mar dat is it aardige oan sealkeatsen mei in grutte bal, it kin alle kanten op. Nei twa omlopen wie it noch spannend wa't der mei de prizen fan troch gean soene. Foaral by de C-maten. Der waard dus noch fûleindich keatst om sa de measte punten bynoar te sprokkeljen. Nei't de telling dien wie, binne ûndersteande winners út de bus kommen.

1e priis

- A Harm Auke Dijkstra (21 foar 10 tsjin)
- B Sipke Hiemstra (21 foar 7 tsjin)
- C Mattie Dijkstra (19 foar 9 tsjin)

2e priis

- A Martine Tiemersma (19 foar 9 tsjin)
- B Tom Couperus (21 foar 9 tsjin)
- C Wiepkje Hiemstra (17 foar 15 tsjin)

3e priis

- A Tjeerd Dijkstra (14 foar 12 tsjin)
- B Gabriële Bouma (15 foar 13 tsjin)
- C Petra Jellema (16 foar 12 tsjin)

Dizze partij wurdt sponsore troch twa stipers (krânsen en prizen) dy't anonym bliuwe wolle. Se hawwe wol besletten om trije prizen út te dielen. We wolle dizze stipers nochris tige tank sizze.

WEDSTRIDEN FEDERAASJE

29-05-2016: Okkema-partij

Yn grutte parten fan it lân min waar mei hagel- en tongerbuien mar lokkich yn Easterein prachtich waar mei it sintsje der de hiele dei by op de Okkema partij! Mei yn totaal 22 partoeren op de list, ferdield oer 5 klassen, waard om goed 12 oere it earste baltsje slein.

Manlju A-klasse f.f.

De manlju keatsten yn in poule fan 4 partoeren, elk koe sa trije kear keatse. Nei 2 omlopen wie it dúdlik dat der noch 2 partoeren foar de einoverwinning gean koene, sy troffen elkoar yn de 3e omloop: Rinze Steneker, Rutger Vallinga en Hendrik Bouwhuis wiene mei 5-4:6-4 te sterk foar Bote Jellema, Jouke Dotinga en Mart v/d Molen en pakten hjirmei de krânsen.

1e priis: Rinze Steneker, Rutger Vallinga, Hendrik Bouwhuis

2e priis: Bote Jellema, Jouke Dotinga, Mart v/d Molen

Manlju B-klasse f.f.

6 partoeren yn de B-klasse ferdield oer 2 poules. Tjeerd Dijkstra, Tymen Dijkstra en Anco Elgersma wûnen beide partijen en wiene hjirmei groepswinner fan poule A. Yn poule B wûnen Bote Strikwerda, Paulus Yde Walda en Harm Jan de Boer ek beide partijen. De finale wie úteinlik in proai foar Bote Strikwerda c.s., sy wûnen mei 5-1:6-6 fan Tjeerd Dijkstra c.s.

1e priis: Bote Strikwerda, Paulus Yde Walda, Harm Jan de Boer

2e priis: Tjeerd Dijkstra, Tymen Dijkstra, Anco Elgersma

Manlju C-klasse f.f.

Yn de C-klasse ien poule fan 4 partoeren. Nei 3 wedstriden wiene der 2 partoeren mei like folle punten: Klaas Kamstra, Abe Jan Stegenga en Hans Kooistra en Jelle Wiersma, Jan Vellinga en Pieter Vellinga. Beide partoeren hiene 19 punten, it oantal tsjinearsten brocht hjiryn de útslach yn it foardiel fan Klaas Kamstra c.s., sy hiene 8 tsjinearsten en it partoer fan Jelle Wiersma c.s. kamen op 11 tsjinearsten.

1e priis: Klaas Kamstra, Abe Jan Stegenga, Hans Kooistra

2e priis: Jelle Wiersma, Jan Vellinga, Pieter Vellinga

Froulju A-klasse f.f.

By de froulju yn de A-klasse ek ien poule fan 4 partoeren, wêr ûnder 1 twatal. Mei twa winstpartijen wûnen Richtsje Strikwerda, Femke Hijlkema en Seriette Strikwerda de 2e priis. De krânsen wiene, mei 3 winstpartijen, foar it twatal Baukje Terpstra en Janieke Dijkstra.

1e priis: Baukje Terpstra, Janieke Dijkstra
2e priis: Richtsje Strikwerda, Femke Hijlkema, Seriette Strikwerda

Froulju B-klasse f.i.l.

4 Twatallen op de list yn de B-klasse by de froulju. Nei 2 wedstriden wie it noch hieltyd spannend hokker froulju mei de krânsen nei hús gean soene. Mei 17 punten wie de 2e priis úteinlik foar Ida Hallema en Karin Sjaarda. Mei 21 punten koene de earehagen by Sanne Rixt Jorritsma en Riemy Kamstra omhongen wurde.

1e priis: Sanne Rixt Jorritsma, Riemy Kamstra
2e priis: Ida Hallema, Karin Sjaarda

Nei in flot ferrin fan de wedstriden koene de prizen rûn 17 oere útdield wurde. Nei noch in moaie foto-sesje mei alle priiswinners by de kraan fan Okkema (dy't op it A fjild stie) is der noch efkes gesellich neisitten. Us tank giet út nei Leanbedriuw Okkema foar it stypjen fan dizze partij!

03-06-2016 – Federaasje jeugd

Net trochgien

WEDSTRIDEN KNKB

14-05-2016: KNKB Froulju 1e klasse

Couperus Hydrauliek b.v.

Op de fjilden fan de Skoalleseize yn Easterein wie it sneon 14 maaie in kâlde mar gesellige keatserij. Nei't de skiedsrjochter him siik ôfmeld hie, ha we gelokkich Sipke Hiemstra ree fûn om de wedstriidlieding op him te nimmen en we koene om goed 10 oere los. Nei in protte bijlotterij, ien fikse hagelbui en bikkels fan karmasters (alle karmasterplakken rûnom it fjild wienen beset!) dy't ek de kjeld trotsearje moasten, binne de prizen sa ferdield:

1e: Michelle Bruinsma, Mintje Meintema, Corina de Vries
2e: Everdyna de Haan, Leila-Janneke Moufakkir,
Anna Kootstra (ynfallen foar Melissa Rianne Hiemstra)
3e: Jeska Terpstra, Judy Bergsma, Akkelyna de Haan



Ferliezersronde

1e: Rixt Sinnema, Lotte Delgrosso, Hiske Zeinstra
2e: Annet de Haan, Anouk Tolsma, Mirjam Beeksma

Mei tank oan ús haadstiper Couperus Hydrauliek, dy't dizze keatsdei mei mooglik makke hat!

12-06-2016: KNKB Manlju 1e + 2e klasse

Grafische Groep van der Eems

Mei prachtich waar waard hjoed de manlju f.f. 1e en 2e klasse ferkeatst.

De 1e klasse stie ûnder lieding fan Jenco Sieperda. In tige flotte keatserij makke dat de finale om 15.30 oere al út wie. Yn in list fan 10 partoeren kaam it partoer fan Bauke Triemstra, Dylan Drent en Patrick Scheepstra it partoer fan Peter van Zuiden, Allard Hoekstra en Jan Hospes tsjin. It partoer fan Bauke Triemstra c.s. kamen troch in steand nûmer yn de finale. It partoer fan Peter van Zuiden c.s. wûnen yn de heale finale fan Pieter Bakker, Pieter v/d Schoot en Hillebrand Visser mei 5-0:6-6. De finale gong yn de earste helte lyk op, dêrnei luts it partoer fan Bauke Triemstra c.s. oan it langste ein. Sy wûnen úteinlik mei 5-3:6-4.

Utslach:

1. Bauke Triemstra, Dylan Drent, Patrick Scheepstra
2. Peter van Zuiden, Allard Hoekstra, Jan Hospes
3. Pieter Bakker, Pieter v/d Schoot, Hillebrand Visser

De 2e klasse stie ûnder lieding fan Sipke Hiemstra. In spannende keatserij makke dat de finale om 17.30 oere út wie. Yn in list fan 16 partoer kaam it partoer fan Elgar Boersma, Haye Jan Nicolay en Douwe Anema it partoer fan Michiel Scheepvaart, Gerrit Jan Duiven en Roel Hoekstra tsjin. It partoer fan Elgar Boersma c.s. wûnen yn de heale finale fan it partoer fan Sil Leystra, Ruben Eijzenga en Gideon Swanson. It partoer fan Michiel Scheepvaart c.s. wûnen yn in tige spannende heale finale fan it partoer fan Andre van Dellen, Jan Sipke Tuinman en Rick Poortstra mei 5-5:6-6. De finale gong yn de earste helte lyk op, dêrnei luts it partoer fan Elgar Boersma c.s. oan it langste ein. Sy wûnen úteinlik mei 5-3:6-0.

Utslach:

1. Elgar Boersma, Haye Jan Nicolay, Douwe Anema
2. Michiel Scheepvaart, Gerrit Jan Duiven, Roel Hoekstra
3. Sil Leystra, Ruben Eijzenga, Gideon Swanson
3. Andre van Dellen, Jan Sipke Tuinman, Rick Poortstra

Mei tank oan de haadstiper fan dizze partij, Drukkerij van der Eems út Easterein én alle frijwilligers, hawwe we wer in tige slagge keatsdei hân yn Easterein.

03-07-2016: KNKB Pupillen Jonges

Couperus Hydrauliek b.v.

A-klasse pupillenjonges t.i.l.

Op de moaie fjilden fan de Skoalleseize yn Easterein, mei de hiele dei it sintsje der by, waard der om raak keatst. Nei't der 3 listen ferkeatst wiene yn it nije poule systeem moasten de 2 bêste partoeren om de krânsen keatse: Matthys Renema, Heech en Niels de Boer, Spannum hiene 18 punten, hjirtroch stiene se 2e. Marten Leijenaar, Eksmoarra en Jan Bandstra, Easternijtsjerk wûnen alle 3 omlopen en kamen sa oant 21 punten. Yn de finale moasten foargeande partoeren tsjin inoar. Nei in tige spannende partij waard it 5-5:6-6. Troch in sitbal fan Niels de Boer gongen de krânsen nei partoer 3: Matthys Renema en Niels de Boer.

Utslach:

1e priis: Matthys Renema, Heech en Niels de Boer, Spannum
2e priis: Marten Leijenaar, Eksmoarra en Jan Bandstra, Easternijtsjerk

B-klasse pupillenjonges t.i.l.

Mei in moaie list fan 20 partoeren waard der om raak keatst op de sportfjilden fan de Skoalleseize yn Easterein. Nei 3 omlopen dêr't bylotte wurden moast (omdat partoer 20 net folslein wie) kamen yn de heale finale fan de winners dizze partoeren inoar tsjin: Jelmer Brouwer/Johan Clossen en Sjouke Beimers/Sybrand Veldhuis, dizze striid waard wûn troch Sjouke en Sybrand mei 5-2:6-4. Trochdat Lars Hoekstra en Jens Rienk Jepkema in steand nûmer yn de heale finale hiene, kamen sy yn de finale tsjinoer Sjouke en Sybrand te stean. Mei de sifers 5-2:6-4 wûnen Sjouke en Sybrand de krânsen. Yn de ferliezersronde gong de finale tusken Jens Kooistra/Daniel Meesters en Folkert Wierda/Menno Johnson. Jens en Daniel wûnen dizze wedstriid nei in spannende striid mei 5-5:6-4. In 3e priis yn de ferliezersronde wie der foar Thom Dijkstra en Rink Rudmer Sterk.

Utslach winnersronde:

1e priis: Sjoukje Beimers, Bitgummole en Sybrand Veldhuis, Raerd
2e priis: Lars Hoekstra, Damwâld en Jens Rienk Jepkema, Húns
3e priis: Jelmer Brouwer, Easterein en Johan Clossen, Gau

Utslach ferliezersronde:

1e priis: Jens Kooistra, Raerd en Daniel Meesters, Bitgummole
2e priis: Folkert Wierda, Goaiingea en Menno Johnson, Kimsward
3e priis: Thom Dijkstra, Bitgummole en Rink Rudmer Sterk, Bertsum

Mei tank oan ús stiper Couperus Hydrauliek én alle frijwilligers, hawwe we wer in moaie keatsdei hân yn Easterein.

07-08-2016: KNKB Skoalfamkes – Couperus Hydrauliek b.v.

Under omstannichheden fan rein, sinne, hurde wyn, in ôfsizing en spitigernôch in blessuere hiene we genôch by it ein op dizze dei. Hjirtroch moast der in protte bylotte wurde en sa no en dan wat langer wachte wurde tusken de omlopen troch. Lokkich dat it waar middeis better waard wêrtroch it noch in moaie en spannende keatserij waard.

A-klasse skoalfamkes

De skoalfamkes keatsten yn poulesysteem, it koe oant de lêste wedstriid ta noch alle kanten út gean. Uteinlik wie der 1 partoer dy't alle wedstriden wûn hie en dit partoer hie hjir mei ek de 1e priis. Mar wa't de 2e priis wûn, wie wat spannender. Mei 1 punt ferskil is dat úteinlik beslikke.

1e priis (mei 21 earsten foar en 10 earsten tsjin):

Marije Bodde, Grou en Fiera de Vries, Seisbierrum

2e priis (mei 16 earsten foar en 12 earsten tsjin):

Rixt Fokkema, Harns en Larissa Smink, Makkum

B-klasse skoalfamkes

De finale yn de winnersronde waard wûn troch Jessie Rekker en Julia Marthine Rienks mei 5-3:6-0 fan Lisl van der Schaar en Silke Heinsma.

1e: Jessie Rekker, Boalsert en Julia Marthine Rienks, Dronryp

2e: Lisl van der Schaar, Aldebiltsyl en Silke Heinsma, St. Anne

3e: Baukje Heeringa, Reduzum en Hanne Siegersma, Minnertsgea

Ferliezersronde

1e: Famke Zijlstra, Boalsert en Tineke Terpstra, Easternijtsjerk

2e: Indy Tuinier, Makkum en Jeltine Meulenaar, Winsum (bylotte)

Mei tank oan ús stiper Couperus Hydrauliek út Easterein én fansels alle frijwilligers, hawwe we wer in moaie keatsdei hân.

BYSÛNDERE AKTIVITEITEN

13 o/m 24 juny 2016

Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote

Easterein naam ek wer diel oan it IFK Jeu de Pelote mei Dirk- Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra, Jan Schurer, Marco Hoekstra, Peter Stuiver en Marten Faber.

Woansdei 15 juny: Jorwert-Easterein, 3 – 7

Moandei 20 juny: Easterein-Mantgum ôfsein troch it minne waar, ferpleatst nei 21 juny.

Tisdei 21 juny: Easterein-Mantgum, 7 – 6

Woansdei 22 juny: Easterein-Ljouwert, 3 – 7

Easterein ferliest fan Ljouwert, dus gjin priis foar Easterein. Easterlittens wurdt 1e, Ljouwert 2e en Wommels en Frjentsjer binne 3e wurden.

11-09-2016 - Stipersdei

Op de jierlikse stipersdei sette wy ús stipers yn it sintsje troch in gesellige keatsdei te organisearjen mei hjir en dêr wat lekkers en fansels om by te praten. Ofrûne snein wie it wer safier! Om 12 oere waard elk ûntfongen mei sop en broadsjes. Nei't Dirk-Yde de dei offisjeel iepene hie, koe it spektakel los gean. Keatse mei de sêfte bal yn 3 ferskillende listen, dit leveret oer it algemien moai tuskenspul en in protte draverij op. Mei de hege temperatueren wie dit dreech genôch! Wat waard der mei nocht en wille keatst en hjir en dêr kamen samar wat talinten nei boppen! Miskien kinne we wat nije leden begroetsje?!

De 1e omloop duorre lang! Der wie in partij by dy't hast 2 oeren duorre. Mattie Dijkstra en Jelle Wiersma tsjin Danny Roos en Monique Vellinga makken der in wiere slitaazje slach fan, úteinlik wûnen Danny en Monique mei 5-5:6-4.

De oare keats(t)ers hiene dus rom tiid om harren op te laden foar de 2e omloop. Yn dizze omloop in moaie wedstriid tusken de bruorren Okkema (Tjerk en Hendrik) tsjin Anco Elgersma en Tom Couperus. Nettsjinsteande dat de Okkema mannen net sa bêst opslaan kinne (neffens eigen sizzen) makken de manlju der in prachtige en spannende partij fan. Anco en Tom lutsen oan it langste ein en wûnen mei 5-4:6-2. Yn de 3e omloop waard der noch hieltyd om raak keatst al wie der by inkelden ek te sjen dat se it ein hast yn' e bek hiene. Ek no wer in spannende en ûnderhâldende partij: Anco Elgersma, Hendrik Okkema en Marlous van Tuinen tsjin Jelle Wiersma (nije stiper!), Hille Meijer en Elisabeth Breeuwisma makken der in prachtige wedstriid fan. Hille lei noch op koers foar de krânse mar troch ferlies yn dizze partij gong dy oan syn noas foarby. Anco c.s. wûnen mei 5-5:6-4.

By de A-maten in dúdlike oerwinning foar Jan Vellinga: hy hie 21 foarearsten en mar 1 tsjinearst! Danny Roos waard 2e mei 21 foarearsten en 9 tsjinearsten. In 3e priis wie der foar Abe Jan Stegenga, hy hie 18 foarearsten en 10 tsjinearsten. De poedelpriis wie ek dúdlik.... dizze wie foar Tymen Dijkstra mei 2 earsten foar en 18 earsten tsjin.

By de B-maten ek in dúdlike 1e priiswinner: Ria Kingma wie de ienige dy't alle partijen wûn. Mei 21 foarearsten en 8 tsjin-earsten wie de krânse foar har. Hille Meijer wûn de 2e priis mei 19 earsten foar en 9 earsten tsjin. Foar Hendrik Okkema de 3e priis, hy hie 18 foarearsten en 16 tsjinearsten. Tom Couperus 'wûn' de poedelpriis, hy hie 8 earsten foar en 16 earsten tsjin.

Foar't de prizen útrikt waarden rjochte Tjeerd it wurd oan de oanwêzigen om de sportive hichtepunten fan it ôfrûne jier troch te nimmen. Altyd aardich om dit wer efkes te hearren, we hawwe in moai keatsjier hân mei, ûnder oare, prizen op NK's en de manlju's PC. Mei in hapke en in drankje waard

der noch efkes tige gesellich neisitten. Alle stipers: nochris ús tank foar jimme stipe it ôfrûne jier!!!

A-maten

1e priis Jan Vellinga	21 foar en 1 tsjin
2e priis Danny Roos	21 foar en 9 tsjin
3e priis Abe Jan Stegenga	18 foar en 10 tsjin

Poedelpriis

Tymen Dijkstra	2 foar en 18 tsjin
----------------	--------------------

B-maten

1e priis Ria Kingma	21 foar en 8 tsjin
2e priis Hille Meijer	19 foar en 9 tsjin
3e priis Hendrik Okkema	18 foar en 16 tsjin

Poedelpriis

Tom Couperus	8 foar en 16 tsjin
--------------	--------------------

JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

02-07-2016: Jong Fammen Mantgum

Foar Easterein keatsten Tineke Dijkstra, Jeska Terpstra en Martine Tiemersma. Foar Tineke en Martine it lêste jier dat sy mei dwaan meie oan de Jong-Fammen. Yn 2011 hiene Jelien Pompstra, Tineke Dijkstra en Martine Tiemersma de Ald-Meiers wûn. Martine hie it foarstel dien om dan mei syn trijen ek nei de Jong-Fammen te gean. Mar Jelien kaam krekt werom fan har staaazje út Alaska en sa kaam it dat talint Jeska Terpstra mei gong. Foar de begelieding waard Klaas de Jager ree fûn om mei te gean!

De 1e omloop wurdt wûn fan Berltsum mei 5-4:6-4 en it gong hartstikke moai. Ek de 2e omloop wurdt wûn, dizze kear fan Wergea mei de dúdlike sifers fan 1-5:4-6. Foar in finaleplak moast der keatst wurde tsjin buordoarp Wommels mei it slutende partoer. De Jong-Fammen fan Easterein koene eilaas gjin fûst meitsje en ferlearen dit mei 1-5:4-6. Wommels kaam yn de finale tsjinoer Dronryp en nei 1-4 efter, komme se 5-4 foar en op 6-4 wint Wommels de Jong-Fammen partij.

03-08-2016: Manljus PC – Frjentsjer

Woansdei 3 augustus 2016 waard de 163e PC yn Frjentsjer ferkeatst. Om sawat 10 oere gong it hinne op It Sjúkelân en sa as elts jier wie Easterein, sawol mei keatsers as publyk, wer goed fertsjintwurdige.

1e omloop

Op de earste list stie Jan Schurer mei Hendrik Tolsma en Jacob Klaas Haitsma tsjinoer âld-Eastereiner Jelte-Pieter Dijkstra mei Hendrik Jan van der Velde en Evert Pieter Tolsma. Dit wie in spannende striid en de partoeren wiene oan elkoar weage oant fjouwer earsten gelyk. Uteinlik is it it par-

toer fan Jan Schurer dat trochgiet nei de twadde list troch mei 5-4:6-0 te winnen.

Dirk-Yde Sjaarda en Bauke Dijkstra moasten mei harren maat Steven de Bruin fuort oan de bak tsjin Jan Dirk de Groot, Renze Hiemstra en Hans Wassenaar. Se seagen al gau tsjin in 1-4 efterstân oan. Der is noch kâns op in buordsje op 2-5:6-6 mar it partoer fan Jan Dirk c.s. wint op dizze stân.

2e omloop

Hendrik Tolsma, Jacob Klaas Haitzma en Jan Schurer nimme it op de twadde list op tsjin ien fan de kânshawwers, Johan v/d Meulen, Alle Jan Anema en Hylke Bruinsma. Hendrik, Jacob Klaas en Jan keatse deeglik en meitsje sawol oan de opslach as yn it perk hast gjin fouten. Se komme 1-4 foar en binne net mear út de flow te heljen dêr't se yn sitte. Op in stân fan 1-5:6-6 makket Jacob Klaas it út mei in boppeslach en dêrmei steane se yn de heale finale!

Heale finale

Yn de heale finale treffe Hendrik, Jacob Klaas en Jan it partoer fan Jan-Dirk, Renze en Hans. Spitigernôch giet it wat te hurd en kinne se de druk net útoefenje wat yn de foarige omloop wol goed slagge. Jan-Dirk c.s. rint út nei in 0-5 foarsprong en op in stân fan 0-5 6-6 einiget de striid foar Hendrik Tolsma, Jacob Klaas Haitzma en Jan Schurer. Mannen, jim kinne tige grutsk wêze mei dizze tredde priis! Fan herte lokwinske!



06-08-2016: Ald-Meiers – Hitsum

Op in drok besochte Ald-Meiers, moarns siet it fuort al grôftol minsken, binne Mirjam Punter, Selma de Boer en Jeska Terpstra mei begelieder Danny Roos der net yn slagge om in priis te winnen. De Ald-Meiers waard foar de 17e kear organisearre en is in fantastyske wedstriid foar de famkeskategory. It is prachtich om de hiele dei mei te meitsjen en KV De Eendracht fan Hitsum slagget der elk jier wer yn om it noch better en aardiger te meitsjen. Der wiene in soad Eastereiners en dy seagen net allinnich de wedstriid mar ek it kreamke mei de hearlike broadsjes waarme ham, in grut súkses.

Winner fan de 17e Ald-Meiers wurdt, ferrassend, Wytmarsum mei Sjoukje Stuiver, Selma vd Molen en Anke Smid. Se winne yn de finale fan Rie, ien fan de favoriten. Mantgum, de favoryt, waard 3e en ferlear yn de heale finale fan Wytmarsum.

Easterein begong de dei tsjin Grou. Mirjam begong foar bêst op, Jeska foar minst efterryn en Selma foaryn en op de boppe. Op 1-1:4-6 in boppeslach fan Selma, 1-2, Grou komt op 2-2 as se de keats foarby slaan op 6-4. Dêrnei rint Easterein út nei in 2-5 foarsprong, op 2-6 Selma boppe, 2-3, op 2-6 Selma de keats foarby, 2-4, op 2-6, Jeska boppe, 2-5. Op 6-4 pakke we krekt de keats net en komt Grou op 3-5. Jeska nimt de foar bêst opslach oer om't Mirjam net genôch bringe kin om it perk fan Grou ûnder druk te hâlden. Grou komt ek noch op 4-5 as Selma op 6-2 kwea út slacht, mar dan mei in skjinne earst witte se te winnen as Selma fan de boppe ôf de bal krekt foar de keats del leit.

Yn de 2e omloop tsjin it twatal fan Goaiïngea dat yn de 1e omloop fan Stiens wûn mei 5-2:6-0. Dat soe in warskôging wêze moatte foar Easterein, mar dochs litte we ús ek ferrasse. Mirjam begjint wer foar bêst op mar kin it net risse en nei 4-1 nimt Jeska de foar bêst oer en Selma de foar minst. De druk is efkes wat te grut, foaral foar Jeska en de opslach rint net lekker, ek hawwe we te folle opslachfouten. It wurdt sels 5-1 en dan komme we lang om let yn it spul. Punt foar punt wurdt garre en we komme werom oant 5-3. We begjinne sels mei in 0-4 as Jeska twa kear opslacht en ek sels werom yn it perk slacht. Mar Grou wit twa kear boppe te slaan, 4-4. Mei 2 keatsen wikselje we, de 1e keats ferlieze we en by de 2e keats slacht Selma krekt kwea út. Spitich, mar it is dien foar Easterein op de 17e Ald-Meiers.

Takom jier binne we der wer! Dan sille we sjen wa't dan de kleuren fan Easterien ferdigenje meie op dizze prachtige wedstriid!

10-08-2016: Freule – Wommels

De Freule is west en geandewei de dei wiene der net in soad spannende partijen, mar de finale makke alles goed. Menaem waard in moaie en terjochte winner. Easterein mei de jonges Bauke Reijnhoudt, Rutger Wiersma en Kees v/d Horst koene it net risse yn de 1e omloop, al gong it lang gelyk op en wiene der wol kânsen. Op 5-4:6-6 wûn Ingelum it, mar sy ferlearen dêrnei de 2e omloop.

24-08-2016: Frouljus PC – Weidum

As je de nijsberjochten oer de frouljus PC lêze dan binne dy ferskaat. Wy hâlde ús dêrom allinnich mar efkes dwaande mei de 5 Eastereiner froulju dy't der stienen! Wat wie it waarm, mar ek tige gesellig yn Weidum. De organisaasje wie wer prima en nettsjinsteande it hite waar, wiene der in soad minsken.

Fan de 5 Eastereiner froulju kamen der twa yn de 2e omloop (Tineke en Imke) mar dy ferlearen dêr de striid. De PC waard wûn troch Ilse Tuinenga (K), Sjoukje Visser en Manon Scheepstra. Yn de finale wurdt wûn fan Louise Krol, Sandra Hofstra en Wiljo Sijbrandij mei 5-0:6-0. Dit partoer hie yn de 1e omloop hurd ôfreckene mei it partoer fan Anne Monfils, Nynke Sybrandy en Marrit Zeinstra (5-3:6-4)

1e omloop

As earsten kamen Tineke Dijkstra, Hermine Sytema en Jeske de Boer tsjin Nelie Steenstra, Anna-Brecht Bruinsma en Geke de Boer én Sietske Okkema, Martine Tiemersma en Martzen Deinum tsjin Rianne Vellinga, Maaïke Osinga en Harmke Siegersma yn de krite. Nije kriich hjit de keatsferiening fan Weidum. No, dat hienen Tineke c.s. goed begrepen. Se keatsten goed, sawol taktysk as ek de ynset en lieten in prachtige partij sjen. De tsjinstanner gong der ek knap yn mei, mar liet dochs wol stekjes falle. De partij einige yn in 3-5:6-6, in oerwinning foar Tineke c.s.

Sietske en Martine sieten lykas harren maat Martzen net lekker yn de wedstriid. No die bliken dat de tsjinstanner der ek net folle mear fan makke. Sadwaande waard it mear spannend dan goed en koenen we hoopje dat ek Sietske en Martine de 2e omloop helje soenen. Eilaas, se moasten dochs belies jaan tsjin Rianne Vellinga c.s. Der waard ferlern mei 5-4:6-6 (neffens Sietske wie dit de 3e kear dat hja mei 5-4 ferlearen, yn 2015 ferlieze Sietske, Sandra en Jelien mei 5-4:6-6 fan Iris, Feikje en Bianca, yn 2014 ferlieze Sietske, Anke en Jelien mei 5-5:6-2 fan Evelien, Esther en Annelien).

Imke vd Leest mei Iris van der Veen en Sjanet Wijnia tsjin Joukje Kuperus, Klasine Huistra en Marije van der Meer meitsje der ek in drege pot fan. Se komme samar 1-3 foar mar dan rint it hielendal net mear en komme se sels 5-3 efter. Se knokke harren werom yn de wedstriid en helje de 5-5. Se steane op winst op 4-6, mar it wurdt sels 6-6. De opslach fan Joukje wurdt troch Imke oer de boppe rost en sa helje se dochs de 2e omloop.

Dan as lêste Marije Hiemstra mei Anke Winkel en Jennie Terpstra tsjin Jildou Sweering, Sigrïd de Jong en Grada van der Schoot. Se sitte beide yn it lêste blokje en al binne de nrs 11 en 12 op de list wol better, je witte mar nea! Mar ja... hoe moatte we it sizze, it rint foar gjin meter mei de opslach en yn it perk giet it ek net lekker. De oaren ha de keats-off wûn op de tongerdeis foar de frouljus PC en hienen fansels neat te ferliezen (se stienen op plak 13 mei mar leafst 258,6 punten minder dan nûmer 12!!). Mar Jildou c.s. keatse goed en winne dan ek dizze partij mei 5-2:6-0.

2e omloop

Sa't Tineke c.s. de earste wedstriid keatsten, hienen we wol

hoop dat hja kânsen hienen tsjin Rianne Vellinga c.s. Mar de lêsten ha it fansels wol efkes te hearren krigen en sille sels ek wol witten ha dat it better moast. Tineke, Hermine en Jeske koenen it net risse en foelen wat stil, de belibbing fan de 1e omloop koenen we net sjen en sa ferlearen se mei 1-5:0-6.

Dan stie der noch ien frommeske fan Easterein op it Weidumer PC-fjild te keatsen en dat wie Imke mei Iris en Sjanet. Se moasten it opnimme tsjin it favorite partoer fan Ilse Tuinenga c.s. en dat wie fansels in drege opjefte, ek al om't Sjoukje Visser ôfskied naam en it partoer soe der dan ek alles oan dwaan om de PC te winnen. De 2e omloop slagge dat wol, winne, en dat betsjutte dus dat Imke c.s. ferlearen. Imke c.s. begjinne wol hiel goed en steane in spul foar, mar dan begjint it te rinnen en binne de oaren ek 'wekker'. It wurdt 4-2 en sels 5-2, mar se knokke werom nei 5-3 as Imke de keats pakt op 6-6. Op 5-3:6-6 slacht deselde Imke de opslach fan Ilse kwea út en is it oer.

NEDERLÂNSKE KAMPJOENSKIPPEN

16-05-2016: NK Manlju – Frjentsjer

Easterein mei Dirk-Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Jan Schurer winne in 4e priis op de Bûnspartij (NK Senioaren) yn Frjentsjer!



De 1e omloop winne se fan Mantgum mei 2-5:0-6. Dêrnei moatte se tsjin Jelsum/Koarnjum/Britsum en dat wurdt ek wûn mei 5-4:6-2. Dan tsjin Frjentsjer yn de 3e omloop en se winne dat mei 5-3:6-6 en sitte yn de prizen.

Op de 4e list treffe se it sterke St. Jabik en dat kinne se net risse, se ferlieze dat mei 5-1:6-6. St. Jabik sil letter ferlieze fan Minnertsgea dy't yn de finale mei skjinne 5, skjinne 6 wint fan Grou.

18-06-2016: NK Jonges – Menaam

Kees van der Horst, Bauke Reijnhoudt en Rutger Wiersma moatte it yn de 1e omloop opnimme tsjin Weidum. Se ferlieze dit mei 2-5:6-6.



18-06-2016: NK Famkes – Dronryp

Mirjam Punter, Selma de Boer en Jeska Terpstra ha de 3e omloop helle op it NK. Yn de striid om in finaleplak waard ferlern mei 1-5:4-6 fan Marsum, dy't letter it NK winne soe. Yn de 1e omloop wurdt wûn fan Berltsum troch in sitbal op 5-5:6-6! Dêrnei tsjin Wytmarsum en dat wurdt wûn mei 4-5:0-6.

25-06-2016: NK Froulju – Bitgum

De froulju, Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Martine Tiemersma winne de 3e priis op it NK Dames!

De froulju winne de 1e omloop fan Stiens mei 2-5:0-6 en yn de 2e omloop wurdt Folsgeare fersein mei 2-5:4-6. Troch in steand nûmer op de tredde list komme se yn de heale finale tsjinoer Seisbierrum-Pitersbierrum. Yn dizze partij komt Easterein op in 5-0 efterstân! Eilaas kinne se net werom komme yn de partij en de heale finale wurdt ferlern mei 5-0:6-4 fan it ferrassende Seisbierrum-Pitersbierrum.

25-06-2016: NK Pupillenjonges – Wommels

Rutger Sijbesma, Jelmer Brouwer en Redmer Wiersma mei coach Harm Auke Dijkstra winne de 2e priis op it NK foar pupillenjonges yn Wommels! Fan herte lokwinske jonges, in prachtige prestaasje!

De jonges begjinne sterk oan it NK. Yn de earste omloop winne se fan Ljouwert LKC mei 2-5:6-6 en dêrnei winne se fan Eksmoarre mei 1-5:6-6. Minnertsgea wurdt ek pakt mei dikke sifers, 1-5:6-6 en mei in steand nûmer komme de mannen yn de finale! Dêr treffe se Dronryp dat mei 5-0:6-0 wûn hat fan de Hommerts.

Twa grutte ferienings mei in sterk jeugdbelied treffe inoar dus yn de finale. Op 4-6 komt Easterein in earst efter, mar se meitsje it gelyk, 1-1. Op 6-0 pakt Dronryp de 1-2 en op 6-6 is it wer Dronryp dy't de 1-3 pakt mei in boppeslach. It wurdt sels 1-5 foar Dronryp en dan wit Easterein noch in buordsje te pakken, 2-5. Mar it is dochs Dronryp dy't op 4-6 it kampioenskip pakt en dat betsjut in moaie twadde priis foar Easterein.

25-06-2016: NK Pupillen famkes

Gjin dielname

02-07-2016: NK Skoaljonges

Gjin dielname

02-07-2016: NK Skoalfamkes – Moarre-Ljussens

De skoalfamkes Roelie Kroondijk, Nynke Paauw en Corrie Kroondijk wiene alris Nederlânsk Kampioen wurden by de pupillenfamkes en hiene dit seizoen ek alris in ôfdielingswedstriid wûn. Mei in moaie delegaasje en fansels coach Ype Tiemersma op reis nei Moarre-Ljussens.

De 1e omloop winne se fan Goeïngea mei 5-0:6-4 en ek de 2e omloop wurdt wûn fan Workum mei 0-5:2-6. Dan komme se grutte rivaal Seisbierrum tsjin op de 3e list foar in finaleplakje. Se komme in spul foar en sels 2-4 en steane op winst by de stân 4-5:2-6, mar dochs wit Seisbierrum op 5-5 te kommen en yn it lêste earst slacht Seisbierrum ta mei foaral in goeie opslach en wint it mei 5-5:6-2. Tige spitich en troch de whatsapp-útslaggen groep en twitter libben in soad minsken mei! Seisbierrum komt yn de finale en wint it fan Makkum mei 5-4:6-4.

Dit wie al de 3e kear dat Easterein op de list kaam yn in partij om de finale of neat. Op it NK famkes, by it NK Skoalfamkes en by de Jong-Fammen. Eilaas foel it elke kear de oare kant út.

09-07-2016: NK Manlju 50+ – Goaiingea

Foar Easterein kamen yn de krite de mannen Tjeerd Dijkstra, Roel Sijbesma en Simon Kingma. Fuortdaliks los tsjin ien fan de kânshawwers op de titel, Frjentsjer. De mannen joegen goed partij, mar ferlearen dochs, mei 4-5:6-6. Frjentsjer wint it NK.

09-07-2016: NK Junioaren – Berltsum

Doede Rients Okkema, Rémon Tie Bouma en Jan Schurer, ferline jier 2e op de Jong-Feinte,winne de 1e omloop fan Doanjum mei 1-5:0-6. Yn de 2e omloop moatte se tsjin Tsjumearum, dat wurdt ferlern mei 2-5:4-6. Frjentsjer wint it NK.

KNKB Klasseminten

Category	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016
Manlju Haadklasse	0	0	2	2	1	2	4	4	2	2	3	1	4
Manlju 1e klasse	0	0	0	0	0	7	7	4	3	6	5	3	5
Manlju 2e klasse	6	7	9	8	8	12	10	6	0	2	1	0	0
Junioaren	0	4	5	0	4	0	0	4	0	1	1	3	3
Manlju 30+	0	0	0	0	0	0	0	0	1	1	0	0	0
Manlju 50+	0	0	0	0	0	1	3	3	2	4	3	5	6
Froulju Haadklasse	0	0	0	1	1	4	4	5	7	8	6	4	5
Froulju 1e klasse	0	2	1	3	3	3	7	7	7	8	8	7	10
Froulju 2e klasse													1
Jonges	4	5	6	7	5	5	4	5	3	4	1	0	1
Famkes	4	2	8	7	7	10	11	10	8	5	3	2	4
Skoaljonges	7	10	6	4	2	5	4	2	0	0	0	0	0
Skoalfamkes	6	9	5	8	8	9	5	2	0	3	7	6	4
Pupillenjonges	4	1	2	3	5	2	2	0	2	0	0	1	6
Pupillenfamkes	7	6	8	5	4	3	2	2	5	4	4	2	1
Welpenjonges			5	3	0	0	0	1	0	3	4	3	0
Welpenfamkes			4	2	3	1	2	2	4	1	0	1	0
Totaal yn klasseminten	38	46	61	53	51	64	65	57	44	52	46	38	50
Helle punten	239	266	454	501	470	413	452	371	319	345	386	333	340
Ferskil		27	188	47	-31	-57	39	-81	-52	26	41	-53	7

Nr	Kaatser	Punten
24	Welpenfamkes	
47	Pupillenfamkes	
40	Judith van der Weerd	1
53	Skoalfamkes	
7	Roelie Kroondijk	19
11	Corrie Kroondijk	14
21	Machtelt Veldman	9
30	Nynke Pauw4	5
67	Famkes	
9	Jeska Terpstra	21
37	Selma de Boer	6
56	Mirjam Punter	3
57	Roelie Kroondijk	2
9	Froulju 2e klasse	
4	Jeska Terpstra	2
69	Froulju 1e klasse	
2	Tineke Dijkstra	15
6	Martine Tiemersma	13
24	Marije Hiemstra	8
25	Sietske Okkema	8
30	Imke van der Leest	6
41	Jeska Terpstra	4
45	Roelie Kroondijk	3
53	Baukje Terpstra	2
60	Judy Bergsma	1
63	Janieke Dijkstra	1
49	Froulju Haadklasse	
11	Imke van der Leest	17
25	Marije Hiemstra	6
27	Sietske Okkema	5
32	Tineke Dijkstra	4
37	Martine Tiemersma	3
Nr	Top trije measte punten	Froulju
1	Jeska Terpstra	27
2	Roelie Kroondijk	24
3	Imke van der Leest	23

Nr	Kaatser	Punten
44	Welpenjonges	
72	Pupillenjonges	
11	Redmer Wiersma	11
25	Jelmer Brouwer	7
42	Redmer Stegenga	3
45	Rutger Sijbesma	3
60	Arjen Stremmer	2
72	Siebo Boersma	1
86	Skoaljonges	
111	Jonges	
100	Rutger Wiersma	1
27	Junioaren	
15	Doede Rients Okkema	2
16	Jan Schurer	2
18	Rémon Tie Bouma	2
37	Manlju 30+	
112	Manlju 50+	
7	Sipke Hiemstra	16
9	Roel Sijbesma	14
39	Tjeerd Dijkstra	7
41	Ype Tiemersma	7
42	Simon Kingma	7
105	Douwe Durk Reitsma	1
37	Manlju 2e klasse	
84	Manlju 1e klasse	
1	Bauke Dijkstra	20
2	Jelte-Pieter Dijkstra	18
4	Jan Schurer	15
13	Dirk-Yde Sjaarda	13
69	Marten Faber	2
54	Manlju Haadklasse	
28	Jan Schurer	5
40	Rémon Tie Bouma	1
41	Doede Rients Okkema	1
50	Jelte-Pieter Dijkstra	1
Nr	Top trije measte punten	Manlju
1	Jan Schurer	22
2	Bauke Dijkstra	20
3	Jelte-Pieter Dijkstra	18

Keatsmominten út 2016

Jannewaris

- 17 NK One Wall jeugd yn Frjentsjer kategory oant 13 jier
1e priis Corrie Kroondijk en 2e priis Roelie Kroondijk

Maaie

- 1 De Bangmapartij yn Weidum manlju ôfdieling 3e priis
Doede Rients Okkema, Marten Faber en Rémon Bouma
- 1 Froulju haadklasse t.i.l. yn Penjum 1e priis Sietske Okkema
- 6 Federaasje pupillen jonges yn Ysbrechtum 1e priis Siebo Boersma
- 8 Yn Grou manlju 1e klasse ôfdieling 1e priis Dirk Yde Sjaarda, Jan Schurer en Bauke Dijkstra
- 14 Junioren ôfdieling yn Grou 2e priis Doede Rients Okkema, Jan Schurer en Rémon Bouma
- 16 NK ôfdieling yn Frjentsjer 4e priis Bauke Dijkstra, Jan Schurer en Dirk Yde Sjaarda
- 20 Federaasje welpen yn Boazum 1e priis Liset Sijbesma
- 21 Manlju 50+ A klasse yn Hommerts-Jutryp 1e priis Roel Sijbesma
- 22 Manlju 1e klasse f.f. yn Harns 1e priis Bauke Dijkstra,
Dirk Yde Sjaarda en Jan Schurer
- 29 Yn Skingen-Slappeterp manlju 50+ 1e priis Simon Kingma
- 29 Froulju haadklasse yn Winsum 1e priis Imke van de Leest

Juny

- 4 Famkes A-klasse yn Koarnwert 1e priis Jeska Terpstra
- 5 Famkes ôfdieling yn Makkum 2e priis Mirjam Punter, Selma de Boer
en Jeska Terpstra
- 17 Yn Godaïngea federaasje welpen jonges/famkes 1e priis Jesper Paauw
- 24 Federaasje jongerein ôfdieling yn Reahûs/Tirns 2e priis Rutger Wiersma en Kees v/d Horst
- 25 NK froulju haadklasse ôfdieling yn Bitgum 3e priis Marije Hiemstra, Imke v/d Leest en Martine Tiemersma
- 25 Yn Hitsum skoalfamkes ôfdieling 1e priis Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Nynke Paauw
- 25 NK pupillen jonges yn Wommels 2e priis Rutger Sijbesma, Redmer Wiersma en Jelmer Brouwer

July

- 8 Froulju haadklasse yn Boalsert 1e priis Marije Hiemstra
- 9 Yn Easterwierrum skoalfamkes B 1e priis Machtelt Veldman
- 16 Froulju 1e klasse f.f. yn Wommels 1e priis Tineke Dijkstra
- 16 Pupillen jonges A klasse yn Spannum 1e priis Redmer Wiersma

Augustus

- 3 PC Frjentsjer 3e priis Jan Schurer
- 6 Yn Burchwert manlju 50+ A klasse 1e priis Sipke Hiemstra
- 13 Manlju 1e klasse yn Bitgum 1e priis Bauke Dijkstra
- 20 Manlju 50+ A klasse yn Easterlittens 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 27 Yn Boalsert manlju 50+ B klasse 1e priis Ype Tiemersma

Septimber

- 4 Froulju 1e klasse f.f. yn Reduzum
1e priis Martine Tiemersma en Roelie Kroondijk
- 11 Haadklasse manlju t.i.l. yn Marsum 1e priis Jan Schurer

Yndividueel jierklassemint kategory manlju 1e klasse
Bauke Dijkstra 20 punten

Sjoch foar alle wiidweidige ferslaggen op ús webside:

www.kfeasterein.nl

